



Boef

R. R. van der Leest

fan

rys

Boef fan rys

DRAAIBOEK FOAR IN C-FILM

R. R. van der Leest

Boef

fan

rys

ÚTJOUWERIJ
FRYSK EN FRIJ
Ljouwert
2016

*Dizze útjefte is mei mooglik makke troch:
Boersma-Adema Stichting, Feitsma Fûûns fwar it Frysk,
P.W. Janssen's Friesche Stichting, Douwe Kalma Stifting,
Nederlands Letterenfonds, Provinsje Fryslân,
Wendelaar Bonga Stichting*

Boef fan rys

© 2016 Stichting Utjouwerij Frysk en Frij, Ljouwert/
Reinder R. van der Leest, Haren (NB)

Foarmjouwing: Jurgen Jasper, Wychen

Printwurk: CSL, Ljouwert

Oersetting achterflaptekst: Geart van der Meer, Midlaren

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde, opslein yn
in automatiseard gegevensbestân en/of iepenbier makke troch
printsjen, fotokopy, mikrofilm of op hokker oare wize ek, sûnder
foarôfgeande skriftlike tastimming fan Utjouwerij Frysk en Frij,
Vredeman de Vriesstrjitte 59, 8921 BS Ljouwert.

This book may not be reproduced by print, microfilm or any
other means, without written permission from the publisher.

nur 301

isbn 978-90-8566-044-6

www.frysk-en-frij.nl

BOEF FAN RYS

Elke oerienkomst mei net-besteande persoanen is tafallich.

**It begjint mei in moaiwaarpraatsje en in stikmennich
ûngelokken, mar it rint mei in skamper ôf**

It is einepikewaar. Op 'e Lofoten stige de temperatueren fier boppe de simmerse wearden. Yn Saudy-Arabië sakket it kwik by nacht net ûnder de 24 graden. Boppe de Kaukasus stiet de luchtdruk as in top. Oer de Sargassosee hinget in stabyl waarmtefront.

Fryslân leit oan 'e foarste begrinzing fan in wiidweidich gebiet mei hege barometerstannen.

Inkeld it uterste noard-westen hat in lytse kâns op 'e foarming fan pleatslike rânesteuringen. Mar wy hâlde yn 'e Stellingwerven ta.

Dêrom hoege wy dizze waarkaart net te sjen.

1

Hy giet nei de telefoan en draait it nûmer. In falletstim dûnset troch syn ear.

'Reisburo De Iene Provinsje. Goeiemoarn.'

'Goeiemoarn, mei Nier Hinnebruer yn Ald-Appelskea. Ik moat kontakt opnimme mei menear Iishynder.'

'Ik sil jo even trochferbine.'

Earst in pear skrille dissonanten. Dan in leaf achtergrûnmuzykje.

Dan it knetterjen fan fjoerwurk. Syn ear toetet der fan.

'Ja, mei Swietekau,' blaast immen op syn tromflues.

Nier seit syn sechje wer.

'O, dan moatte jo menear Skuorhannes ha. Ik sil him jo jaan.'

Menear Skuorhannes leit grif yn it burolaadsje ree. Dêr wurdt er al

oan Nier jûn. Herhelling fan it berjocht.

‘Dat falt net ûnder myn ôfdieling. Besykje jo it ris by syn assistint, menear Eameliter. Ik sil him jo jaan.’

Nier heart it rammeljen fan kopkes. It duorret in ivichheid. Eameliter is fersûpt yn ’e kofje. En Skuorhannes der by doe’t dy him der útfiskje soe.

‘Binne jo dêr noch?’

‘Gelokkich al,’ antwurdet Nier. ‘Ik frege my krekt ôf wêr’t jo wiene.’

‘Menear Iishynder is der noch net. Hy komt aanst. En menear Eameliter is hjoed fuort. Jo kinne it boadskip oan juffer Rûchjouwer jaan. Dy moat it opskriuwe. Ik sil jo har jaan.’

‘Hoe let wurdt menear Iishynder ferwachte?’

‘Dat moatte jo oan menear Boarstlape freegje. Ik sil him jo jaan.’

‘Lit mar sitte,’ seit Nier. ‘Jou my juffer Rûchjouwer.’

De falsetstim fan ’e telefoaniste dûnset wer troch syn ear.

‘Reisburo De Iene Provinsje. Goeiemoarn.’

‘Bliid jo te hearren,’ suchtet Nier. ‘Ik wie hast ferdwaald. Mei Nier Hinnebruijer yn Ald-Appelskea. Ik moat kontakt opnimme mei menear Iishynder.’

‘Ik sil jo even trochferbine.’

‘Om de deale net! Jo moatte myn boadskip opskriuwe.’

‘Ik sil jo menear Iishynder sels even jaan.’

‘Dy is der noch net.’

‘Dan syn assistint, menear Eameliter.’

‘Dy is der ek net.’

‘Dan moatte jo aanst mar even wer skilje.’

‘Opskriuwe!’

‘Opskriuwe?’

‘Opskriuwe! Oarder fan menear Skuorhannes.’

It fanke bynt har yn. Nier dikteart. It hinget deryn. As sy einlings klear is, leit hy foar munt.

‘Sadree’t menear Iishynder komt, moat er my belje.’

‘Moat ik dat ek ops kriuwe?’ Har stim slacht oer fan benaudens.

‘Dat meie jo tsjin him sizze.’

‘Is dat alles?’ freget se ferromme.

‘Jo ha noch in punt op ’e i fergetten.’

‘Welke punt?’

Nier byt op ’e hoarn om. Hy slacht de eagen nei boppen ta.

Oare kear sil er wat mear yn it kollektebuske smite. Dan toetet de telefoan út harsels. Hy leit ek op.

‘Dynte, kom hjir!’ ropt er.

‘Ik lis der oan te kommen,’ seit Dynte Planteit dy’t noch op bêd leit. Har stim komt erges út ’e omkriten fan ’e Stille Súdsee wei.

Nier giet nei de keuken ta en set it ombyt ree. Sûpe, wat grienfoer, in timpe tsiis, twa sinesappels. Boppe op ’e lege breatromp fynt er it oerskot fan in stokbôle. Sa hurd as in kneppel. Hy sil it mar yn daalders snije en rusterje. Dynte is ek altyd sa slof yn it húshâlden.

‘Dynte, kom hjir!’

Mar Dynte bliuwt op har tropys eilân lizzen.

In grouwe mich sit poatsjestrkend op ’e tsiis. De motor fan ’e koelkast slacht oan. Dat makket de stilte dûbeld djip. De telefoan ferbrekt dy noflike fredichheid. Hy rint nei de hal en nimt op.

‘Mei Nier Hinnebruier yn Ald-Appelskea.’

‘Reisburo De Iene Provinsje. Goeiemoarn. Hjir is menear Iishynder foar jo.’

It lûd fan in nylhoars dy’t ûnder wetter oan it noassnuten is. Dêr komt Iishynder.

‘Jo binne ryklik let. Ik bin wend oan flugger besluten. As it negatyf útfalt, kin ik myn maatregels nimme. Reservekrachten oproppe en

ynskeakelje. Ik ûnderstel dat juffrou Planteit en jo mei de betingsten akkoart geane?’

De man hat de stim fan in robot. Der sit in metalen klank yn. Tusken elk wurdlied hâldt er like lang skoft. Nier soe al sa leaf wegerje wolle. Mar hy is bang dat er koartsluting makket, dat de telefoankabel trochbrânt en dat Iishynder syn rêdwurk him om 'e earen spat.

‘Ja, menear,’ antwurdet er dimmen.

‘Kom dan tegearre op ús buro om it kontrakt te tekenjen.

Tsien oere 42. Gjin tel letter of earder. Myn tiid is kostber.’

‘Noch tige betanke dat jo it kerwei oan ús gunne,’ seit Nier freonlik.

‘Jim binne de leechste ynskriuwers.’

De ferbining wurdt ferbrutsen. Nier leit de hoarn del. Dynte sit yn 'e keuken. Wat docht se? Sûpe? Nee, drinke. Sûpe drinke.

‘Nier,’ freget se mimerjend, ‘ast drinkst, hâldst dyn tonge dan yn of ûnder it glês?’

Nier sil it probeare. ‘Net dwaan, earst sizze.’

‘No, der ûnder fansels.’

‘Mis! Doch it marris.’

Nier drinkt en wrachtich, hy hâldt de tongpunt in eintsje yn it glês.

‘Hast gelyk.’

‘Sjochst wol?’ seit Dynte monter.

Nier skoddet syn wize holle. Dynte wer mei har nuvere oanslaggen.

Soms is se noch krekt in bern. Hâldst dyn tonge yn of ûnder it glês?

Wa freget soks no. Fergemy, dêr griemt er ek al. It rint by syn kin del. De sûpe dript út syn boarsthier.

‘Wat is deroan?’ laket Dynte.

‘Do makkest fan alles in probleem,’ prottelt Nier. ‘Ik ha altyd yn frede myn sûpe dronken. Ik ha der noait by neitocht. It gyng

fansels. Dan komsto mei dyn healwiis praat. No doch ik it mei omtinken en no kin ik net mear normaal drinke.’

Dynte hat wille. Nier lûkt syn saaklik gesicht. Hy jout in oare draai oan it petear. Der binne belangriker dingen.

‘Se ha ús oannaam. Do selskipsdame en ik sjauffeur fan baron Pappsack. Tsien oere 42 moatte wy yn Ljouwert wêze om it kontrakt te tekenjen.’

Dynte ferlûkt gjin spier. ‘Ik bin bliid datsto ek ris meidwaan meist. Al is it mar yn in figuranterol.’

‘Do moatst as Fryske baronesse, ik kin lekker mysels bliuwe.’

‘Goed datst it seist. Ik moat noch in namme útsykje.’

De wittenskiplike list fan Fryske frouljusnammen wurdt derby helle. Tegearre lêze se de gânse rige.

‘Der is mar ien by dy’t ik moai fyn,’ seit Nier. ‘Orsel.’

‘O, dat meist net heal sizze! Moatst it útsprekke as “ûwarsel.”’

‘Och hea, dan fyn ik der neat mear oan,’ seit Nier teloarsteld.

‘Do meist “Orsel” sizze, hear,’ treastet Dynte him.

‘Wy moatte opsjitte.’

Se geane nei boppen ta. Dynte swaait de doarren fan al har kleankasten iepen. ‘Wat sil ik hjoed wer ris oanstrûpe?’

‘In slobbertrui mei neat derûnder.’

‘Fynst dat it moaiste?’

‘It aldermoaiste. Mei noch in pear sokken op ’e slomp.’

‘Ik soe it graach foar dy dwaan, leave jonge. Mar dat kin no net. Do moatst sels ek yn pontifikaal.’

Dynte strûpt in broekpak oan en Nier siket om syn pakbroek. Okkerdeis hat er alles oprêden, hy kin neat mear fine.

Wylst Dynte har opdocht, stapt er nei de garaazje. Hy rydt syn nije oldtimer bûtendoar. In breed- en bûtenspoarige Bugatti Type 41, byneamd *La Royale*. De meast bûtenwenstige auto oait makke. In

meunster fan 3 ton, 1 meter 70 breed, 4 meter 60 lang. De achtsilinder motor, ynhâld 13 liter, is sa sterk dat de wein sûnder te skeakelfen fan 5 nei 150 kilometer oers fersnelle kin. Op 'e sierlike hoefizerfoarmige radiateur stiet in lytse sulveren oaljefant. Der binne mar sân fan dizze auto's boud. Dit is de achtste.

Hy soe in moard foar dizze wein dwaan wolle. Mar dat hoecht gelokkich net mear. Leafkjend strykt er oer de glânzige lakhûd. Boppe it grien fan it leechhout dunet in holle. De holle fan in man mei in flinternet. Nier wol dit anakronisme wolris fan tichteby besjen. Hy stapt derop ta. De man hat in striehoed mei in swart lint op. In echte knevel fertsjustert it kofjemolkekleurich gesicht. Syn krinte-eachjes speure om har hinne.

'Wat sykje jo?'

'Reamslabbers,' antwurdet de man sûnder mei it sykjen op te hâlden.

'Wat?'

'Reamslabbers! Fersteane jo gjin Frysk?'

'Sok Frysk net,' seit Nier earlik.

'In reamslabber is in soarte fan nachtfliinter.'

'Dat sjoch ik oan jo ark wol. Mar yn myn wurdboek stiet rjemslabber.'

'Wat ha ik mei jo wurdboek te krijen? Dat is in dea ding. It echte Frysk libbet as in hert.'

'Sa goed wit ik it ek net,' jout Nier ta. 'Ik bin mar in gasarbeider yn it Frysk.'

De man spuit ferachtsum op 'e grûn. 'Wit net iens wat in reamslabber is. Dat is geef Frysk!' Lilk dwerset er ôf en hy hat grut gelyk.

'Ik soe wol graach wolle dat jo út myn tún gongen,' warskôget Nier. Dat docht de man sûnder him fierder acht te slaan. Nier giet werom. Hy siket treast by syn auto. Dêr kin er teminsten lampefrysk mei prate.

Einlings tripket Dynte by de treppen fan it bordes del. Se hat in koffer en in skoudertaske by har. Nier set de koffer yn 'e koffer. Se stappe yn en klappe de portieren ticht. Sûnder te skeakeljen lûkt Nier op nei de hûndert kilometer. Dynte ferswynt yn 'e learen beklaaiing fan har stoel. Yn 'e buorren docht er it wat kalmeroan. Dynte sjit wer foar 't ljocht. Se ride op 'e haadwei ta, dêr slaan se rjochtsôf. It giet as 't spoar en noch hurder.

Dynte sjocht oer it skouder. 'Der rydt hieltiten in wein achter ús oan. Ek in moaienien, hèn?'

Nier sjocht yn it spegeltsje. In Rolls Royce Silver Cloud.

'Prachtich,' jout er ta. 'Mar fergelike mei in Bugatti Type 41 wol in ôfgong.'

Hy trapet it gaspedaal yn. Se krije in dûst yn 'e rêch. Tusken Bugatti en Rolls Royce falt samar in gat fan in pear hûndert meter. Nier laket.

2

Nier sjocht nei de wizer. Net folle benzine mear. Even bytanke, hjir is krekt in pomp fan syn merk. Hy skoot nei rjochts en swaait de ôfrydstripe op. Se ride ûnder in grut spandoek troch. FUS MEI, FUS XY! stiet derop.

'Even fusse?' freget in pompbetsjinder wylst er al mei de spuit op har tasetten komt.

'Ja,' antwurdet Nier, 'fus him mar fol.'

As er betelle hat, spriedt de pompbetsjinder in hânfol kaarten waai-erfoarmich ûnder syn noas. 'Jo ha kar-út. Dizze wite kaart is foar ús amusante kwis. Tûzen gûne as jo alle maklike fragen witte. Dizze readen kinne jo opsparje. As jo tsien ha, ynwikselje foar in keapsjek.

Dy jout automatys rjocht op it keapjen fan in draachbere kleuretee-
vee foar de helt fan 'e priis, fergelykbere winkelwearde 3500 gûne.
De blauntsjes binne nûmers yn ús lotterij sûnder neat, haadpriis
in ton. Foar acht grienen krije jo fergees om 'e nocht in atlas fan 'e
moanne. As jo in giele kaart nimme, dogge jo frijbliwend mei oan
ús ferneamd ienfâldich letterspul. Trije fan dizze pearse binne goed
foar in brokje lava út 'e bekendste fulkanen fan 'e wrâld. De oranje
kaarten...'

'Ik pas,' seit Nier en rydt fuort.

Larykoek. Der moatte wer pompen komme dêr't se him neat ta ha
wolle. Hy kin al sa min wegerje. En hy wol net tsjin it sin gelokkich
makke wurde.

It is net drok op 'e dyk. Swarte eilannen driuwe boppe it asfalt.
Tichteby is der neat mear fan te sjen. Fata morgana's yn Fryslân. Sa
waarm is it. Dêr sjogge se wer in plat protsje oer de dyk. Dat fer-
swynt net. It is ek donker, mar it hat substânsje.

'Wat leit dêr? Net sa hurd!' warskôget Dynte.

Hy mindert faasje en lit de wein amper tritich ride. Wat is it?

'In deade fûgel.'

'In stikelbaarch.'

'It is in mol.'

'In kat.'

'In mol.'

'Netwier, in kat.'

'In mol... of nee, in hûntsje!'

'In kat!'

'In hazze!'

'It is toch in deade fûgel.'

'In hazze.'

It falt gelokkich ta. As se by it protsje lâns ride, is it mar in poets-

lape. De Bugatti set wer gong.

Yn it spegeltsje sjocht Nier wat oars, net wat nijs. In Rolls Royce Silver Cloud. Deselde fan niis. Wol dy smoarge skierkert nochris in tebeksetter krije? Goed, hy freget derom! Nier triuwt it gaspedaal djipper yn. De motor begjint twa oktaven heger te sjongen. Mar dizze reis falt der net samar in gat fan in pear hûndert meter. Rolls Royce bliuwt as in klitte oan Bugatti hingjen. Nier kin him net ôfskodzje.

Krekt foarby Donkerbroek wurdt alles yn 'e bulten jage. Unferwachts swaait in Pontiac Fjoerfûgel Safari de dyk op. Nier trapet de rem hast troch de flier hinne. Dynte stiet op 'e kop yn har stoel.

'Grutte kloot,' skelt Nier.

'Hoe hiest dat no?' wol Dynte witte.

'In sneinsrider op tongersdei. Wit net iens wat in foarrangswei is.'

Nier kin de sneinsrider net foarbykomme. Dy rydt net hurder as santich. Hy slingert oer de dyk. Iderkear as Nier him foarby sil, slingert er nei links. Toeterjen helpt gjin sprút. Nier moat achter de Pontiac Fjoerfûgel Safari bliuwe. In sneinsrider yn sa'n auto. Skande.

'Kinst net in bytsje hurder?' freget Dynte.

'Nee, en ek net stariger. Wy sitte middenyn in file fan trije.'

Nier set alles derfoar. Hy docht krekt oft er de Pontiac oan 'e linker kant foarbygean sil. De auto slingert ek nei links. Nier jout noch mear gas en dúkt yn it gat rjochts fan 'e Pontiac. Se snije der bylâns, inkeld de bumpers skampe even.

'Sisa,' suchtet Nier, 'no kinne wy ride.' Hy giet der noflik foar sitten. Syn blidens saksearret mei-iens. De Rolls Royce is de sneinsrider ek foarbykommen.

By Duerswâld makket de dyk twa skerpe bochten. Troch de earste giselje se sûnder kantroeren. Troch de twadde ek, mar dêr ha se gjin

sicht. In auto stiet dwers oer de dyk. Hy dammet it paad. Hoe't Nier ek toetert, hy bliuwt deagewoan stean. Hy is kwarteldôf. Nier lit de motor yn in leger register sjonge. Sels sjongt er net, hy flokt. Hy kin wer in skynbeweging nei links meitsje en der dan rjochts bylâns stowe. Mar noait itselde foefke twaris tapasse, dat bringt ûngelok.

Hy sjocht oer it skouder.

De Rolls Royce rydt tsien meter achter him. Hy skat de breedte fan 'e dyk, fan 'e bermen.

'Fêsthâlde!' warskôget er.

Dan fertoant er it treflikste staaltsje rydfearnichheid dat er oait oerlibbe hat. Hy makket in útbocht nei rjochts, skuort it stjoer om en kriemt yn ien haal foar de blokkearder. In ûnwierskynlike swaaisirkel. Mar Nier makket him. Yn folle faasje! Se stjitte roerdelings by de Rolls Royce lâns dy't har sa gau ek net keare kin.

By de bocht slacht Nier no rjochtsôf in sekundêre dyk op. Hy is bang dat se de sneinsrider wer moetsje sille.

Alle wegen liede nei Ljouwert. Ek dy oer Weinterp en De Himrik. It wurdt him hjoed fergund. Midden oer de dyk skoot in swiere sânauto op him ta. Dy wykt gjin tombreed fan it rjochte spoar ôf, krekt in trein. En achter Nier himet wer de Rolls Royce. It hûntsje hat syn baas yn helle.

Se ride te pletter tsjin de sânauto. Óf de Rolls botst tsjin har op óf se wurde as in harmoanika yninoar treaun.

'Fêsthâlde!' warskôget Nier jitris.

Op it alderlêste momint stjoert er op in boerespultsje ta. Se flitse oer de daam, troch twa perkjes mei goudsjeblommen, reagje it waskuod fan 'e line, misse op in hier ôf de reinwettersbak en ferswine yn 'e heaberch.

July is heamoanne. Ynienen wurdt it roettsjuster om har hinne. De motor draait syn heechste toeretal. It skuort der nuver troch. Alles

trillet, alles dreunt. Se skodzje as smoarge sokken yn in wask-masine. As dit mar gjin heabroeien wurdt.

Troch de tunnel nei it ljocht! Dêr springt de auto foarút. Se binne der! Se binne troch de heaberch hinne! It is skimerjûn. Noch net ljochtskyndeï, want foar de ruten plakke in stikmennich himden en broeken. Nier rydt op 'e dolle roes. Se hearre knappen foar har, roffeljen boppe har en keakeljen ûnder har. De himden en broeken bliuwe stykjen, strûpe foar de ruten wei. No sjogge se wêr't se ride. Troch in appelhôf. It waskguod hinget oan 'e brutsen tûken. Hinnen stowe fladderjend foar har út. Appels falle by de bult op it dak. July is gjin rispmoanne.

De Bugatti kin wer faasje meitsje. Se ride it hôf út, in stoppellân yn. Oan 'e fierste ein stiet in hikke iepen. Se komme op in reed mei beammen en leechhout oan beide kanten. Tagelyk sjogge se oer it skouder. It boerespultsje en de heaberch stekke noch krekt boppe it beamte út. Fan 'e sânauto en de Rolls Royce fernimme se neat mear.

Troch in netwurk fan reedsjes besiket Nier om de dyk te berikken. Ien kear ferrydt er him, de reed rint dea. Wer stiet in hikke foar him iepen. Hy makket in prachtige U-bocht om in iensume bolle hinne. It bist draait hielendal mei en rekket betiisd yn syn keatling. Nier rydt werom nei it krúspunt. Dêr giet er in oare kant út. Dan moat er noch in C-bocht om in trôch meitsje. Fiif minuten letter sûzje se op De Gordyk ta.

Dynte hat eagen as molkflessedoppen. Se skuort in pûdsje fan sulverpapier iepen. Mei in papieren bûsdoekje fol klonje dipt se it swit fan Nier syn foarholle. Hy fielt him in helt.

Under de reek fan Ljouwert hâlde se. Wat binne se bliid dat se sels in ein út 'e reek wenje.

By reisburo De Iene Provinsje is it in fleurige boel. Allegear sloppe flaggen fan lannen dy't bestean en noch yn 'e maak binne. It gebou hat in glêzen gevel. Se moatte om de yngong sykje. As se dy fûn ha, komme se yn in keakelbûnte hal. Yn it midden de baly, in ovaal fan stiel en donker hout, it rint om in Marrokaanse palmbeam hinne dy't hast de souder rikt. By 't winter stiet dêr in Noarse dinnebeam. Achter de baly sit it personiel. De namme fan elkenien is yn in stikje moarmer grift. De grutte klok wiist tsien oere 41. Se ha gjin tiid om alle personielsleden bylâns. Gelokkich sjocht Nier it grêfstienstje fan juffrou Rûchhjouwer fuortendaliks. Hy lûkt Dynthe mei. 'Hinnebruer út Ald-Appelskea. Wêr is menear Iishynder?'

De telefoaniste har gesicht is neat fan te sjen. In gerdyn fan hier hinget der foar. It gerdyn giet in bytsje omheech, mar skoot net fansiden.

'Wêr is menear Iishynder?'

Se hâldt in spits fingerke op, mear net.

'Wêr is menear Iishynder?!' raast Nier.

It hiergerdyn wurdt yn it midden justjes iepenskood. Ien fûl each en in part fan in telefoanhoarn komme foar 't ljocht. Se is yn petear. It spitse fingerke wiist. It wiist nei de man mei de kealste plasse dy't se oait sjoen ha. De râne fan 'e harsenspanne is dúdlik te sjen. It liket oft er in helm fan glimmend fel op hat. It ljocht wjerkeatst der ferblynjend op. Dynthe en Nier knipperje mei de eagen. Se stowe op Iishynder ta.

De man hat ek gjin wynbrauwen. Syn eagen binne grut en fiskich. It hier waakst him inkeld út 'e earen. It hat de kleur fan woartels út

in blikje, ekstra fyn. De noasters stekke út syn plat gesicht. De mûle is in skuor. Hy lit in folslein regelmjittich en geef gebyt sjen. Dat sil wol as in laits bedoeld wêze. Mar it is de bek fan in hurdlivige stinder.

‘Hinnebruer,’ himet Nier. ‘Ik tocht dat ik te let komme soe.’

‘Jo binne omtrint te betiid.’

Syn meganyak spuit de wurdliiden ien foar ien út. Hy kin it mei de toskan opinoar.

‘Hjir is it kontrakt.’

Nier besjocht it flechtich en sil it al ûnderskriuwe. Mar Dynte wol earst de lytse letterkes lêze. As se dat dien hat, knikt se tefreden.

Iishynder rikt har in pin oan.

It kontrakt hat de foarm fan in grutte pûnskaart. Der sitte allegear rjochthoekige gatsjes yn. Sa’n mannichte, dat se har hântekening mei bochten dertuskentroch skriuwe moat. Nier set syn namme ek. Rjochts ûnder. Links stiet in stimpele krúske. Dat is de hante-ning fan ’e direkteur. Nier skoot Iishynder it kontrakt ta. De man teart it iepen. Hy skuort it achterblêd derôf en jout dat oan Nier. It trochslachfêl flaaiket er yn it bakje foar de trochslachfellen.

It boppeblêd hâldt er sels. Dêr docht er in plestik slúf om. De slúf docht er yn in map. De map docht er yn in oardner. De oardner docht er yn in laad. En it laad skoot er yn in kast. Syn lûdsprekker ropt om: ‘Foar fierdere ynformaasje nei menear Swietekau. Loket 36.’ Swietekau sit al op har te wachtsjen. Yn it hingelmatsje fan syn hannen rêst syn kin. Syn mûle is in spjalt fan ear ta ear. Syn eachjes blierkje. Hy is ferlegen mei syn freonlikens. As se lyk foar him stean, komt er oerein. Hy jout in slop kliemsk hantsje.

‘Sille wy even apart sitten gean? It is fertroulik.’

Hy komt achter de baly wei. Hy aaiet Dynte nei in keammerke ta. Nier folget.

‘Fal mar del, hear.’

Hy skoot in stoel achterút. Dynte giet sitten. Se kin noch krekt syn strikerige hantsjes ûntwike. Swietekau slacht in foliant iepen, sa grut as it boek fan Sinteklaas. Hy brimt.

‘Baron Julius Pappsack komt út Prusen. Hy is in rike bouboer mei in bulte niget oan Fryslân. Hy kin Frysk prate en skammet him der net foar. Dus beslist net mei him yn it Dûts of Nederlâns peteare! Hy hat benammen niget oan ús kultuer. Dy moat him yn al har fasetten toand wurde. Grûnfynsten, pronkkeamers, drachten, âlde tsjerken, folksdûnsjen, jo witte wat ik bedoel. Sport hâldt er lykwols net fan. Dat skûtsjesilen, fierljeppen en keatsen komme spitigernôch net yn ’e beneaming. Der bliuwt fansels noch gâns in ferskaat oer. It is jo taak, juffrou Planteit, om de baron te begelieden. Mei lichem en geast. Wy hâlde fan styl. Dêrom mei gjinien witte dat jo gjin baronesse binne. Ha jo al in echte Fryske namme útsocht?’

‘Orsel,’ antwurdet Dynte.

‘Orsel! Baronesse Orsel. O, wat prachtich! Jo ha in treflike smaak. Jo binne ek gjin leek op it kulturele mêd. Ik kin jo dit wurk rêstich tabetrouwe. It doel fan ’e baron syn reis is oriïntaasje. Hy sil in miljoen ûnder de Fryske kulturele ynstellings ferpartsje.’

Swietekau swijt mei opsetsin. Dat jout syn wurden noch mear gewicht. Dynte en Nier sjogge inoar ûnleauwich oan. Swietekau is tefreden en set fuort.

‘Dat moat geheim bliuwe. Wy ha gjin ôfspraken mei ynstânsjes makke. Inkeld dat de baron by jo... eh... te jowes sliapt. En dat hy, Hinnebruijer, sjauffeur wêze sil. Mar dan al yn livreil!’

‘Dêr wit ik neat fan!’ protestearrt Nier. ‘Dat stiet net yn it kontrakt.’ Dynte knikt. ‘Wis al, de lytse letterkes.’

‘De baron komt mei de trein fan 13 oere 59 út Swolle,’ fernijt Swie-tekau har. ‘In fertsjintwurdiger fan ús rayon-om-utens is by

him. Hy sil de baron oan jo bekend meitsje. Wachtsje foar it stasjon yn jo auto. Us fertsjintwurdiger wit der fan. It kin net misse. Noch fragen?’

‘Nee menear,’ antwurdet Nier lakswiet.

‘In frjemd wol in miljoen oan ’e Fryske kultuer kwyt,’ mimert Dynte.

‘De baron neamt it sels syn “Spendereise”,’ glimket Swietekau.

“Spendereise.” Dêr is gjin goed Frysk wurd foar,’ tinkt Nier lûdop.

‘Mar ek gjin goed Nederlâns!’ byt Swietekau him ta.

Se stappe op. Swietekau triuwket Dynte nei de útgong ta. Nier folget op ’e foet. Bûtendoar stelt Dynte út: ‘Do moastst earst mar yn ’t pak.’

Se ride fierder de beboude kom yn. Se parkeare de auto yn in garaazje. Geandefoet sette se nei de âlde binnenstêd ta. Dêr witte se in ferhierder fan toanielklean. Se komme by in sportwinkel lâns. Foar it raam steane croquetspullen.

‘Wachtsje,’ seit Dynte, ‘wy soene altyd noch ien keapje. Lit ús dat no even dwaan. Sa faak binne wy net yn ’e stêd.’

Yn ’e winkel is it net drok. Se wurde daliks holpen.

‘In croquetspul.’

‘Wy ha se yn alle maten en prizen,’ seit de winkelman. ‘In geweldige sortearing. Hjir, jo kinne mar útsykje.’

‘Ik sjoch inkeld spullen mei in karke der by.’

‘O, in karke is tige maklik. Dan hoege jo de hammers en ballen net mei te tûgjen.’

‘It gersjild leit om myn hûs hinne. Wêrom soe ik in karke keapje?’ freget Dynte.

‘Dat heart derby.’

‘Ik ha gjin ferlet fan in karke.’

‘Oan ’e priis kin it net lizze. Dit spul jildt noch gjin fiifentweintich

gûne.’

‘Man, wat moat ik mei in karke? As de spilers sels har hammer en bal net sjouwe kinne, hoecht it om my net mear.’

‘In karke heart derby.’

‘As jo gjin spul sûnder karkes ferkeapje, binne wy útpraat.’

De winkelman swaait de doar foar har iepen.

‘Ik kin jo net helpe.’

‘Dat spyt my neat.’

Mei de noas yn ’e loft stapt Dynte de winkel út.

‘Moatst it dy net sa oanlûke,’ treastet Nier har.

‘Sokke dingen meitsje my poer.’

Even letter steane se foar de saak fan Kobus en Kompanjon. Se triuwe de brike doar iepen. It is in sloppe tiid foar toanielkleanferhierders. Kobus en Ko sitte mei de fuotten op ’e toanbank. Se lêze tegearre yn Lúsjefer fan Vondel. Se ha der reade earkes fan. As Dynte en Nier deryn komme, moffelje se it boekje gau ûnder de toanbank. As in springfear sjitte se tagelyk oerein. Dat makket har net folle grutter. Se binne mar pikemantsjes. Har broeken rikke oan har earmsholten ta. Brede galgen hâlde de mantsjes te plak.

‘Ko, jou mefrou dyn stoel,’ kommandearret Kobus.

Ko set syn gammele stoel foar Dynte del. Hy blaast it stof fan ’e sitting. De stoel stint der fan. Foarsichtich giet Dynte op in puntsje sitten. Ko fottelt werom en ferswynt tusken de klean, Kobus kriget in brune stofjas en strûpt dy oan. Hy docht de hannen gear.

‘Wat is der fan jins boadskip?’

‘Ik wol graach klean hiere, seit Nier.’

‘Dat kin. Watfoar in stik is it?’

‘Gjin toanielstik. In film.’

‘Soa, in film. Dat haw ik net earder meimakke.’

‘Der spilet ek in baron yn.’

'Jonge noch ta. Hoe hjit it?'

'Bouffonneries.'

'Boeffan Rys?'

'Bouffonneries. Måle oanslaggen.'

'Dat seit my neat.'

'It is in gniisfilm.'

'Mei in baron... boeffan Rys... noait fan heard. Ha jo net in synopsis by jo?'

'Dy moat noch skreaun wurde.'

Kobus is tsien tellen sprakeleas. As it yn him delbêde is, seit er kalm: 'No ja, ik ha klean by de roes. Ek foar de oare rollen. Hoefolle pakken moatte jo ha?'

'Ien.'

It duorret diskear langer foardat er by syn sûpe en stút is. Einlings kin er wer wat freegje. Hy doart it omtrint net.

'Mar ien?'

'Inkeld foar mysels.'

'Ik ha in moai poarsje baronnepakken te hingjen. Sille wy ris sjen? Jo ha in flink postuer.'

'Mar ik moat gjin baronnepak ha.'

Kobus giet derby sitten. Dit moat er earst ynwindich ferwurkje. Dan doart er wer te freegjen. 'Wat moat it dan wêze?'

'Ik bin it livrei foar in sjauffeur fanneden.'

Kobus suchtet. 'Wol in echt âlderwets livrein?'

'Jawis. Mar de film is modern. Hast ûnbegryplik.'

Dat antwurd jout Kobus wer wat fleur. Hy springt oerein.

'Kom mar ris mei.'

Hy fottelt tusken de rigen toanielklean troch. Dynte en Nier drafkje achter him oan. Hy ferswynt om in hoeke. As se dêr komme, sjogge se him net mear. Se roppe.

‘Dit út!’ ropt Kobus werom.

Se sette op it lûd ta, mar se fine him net. Se roppe nochris.

‘Tusken de seerôversklean en de haremboeken!’ hearre se achter har. Se krieme en rinne werom. Dêr ropt Kobus rjochts fan har. Se reagje yn ’e klean om. Lang om let sjogge se in pear skonken. Se dûke ûnder it guod troch. It is Ko, syn kompanjon. Dy bringt har by Kobus te plak.

Kobus kriget in blaugriis pak fan in stokje. It is gjin misse taast. It past Nier presiis. Oan ’e jas sitte epauletten en goudkleurige knopen. In goudkleurige bân is op ’e broeksboksen naaid. By it livrei heart in pet. Dy is rynsk mei goudtried benaaid.

Nier besjocht himsels yn ’e spegel. Hy hat it smoar yn. Hy bylket fan tsjinstberheid.

‘Ik soe it mar oanhâlde,’ swietmûlket Dylte. ‘It stiet dy al sa kreas.’ Op sokke mominten soe er har fergrieme wolle.

Se betelje yn ’t foar en stappe bûtendoar. Hân yn hân rinne se troch de stille strjitsjes. Midden oer de dyk. Op ’e smelle trotwaars is gjin plak. Dêr stean ferlitten auto’s te brieden. De koperen ploert skynt ûnmeilydsum.

Nier stekt in finger by de board yn. It knoopke springt derôf. Dat jout ferromming. Se litte it Princessehof links lizze.

‘Dêr moat ik ek mei de baron hinne,’ suchtet Dylte.

‘Ferjit foaral dit net,’ merkt Nier op. Hy wiist op it Frysk Letter-kundich Museum en Dokumintaasjesintrum. Dat litte se rjochts lizze.

Se rinne ticht by in twaddehâns wein lâns. It portier wurdt mei alle geweld iepensmiten. It klapt Nier tsjin it liif. Hy rekket ûnder fuotten. Wylst er falt, kriget syn kin fan it raamke in optoeter. In puntskoech skopt him yn ’t gesicht. Syn holle sjit sydlings nei de stiennen. Fan nekke nei ankels snijt pine troch him hinne. De puntskoech trapet yn syn mage. Nije pine, oerders op ’e âlde. In

krús fan pine. Hy kin himsels noch op 'e rêch draaie. In keardel stiet oer him hinne. In oarenien is dwaande Dynte te tramtearjen. Nier wol in gjalp jaan. It wurdt in rocheljen. In hân knypt syn kiel ticht. Troch in read flues komt in skaadbyld op him ta. Hy besiket it fan him of te triuwen, mar it wurdt hieltiten grutter. Syn strôte knapt. It flues is no poarper. In fûst skuort achterút foar de lêste stomp.

Hoe is 't mooglik, mar op dit pas giselet de brânwacht om 'e hoeke. Grut materiaal. In grutte en in lytse ljedderwein. In sike-auto. In bus mei ekstra mannen. In persoane-auto grôtfol kommandanten. In reparasjeweintsje foar mankeminten ûnderweis. En hielendal achteroan de biezemwein foar útfallers.

De beide keardels steane yn it gat beneile. De sirene gûlt, de trije-toanige hoarn earmoedet. Tagelyk krije se har besleur werom. Mei in snoekesprong dûke se troch it iepen portier yn har auto. Krekt foar't de brânwacht by har is, springt dy fuort. De grutte ljedderwein reaget har de strjitte út. Op it kantsje ôf kinne se in hoeke beride. De staasje stoot rjochtút.

Foar Nier syn eagen is it wer read. It flues wurdt ljochter. Hy sjocht oranje, giel, wyt. Syn eachlidden binne sa swier as de Beatrixbrêge. Mar hy kriget se iepen. Hy krûpt nei de stoepe ta. Syn hannen klauwe by in finsterbank op. Se sykje hâld. Hy skrept omraak. It duorret in fearnsjier foardat er oerein stiet. De iene helte fan syn gesicht is gefoelleas. De oare helte ûntploffte lânminen yn.

Dynte leit yn 'e goate. Hy knoffelt op har ta, lûkt har omheech. Har holle bongelt slop op har lea. Hy strykt it hier út har gesicht. Se skokt. Har holle knikt achteroer en bliuwt stil hingjen. Hy sjocht de ferdraaide eachballen ûnder de lange teisters. Se skokt wer. Dan ûntspant har gesicht. In skaad fan kleur krûpt der oerhinne. Se knippert, slacht de eagen iepen en sjocht him oan.

Nier glimket. ‘Gau hjir wei,’ seit er. ‘Moat ik dy sjouwe?’

‘Bist net wiis?’

Se stroffelje der nuver hinne. Se wolle de fuotten hieltiten djipper sette as de stiennen it talitte.

Dynte stiet sil. ‘Wêr geane wy eins hinne?’

‘Nei de plysje fansels!’

‘Hoe let is ’t?’

‘Healwei twaen.’

‘Gjin tiid mear.’

‘Mar Dynte...’

‘Wy libje noch.’

Yn ’e garaazje behoffenje se inoar in bytsje. Dynte docht har as baronesse op. Ynnimlik, mar net te bot. Ut har koffer kriget se in bh. Net sa’n âlderwetse stivenien, nee, in moderne sachte fullingleaze. Dy follet se sels wol. Se strûpt ek in plezierich tin jurkje fan nopkeskatoen oan. Dat sil oare moanne wol wer út ’e moade wêze.

Mar har lange skonken, king-size, ha ivichheidswearde.

Se stappe yn en ride oer de Nijstêd. Dêr is it sa stil. Men kin in kanon ôfsjitte sûnder ien te reitsjen. Der is in direkte útstjoering fan ’e fjouwerensechstichste finale om Europa Cup nûmer XIV.

S.C. Cambuur tsjin de F.C. Hammerfest. It folk sit mei fjouwerkante eagen nei de teevee te sjen.

4

As Nier syn Bugatti op it nearzige parkearpleintsje by it stasjon set, is der gjin plak foar oare auto’s mear. Se wachtsje.

Om twa oere komt in kloft reizgers út it stasjon. De baron is sa maklik te ûnderskieden as in earrebarre op de Aldehou. Hy hat it

gesicht fan in oaljekoek en it postuer fan in sek semint. Syn noas hat yn 'e gehakmûne sitten. Hy hat in swarte swellesturt en in grize streekjebroek oan. Syn kachelspiip hâldt er yn ien hân. Dêr wurdt syn wite fingerwant net smoarch fan. Yn 'e oare in ebbenhouten gongelstok.

Hy sjocht om him hinne en rint foar de útgong op en del. In swarte kat op hege trippelpoatsjes folget him op 'e foet. Wêr bliuwt de man fan it reisburo?

'Moatst der mar even hinne,' seit Dynte.

Nier stapt út en set op 'e man ta.

'Hinnebruier, jo sjauffeur,' makket er him bekend.

De man slacht de hakken tsjininoar. 'Pappsack, jo baron,' seit er. Se fûstkje.

'Hoe is 't mei jo?'

'Tige nei 't sin.'

Ja, tsjin sa'n man hoecht men net yn it Nederlâns of Dúts te praten. Pappsack is no al yn heger kontreien. Op syn boarst pronket in anjelier, sa grut as in sjitskiif. Wat moat sa'n sek no mei Dynte? De stomste boeren krije de moaiste ierpels.

'Der soe in man fan it reisburo mei jo komme.'

'Dy hat my oan Stienwyk ta bracht,' knikt de baron. 'Hy wie fan it rayon-om-utens. Mar wy ha inoar toch fûn, no?'

Hy jout wat grutjild oan in kroader en Nier nimt de reispûden oer. Dynte swaait it portier wiid iepen. Pappsack wrot himsels yn 'e auto.

De Bugatti hinget út it lead. De baron falt del. It heart oft in bân leechrint, mar it is de sitting fan 'e achterbank. Nier flapt it portier ticht en set de reispûden te plak. De swarte kat strykt oan ien tried troch om syn skonken.

Nier giet mei de rêch tsjin syn wein oan stean. Hy slacht de earms

oerinoar en wachtet. De sinne is in fjoerbal. Hy docht de pet ôf en jout himsels meppen op it seare gesicht. De miggen stekke troch. Hy wriuwet syn switterige nekke. Yn syn hân lizze seis fan dy oprôle kringen. Dan kriget er in dust fan it portier. Pappsack skuort himsels nei bûten ta. De begroetingsplechtichheid is ôfrûn. Hy swit as in otter.

‘Jonge noch ta,’ himet er. ‘Even de auto fan bûten besjen.’ Hy stapt bewûnderjend om de Bugatti hinne. Hy klikt mei de tonge, wylst syn katsje folchsum achter him oan trijket. ‘Dat se hjir yn Fryslân noch sokke weinen ha. Ik kin der net oer út,’ seit er skodholjend.

‘Hy is fan mysels,’ fernijt Nier beskieden.

De baron triuwet it fototastel dat foar syn pampus bongelt tsjin syn snút. Bugatti komt op ’e kyk. Nier is grutsk. Mei de mouwe wriuwet er in plúske fan it linkerfoarspatboerd.

‘Ik bin út ’e skroeven!’ ropt Pappsack út. ‘Klasse. Net allinnich oan ’e bûtenkant, mar ek fan binnen!’ En hy smyt Nier in ûndogense knypeach ta.

‘De binnenkant is ek fan my,’ seit Nier. Mar dat begrypt de baron net, wylst er tinkt dat Nier him net begrypt.

Pappsack nimt syn kat op ’e earm. ‘Sille wy mar ride?’

‘Moat dat ding ek mei?’ freget Nier benaud.

‘Dat is gjin ding!’ seit de baron ferûngelike. ‘Dat is Loebes!’

‘Nim my net kwea-ôf. Moat Loebes ek mei?’

‘Jawis.’

‘Is se skjinn?’

‘Skytskjin!’

Dat is dúdlik genôch. Mar de wurdkar is Nier net sa wiis mei.

Suchtsjend set er him achter it stjoer del. Hy lûkt de flippen fan syn jas ûnder it gat wei en freget: ‘Wêrhinne?’

Ja, wêrhinne? De baron bûcht him nei Dynte. ‘Sis do it mar, Orsel.’
‘Sille wy daliks nei myn hûs ta, Julius?’ stelt se út.
‘Fuortendaliks, Orsel!’ falt de baron har bliid by.
‘Ald-Appelskea, sjauffeur,’ kommandeart Dynte.
Goed, Ald-Appelskea dan. His Master’s Voice. Net mei in hûntsje,
mar mei in kat.
It stiet smoarfol auto’s, Nier kin syn wein net fatsoenlik swaaie. Dê-
rom rydt er achterút it terras foar in hotel op. Dat is toch útstoarn.
S.C. Cambuur makket krekt in goal. Hy skeakelt sa fluch as er kin.
Dan giet it mei alle foarút foarút oer it foarút.
Op ’e ûnmjitlike rotonde fan ’e Grinzerstrjitwei moat er yn in file
krûpe. Hy sit achter de brede rêch fan in goefreon. Krekt as by it
hurdfytsen is it better om net foarop te riden. As de Rolls Royce
Silver Cloud ôfslacht, stjoert Nier de stêd wer yn. Oer Goutum is
net iens in omreis.

It is lumich waar.

1

Op it Súd yn Drachten fertraapje se har even. Dynte en de baron drinke in gleske greidwyn. Nier bestelt in fleske echt wâldbier. En Loebes kriget in pantsjefol deimolke. Dan stappe se yn foar it lêste trajekt.

It Fryske gea leit Pappsack wol flak. Hy sjocht inkeld nei syn Orsel. Se krûpe inoar oan en wikselje in poarsje basillen út.

It gesicht fan 'e baron kriget in etearise útdrukking. Dynte hat Loebes op 'e skoat naam. In poes by in kat. Ynienen makker se har út 'e omearming los.

'Loebes moat der út.'

'Nee wol?' It gesicht fan 'e baron wurdt wer tige ierdk.

'Ja, ik fiel it. Se begjint te klauwen.'

'Se hat it oars krekt foar't wy fuortgyngen noch dien.'

'Dat wie in lytsken. No moat se in grutten.'

Nier wit net hoe gau't er hâlde moat. Hy trapet de rem oan 'e bumper ta. De baron sjit fan 'e bank ôf en komt klam te sitten.

Dynte fliocht mei de kat nei de berm. Dêr docht it sekreet har boadskip. As dat besnuffele en bedobbe is, makket de baron in foto. Loebes mei boadskip. Dan wol er noch ien fan Orsel. Sûnder kat, mar mei beammen op 'e achtergrûn. Nier sjocht dat se suver op

itselde plak steane dêr't er fan 'e moarn sa meesterlik swaaide. Hy moat Loebes fêsthâlde. It bist akselt tsjin en wringt har yn bochten. It byt gemien yn syn tomme, krekt ûnder de neil. Hy kriget in feech oer it wang, kin it net mear hâlde. Loebes ûntslûpt syn fingers en nimt de guit.

'Loebes, hjir, Loebes!' ropt Nier.

Dynte rint út it kykje wei. Sy ropt ek.

'Q...!' flokt de baron.

De kat springt fierder troch it hege bermgers. As in swiere fracht-auto by har lâns rikket, bliuwt se stean en dûkt har. It hier fan har bontmantel slacht plat. As de wein foarby is, komt it troch de sûging wer rjocht oerein. Dêr sjocht se in flinter! Loebes slûpt der-opta. Se triuwt it liif hast yn 'e grûn. Se skoddet ferheftich mei de achterein en springt. De flinter fladdert fertikaal de loft yn. De kat sjit him fertikaal achternei. Se makket yn har sprong noch in heale draai, mar mist op in poatbreedte.

'Ik sil har besingelje,' stelt Nier út. 'Ik jei har dizze kant út. Dan kinne jim har keare.'

'Toe mar, fluch,' knikt Dynte.

'Q...!' flokt de baron.

Nier rint uterst rjochts fan 'e dyk. Hy moat Loebes tusken him en de sleat hâlde. Har dan foarbykomme en weromjeie. Mar de kat set op Duerswâld ta. Nier bliuwt stean. De kat ek.

'Loebes, toe,' smeeft Nier, wylst er him bûcht. Hy stekt syn hân foarút en docht oft er dêr in mûlterchje yn hat. De kat sit him folslein ûnbeskamsum oan te sjen. Se smyt him in stikmennich knypeachjes ta.

'Kom, Loebes!' ropt Nier wanhopich. 'Krijst ek wat lekkers.'

Dynte komt him op 'e side. Se lokket de kat mei in stim dêr't in kater fan klearkomme soe. Mar in poes lit har net sa maklik ferlie-

de. Iderkear as se twa stappen tichterby komme, hipt Loebes trije sprongen fierderfuort. Hymjend komt de baron oansetten. ‘Q...!’ flokt er wer.

Dynte hat har nocht fan it tuike moai spyljen foar Loebes. Se begjint no yn termen fan beukeropfieding te tinken.

‘Goed, dan litte wy dy allinne,’ seit se wolberet.

Demonstratyf keare se har om en skonkje se mei har trijen op ’e auto ta. Loebes begjint net te gûlen. As se oer it skouder sjogge, stekt de kat krekt de dyk oer. Foar twa bumpers lâns, tusken de tsjillen fan in ferhúswein troch, om in motor mei syds�an hinne. Se knipe de eagen ticht. Einlings doarre se wer te sjen. Se ferwacht-sje in plat bluodderich feltsje op it weidek. Se sjogge hielen-dal gjin weidek, sa drok is it. Hielyd ûntnimme foarbystowende auto’s har it sicht derop. Der is in grut ferkearsoanbod. Op ’t lêst falt in gat yn ’e stream. Gjin bluodderich feltsje. Loebes sit oan ’e oare kant fan ’e dyk te knypeagjen.

‘Loebes!’ skreauwe se tagelyk. Har stimmen geane yn it duorjende dreunen fan ’e frachtweinen ferlern. Se binne har rie te’n ein. As Loebes yn dy bosk dêr weiwurdt, sjogge se har noait wer.

Nier set him yn starthâlding. Op beide rydbanen is it like drok. Hy kin net iens it midden fan ’e dyk berikke. Tranteljend fan ûngeduld stiet er oan ’e kant fan ’e sneldyk. In suterich jonkje komt op him ta. Op it ûnderstel fan in bernewein skoot er in leech grientebakje.

‘Ha jo ek âlde kranten, baas?’

‘Nee,’ antwurdet Nier koart.

‘It is foar ús klubhûs. Foar bern fan alle tsjerken.’

Nier seit neat. Tusken de foarbysjittende auto’s fangt er skimpen fan Loebes op.

It jonkje wiist op ’e Bugatti. ‘Is dat ding fan jo?’

‘Dat is gjin ding!’ seit Nier fûl.

It jonkje knikt dat er it begrypt. 'Ja, dan ha jo ek gjin âlde kranten.' Hy wol al fierder troch de berm skowe. Nier hâldt him by de earm en wiist op 'e autowei.

'Hoe kom ik hjir oerhinne?'

It jonkje lûkt oan 'e skouders. 'Ik wit net,' seit er. 'Ik bin oan diskant geboaren.'

Nier suchtet en lit los. It jonkje skoot fierder.

Gelokkich gebeurt der in ûngelok. Erges blaft in hûn. Alle kearen as der in ûngeluk gebeurt, begjint ek erges in hûn te blaffen. Al it ferkear út beide rjochtingen moat hâlde. Nier slalomt as de bliksem tusken de auto's troch. Hy kin krekt de oare kant berinne. Amper is er dêr of ien ryd baan wurdt wer frijjûn. Knetterjend set de file har yn beweging.

Loebes hipt noch fierder fan 'e dyk ôf. Se komt by de earste dinnen fan 'e bosk. De stammen binne rjocht en keal. Hielendal boppeyn sitte de nuddelkessens. Nier fljocht de kat achternei. Mar dy rint hurder, springt fierder, swaait liniger. Der bliuwt noch ien behelp oer. Har kjel meitsje, by sa'n keale stam op jeie. En dan mar wachtsje. Dat is de baas! Miskien is Pappsack ûnderwilens ek bysteat en stek de dyk oer. As Dynte mar by de auto bliuwt. Nier giet der as in hûn by sitten. Yn 'e hoksen, hannen op 'e grûn, holle skean omheech. Hy begjint ferwoest te blaffen. Loebes draait de kop, sjocht him ferbjustere oan. Se leit de earen plat op 'e kop. Se sjit tusken de beammen troch en ferswynt yn in nije oanplanting.

Fertwivele set Nier har noch in hoartsje nei. Der is gjin begjinnensein oan en fyn in kat tusken jonge sparrebeamkes. Hy sil al werom gean, as er in âld wyfke sjocht. Se hat in doekje oer de holle. Har gesicht is fan trochskinend perkamint mei blauwe ierkes. 'Ha jo ek in kat sjoen?' freget er freonlik.

'Hokker kleur?' Har stim rûzelt as wyn troch de reiden.

‘Swart.’

‘Sûnder wite sokjes?’

‘Krekt.’

‘Ek gjin befke?’

‘Nee.’

‘Net iens in wyt puntsje oan ’e sturt?’

‘Dat is Loebes!’

‘Dat moat hast wol. Swarte katten bringe altyd ûnk.’

‘Wêr ha jo har sjoen?’ freget Nier hoopfol.

It wyfke skodhollet. ‘Ik ha hielendal gjin kat sjoen. Mar ik ha niis wol in hûn blaffen heard.’

Nier docht mar krekt oft syn noas bliedt. ‘Och hea, dan kin ik wol ophâlde. Dan sjoch ik har noait wer.’

It wyfke is al trochrûn. ‘Swarte katten bringe altyd ûnk,’ seit se noch. Hy sil mar weromgean. Hy hat alle war dien om dy rotkat fan ’e baron benei te kommen. Syn gewisse is suver.

Hy bedarret by in heech stek fan izergaas. Dêrachter sjocht er it kolossale keunstwurk. De wetterfal.

De krante hat der fol fan stien. In provinsje mei safolle aqua pura as Fryslân sûnder wetterfal? Soks kinne jo de toeristen net oandwaan.

In pear hektare bosk moast der wol foar kappe wurde. Dat wie it slimste net. De toeristen komme foar it wetter, net foar de bosk.

De wetterfal is mei syn 28 meter heger as dy fan Schaffhausen.

Sels heger as de Woldberch by Stienwyk (26 m) en de Boskberch by Appelskea (27 m). Hy hie ek maklik noch breder as de wetterfal fan Schaffhausen boud wurde kinnen. Dan wie der hielendal gjin bosk oerbleaun. It wetter falt yn in tolve meter djip bassin mei acht rekreaasje-eilantsjes. It wurdt wer oppompt om oardel kilometer streamop fannijs syn rin te begjinnen. No falt der noch gjin wetter. Juster is it wurk dien makke, hjoed leit it ferlitten en moarn sil it

iepene wurde.

Earmoedich miaukjen. It komt achter it stek wei. Nier klimt deroerhinne. Hy wurdt net elektrokuteard. Oan 'e râne fan 'e betonput bliuwt er stean. Hy besaut him. Fjouwer meter ûnder de punten fan syn skuon hinget Loebes. Se hinget mei de foarpoaten oan in stang dy't in eintsje út it beton stekt. Har liif swait hinne-en-wer. In gymnast oan 'e rekstok. In deabenaude gymnast dy't gjin skrep krije kin.

'Wachtsje even,' seit Nier oerboadich. Hy fljocht by it stek lâns. Hy moat in tûke ha, lang genôch om de kat te rikken. Hy sjocht inkeld prikken, allegear te koart. Oan 'e oare kant fan it stek leit ek neat. Hy fljocht werom. In hiel bosk en gjin tûken.

'Wachtsje even,' seit er wer.

Hy strûpt al syn klean út en knopet se oaninoar. Hy giet plat op it liif lizzen. Foarsichtich skoot er sa fier mooglik oer de râne hinne. Hy lit it spul yn 'e ôfgrûn sakje. In broeksbokse bongelt foar Loebes har snút. Se klaut mei ien poat wyld om har hinne. Ja hear, dêr hat se de tip beet. Har poat klaut heger, einlings hat se goed hâld. No doart se de stang los te litten. De neils fan beide foarpoaten slacht se yn 'e bokse.

Nier lûkt it string klean op. Hy byt op 'e toskan. Noch ien hoartsje. Hy búcht him fierder foardel om de kat yn it nekfel te pakken. Loebes springt by syn hân lâns op 'e râne. Har sturt slûpt troch syn fingers. Se naait út.

Hy ferjit even it string klean. Dat mitert yn 'e djipte. It skilt net folle oft hy mitert dersels achteroan. Hy set de teannen yn 'e grûn. Swarte stippen wrimelje foar syn eagen. Foarsichtich skoot er achterút oant inkeld syn holle noch oer de râne hinget. Dan komt er oerein. Loebes sjocht er net mear. Wol syn livrei op 'e boaiem fan 'e betonput. Allinnich de pet stiet noch op syn holle. Grimmitich saait er

dy syn klean achternei. Dêr lizze syn skuon noch. Dy soalt er ek yn 'e djipte. Dat bêdet him del. Hy hat alles dien wat minsklikerwize mooglik is om syn fijân te helpen. Syn gewisse is suver.

2

Sân plakt oan syn switterich liif. Syn lul stiet fan 'e spanning. Gau nei syn auto ta. Fanwegen neakenrinnerij sil er grif net oppakt wurde. Mar in steande lul mei net. Hy klimt oer it sket. Hy rint troch de bosk as in sliepwandeler. In holder holdert om syn holle. Hy fernimt der neat fan. Hy sjocht de skaadbefloerze stammen, it blombenaaide mosk, it nuddelbestode paad net iens.

Skatterjen fan fammen heart er wol. Hy set derop ta. Ferstuivere bliuwt er oan 'e râne fan in iepen plak stean. Hy hat noch it benul en dûk wei yn it strewelleguod.

Tolve fammen as ien gedachte. Se sitte op grutte springballen mei oerdwarse swartgiele streken. Boppe-op is in trochsichtich hânfet. Ien faam stapt fan har bal ôf. Se hat in rjocht en flink postuer. Lange glêde skonken, smelle heupen, kante skouders, oefene spieren, lytse, mar parmantige boarsten. Har swart hier is koart-knipt. Mear hat se net oan. Se is poer natuer, yn 'e sinne ripe. Se stiet mei de hannen yn 'e siden en sjocht glimkjend op 'e oare fammen del.

Dy binne like sunich as har klaaid.

De moaikert giet har prachtige freondinnen bylâns dy't prinsessehearlik op har ballen sitten bliuwe. Se hat de losse rin fan in knaap, mar har heupen dúnje frouljusachtich. Dêr 't har rêch einet, sitte twa dobkes.

'Litte wy ris sjen wa't my oermânsk is,' seit se mei in swietlûdige stim. 'Wa't wrakselje wol, moat hjir komme!'

Ien fan 'e alve weaget it. De twa fammen geane foarinoar oer stean. Se litte har hannen op skouderhichte ûntspannen bongelje. Ynienen dogge se tagelyk in stap foarút en omklamje inoar. In skoftsje steane se suver ûnbeweechlik yn dy omearming. Dan bûge se har nekken en triuwe rûngear opinoaryn.

Dit is gjin judo mear, dit is klassyk Gryks-Romeins wrakseljen. De útdaachster draait har linich los. Se set in knibbel yn 'e rêch fan 'e tsjinpartij en lûkt har skouders achterút. Fia in inkele nelson en in dûbele brêge bedarret se by in heale ferwuring. De tsjinpartij ferliest har evenwicht. Se falt beklings oer de grûn, se skuort de oanfalster mei. Dy giet oerskrank op har liif sitten en docht wat dien wurde moat.

Der binne wichtiger saken. In Bugatti Type 41 bygelyks. Nier glûpt nei it boskpaad en set de sokken deryn. Hûndert meter fierder hâldt er. Yn 't foarbyfleanen hat er wat út syn eachshoeke wei sjoen. In déjà-vû út in fier ferliene. Hy kriemt koart en teantet werom. Wat er dêr sjocht, lit him nei de siken gapje.

Iepen en bleat leit in nimf op it mosk te sintsjen. Har godlik stal is in part fan it lânskip. In bekken dat it ljocht opheint. Trochgloeide hûd, omfieme fan in strielekrâns. Blank albaster middenmank de tsjustere rûgens fan nuddelbeammen. Boarsten en ûnderliif binne justjes donkerder fan kleur. Krektoarsom as by alle oare fammen op 'e hele wrâld. In unikum.

In goudhamster rint oer har liif. It dierke liket sa'n Japans boartersguodautootsje dat net fan 'e tafel ride kin. It trippet nei de uterste râne fan it lichem. As it hast falt, draait it har snútsje en dribbelt in oare kant út. De nimf leit in nûtsje op elk fan har spienen. De goudhamster bringt earst it iene nei it nêst dat se yn har krol skamtehier hat. Dan helle se it oare. De nimf leit wer twa nûtsjes te plak. It spultsje begjint fan nijs oan. It is sa simpel en tagelyk sa meinim-

mend dat Nier der hyt en kâld fan wurdt. Hy hat by ûnderfining hoe skerp de toskjes fan in goudhamster binne. Ien byt yn dy hurde spienen. Mar dat gebeurt net. Op 't lêst binne de nûtsjes op. It dierke siket it nêst op. It troppet de wangpûden fol en jout har del.

'In strúnder!' heart er achter syn rêch. Nier wol gjin strúnder wêze. Dêrom rint er net fuort. Hy komt daliks foar 't ljocht. Op it paad sitte de tolve springbalfammen. Fol ferwachting sjogge se him oan. 'Ik sykje in swarte poes,' seit er earlik.

Alle fammen laitsje húnsk. Nier kin himsels wol foar de kop slaan. Hy hat it ferkearde wurd brûkt.

'Kom do ris hjir,' nûget de winneres fan it fjochtsjen.

'Wat in lekkere fint!' ropt de faam dy't it ferlern hat. Se begjinne allegear op har ballen te wippen.

'Wurdt it noch wat?' freget de winneres.

Nier ferset gjin poat.

De ballen krije gong, de fammen springe op him ta. Krekt tolve kangoeroeiende wapsen. Mar Nier hat no gjin tiid foar sa'n ûn-natuerlike fergeliking. Hy set it op in fleanen. De fammen binne kundich yn it springen. Hy fielt har hymjen yn syn nekke. Se geie it út. De hiele bosk wjergalmet fan har útskroeven jûchhei.

Nier draaft op 'e dolle roes. Hy sjit in stik bosk yn dat tichtbegroeid is. Dêr wolle de ballen net tusken de beammen troch. De iene faam nei de oare springt harsels fêst.

It gegei wurdt suniger. Einlings heart er it lawaai fan 'e autodyk.

Hy rûkt de ferlossende rook fan benzine al. Hy sjocht it skreppen fan 'e beskaving. Krekt binnen de bebeamme kom falt er oer in stronk. Hy knoffelt noch in eintsje troch. Mei de harsens kwakt er tsjin de folgjende beam. Hy siicht oerside en bliuwt op 'e rêch lizzen.

Hy sjocht gjin stronk. Wol in skonk. Noch ien. Heger sparket in

fyn gouden keatling dêr't in kaaihinger oan bongelt. Glimkjend komt de healgoadinne op him ta. Poerneaken as de Venus fan Botticelli, mar gâns frijmoediger.

2

'Ik bin Déa en ik wol mei dy diskusseare.'

'Sykje mar in oar slachtoffer.'

'Wêrom?'

'Gjin tiid.'

'Dat sizze se allegear.'

'Gjin nocht.'

'Dat is teminsten earlik. Kinst noch mear ferlechjes optinke?'

'Ik moat nei myn Bugatti ta.'

'Altyd yn in auto sitte te stjonken, hèn? Hoe jong biste?'

'Ik doch it foar myn brea,' ûntwykt Nier dy pynlike fragen. Hy moat it pratende hâlde, oars beswimet er. Mar gjin diskusje, dat giet him fier boppe de plasse. En dy is al sa úttynd.

De oare fammen komme ien foar ien oansetten. Se slepe har ballen achter har oan. As se him gewaar wurde, geane se der op sitten. Se springe Déa by. Hy kin gjin kant út. Alle fammen ha eagen fan in kleur dy't inkeld yn boeken foarkomt. Pears. Hy wurdt der hast kleureblyn fan. Déa hat ien pears en ien grien each. In treflike kombinaasje. Mar dêr wurdt er hast skilich fan.

Miskien binne de byfammen minder hurd as de masteres. Hy sil besykje har by it hert te krijen.

'Ik bin Nier,' makket er him bekend, 'en ik wol net mei Déa diskusseare. Ik wol mei frede litten wurde. Dat is ien fan de rjochten fan de minske. Miskien is it hjoeddedei net in populêr rjocht. Ik

wit ek net oft it yn it Hânfest fan de Feriene Naasjes stiet. Mar it is in fundaminteel rjocht. It is alles wat ik op dizze wrâld wol. Lit my gewurde.'

'Amen,' seit Déa. 'Do hast it inkeld oer dyn rjochten. Wy ha uzes ek. Do litst ús hjir net mei rêst. Do makkest dy skuldich oan bosk-fredebreek. As twa belangen botse, moat der oer praat wurde. Ik wol mei dy yn diskusje.'

'Us mem hat my o sa modern opfieden,' leit Nier út. 'Se hat my oerhearrigens leard.'

Déa gnysket. 'Dyn opfetting is út 'e tiid. Opfieding bestiet net mear. Wy sille diskusseare.'

Nier sjocht yn elk pear pearse eagen. De waarme lagunen fan nyskes sitte fol pakiis. De lippen binne smel en de spjalt dertusken is rjocht en skerp as in mes. Hjir hoecht er gjin ynskikken te ferwachtsjen.

'Goed, wy sille diskusseare,' suchtet er. 'Mar mei it ek oer in oar ûnderwerp? Ik bin net sa goed dokumintearde.'

'Oer alles watst wolst,' seit Déa, 'as it mar aktueel is. Kom mei!' Nier soe al sa leaf sitten bliuwe wolle. Mar hy doart net mear te pro-testearen. Sinkelsûzich komt er oerein. Katsje achter katsje rinne se troch de bosk. By in âlde muzyktinte hâlde se. Dat is it nije moetingssintrum. Boppe it trepke is in moderne spreuk spikere: 'Groepswurk yn de Wurkgroep'.

Se sette har del op in rûne bank dy't om in rûne tafel stiet. Der is gjin lieder, net iens in begelieder, se binne allegear meiwurkers. Sa heart it ek. Trettjin kommunikaasjefreondinnen en ien kommunikaasjefreon peteare omraak. Al seit dy iene freon net sa folle, dat jout neat. It giet net om de ynbring, mar om de partisipaasje.

'Wêr wolsto dan oer diskusseare?' freget Déa.

Nier kriemt koart. 'Lûdhinder,' antwurdet er.

‘Akkeba, al wer!’ Ien fan ’e fammen lit har tonge hingje.

‘Stil, lit Nier útprate. Kinst it wat konkretisearre?’

‘Watsei?’

‘It is sa’n algemien ûnderwerp. Iggeleas. Kinst in foarbyld jaan?’

Nier syn harsens wurkje koartsich. Net fan it neitinken, mar fan ’e pine.

‘It lieden fan tsjerkeklokken op ’e iere sneintemoarn,’ bringt er út.

Dat aspekt ha de fammen noch nooit bepraat. Se binne ynienen fol fjoer. It lieden fan tsjerkeklokken op ’e iere sneintemoarn! Op dit gefal fan lûdhinder wurdt de behanneling taspijtst. It giet neffens de wittenskiplike oanpak. De oanwêzigen wurde ferdield yn fjouwer groepen. Elke groep wurket tweintich fazen ôf:

1 yntroduksje

2 diskusje

3 heroriïntaasje

4 taakferdieling

5 analyze

6 synteze

7 diskusje

8 ynvintarisaaasje

9 komprimearing

10 foarljochting

11 enkête

12 diskusje

13 stekproef

14 stabilisearing

15 ynspraak

16 harmonisearing

17 ferifikaasje

18 werwurdearring

19 konklúzje

20 einkonklúzje

As alles útkristallisearre is, wurdt in mienskiplik kommunikee opsteld. Nier fielt him de helte folwoeksener as trije oeren lyn. Mar hy moat no nedich opstappe. Hy komt oerein.

‘Oant sjen. Stjoer my it rapport mar. Ik sil it thús mei omtinken bestudeare. Jim witte myn adres.’

Déa keart him. ‘Dit is ús earste projekt. Wy ha noch ien yn ’t fet.’

‘In oare kear, graach. Ik bin no goed gear.’

‘Dêrom krekt. Wy moatte aktyf oan sport dwaan. Hast in foarkar?’

‘Autoride.’

‘Dat is gjin sport!’

Nier sjocht de runte bylâns. De gesichten steane ûnfersetlik yn sierlike ienriedichheid. Hy krûpt yn lij.

‘Tennis dan,’ stelt er út. Yn dizze omkriten binne fansels gjin banen. Sa wynt er him der moai foar wei.

‘In balspul? Hie ik it net tocht? Manlju altyd mei har balspullen. En noch in yndividuele sport ek,’ skampert Déa. Nier hat stille wille. Hy is frij man!

Déa smyt de holle yn ’e nekke. ‘Yn oarder, tennis!’

Wolberet nimt se de foarstap. Achter de muzyktinte is in hege ligusterhage. Déa makket in hingelslot los en swaait in doar fan izergaas iepen. Dêr leit in goed ûnderhâlden reade gravelbaan. Nier stint.

‘Of spilest leaver op gers?’ freget Déa.

Hy stiet yn berie.

‘Dat ha wy hjir ek,’ fult se oan.

‘Op gers giet my te fluch,’ suchtet er. ‘Jou my mar in gravelbaan.’

Mauve klimt yn ’e skiedsrjochtersstoel, Lila set har neist it boerd foar de puntetelling del en Violet mei ballefaam wêze. De rest fan ’e pearse brigade hellet rackets en ballen út in stiennen berchplak.

It net wurdt spand. Dan giet it legioen op ’e tribune sitten. Déa en Nier slaan inoar earst even yn. Dwaandewei kriget er de goeie mentale ynstelling. Hy hat de opslach. It is mingd inkelspul.

‘Wa’t twa sets wint, no?’ ropt er fan ’e achterline.

‘Bist net wiis?’ ropt Déa werom. ‘Gjin diskriminaasje! Trije!’

Nier docht syn bêst. It slagget him en helje syn earste opslachgame foar de helsdoarren wei. Dan mei Déa begjinne. Se kin stienhurd opslaan. Se spilet it Amerikaans-Australise krachtspul. Der binne

mar twa mooglikheden. Of se slacht yn en dan sit de bal. Of se slacht út en dan mei se nochris. Har twadde opslach is like hurd as de earste. En omdat se faker yn as út slacht, makket se de measte punten. Net ien fan har ballen kin Nier weromslaan. It spul giet noait hinne-en-wer. Foar de taskôgers is der neat oan. Mar it smyt gâns op.

Nier besiket it net mei kracht, mar mei suverens. Hy slacht de ballen djip yn har fek. Lyk foar de achterline reitsje se de grûn. Dêrnei bringt er fariaasje yn syn slaggen. Lang en koart. Heech en leech. Rjocht en krûm. Top- en bottomspin. Déa moat nei it net, nei de hoeken, nei oeral tagelyk. Hy jaget har fan it iene plak nei it oare. It is in aardichheid om dernei te sjen, de bal giet faak hinne-en-wer. Mar it smyt neat op. Déa slacht alles werom.

Ynearsten wint Nier syn opslachgames noch wol. By de fiifde giet it mis. Dêr brekt Déa trochhinne. Op 15-40 rekket er de bal mar heal. Toch draait it ding oer de netbân yn har fek. 30-40. Hy hat noch in lytse kâns.

‘In sitbal fia it net. Moatst net sorry sizze?’ freget Déa.

‘Ik sis noait sorry,’ antwurdet Nier. ‘Ik bin altyd fierstente bliid dat er sit.’

‘Sok praat mei ik hearre,’ seit Déa tefreden. ‘Gjin hoflike babbelgûchjes.’

It is útstel fan eksekúsje. De folgjende bal fluitet as in kûgel by him lâns en bliuwt as in stik lead dea lizzen. De rest is in formaliteit, yn twa minuten beslikke.

‘Set foar Déa. 6-4,’ ropt Mauve.

De spilers wriuwe harsels en de hânfetten fan har rackets drûch. Se nimme slokjes limonade sûnder swietstof en wikselse fan spylhelte. Nier begjint dûbelflaters te meitsjen. Hy ferliest fuortendaliks syn earste opslachgame al. Hy besiket it tempo te fertraagen. Syn slop-

pe baltsjes lit Déa gewoan rinne. Dat is de gollens fan 'e sterkste. Mei 6-2 wint se de set.

Dan is Nier nerges mear. Hy klapt mentaal yninoar. Déa makket koarte metten. Se hat it echte killersynstinkt. Har projektilen fleane him rjochts en links om 'e earen. Allegear aces. Nier is deawurch. Hy hat al boppe syn nivo spile. Der moat in ein oan komme. Foar topsport hat er toch te min kondysje.

'Fifteen-love,' seit Mauve.

In cross-volley mei sidespin en backhand-drive. 'Thirty-luf,' seit Mauve.

In groundstroke mei lob en Tsjechise oerslach. 'Forty-luf,' seit Mauve.

In stopshot mei flikflak en dûbele Rittberger.

'Game, set en match foar Déa,' seit Mauve. '6-4, 6-2, 6-0.'

Nier smyt syn racket yn 'e loft, bliid dat it dien is. Hy rint op Déa ta. Hy sil oer it net springe, dan kin er har lokwinskje. Syn foet bliuwt yn it net stykjen. Hy kipert der oer hinne en makket in skrinige búklâning. Hy skoot troch it gravel en bliuwt foar har fuotten lizzen. In spoar fan fel lit er achter. Déa tinkt der net oan om him te helpen.

'Gjin hoflike babbelegûchjes,' seit se.

De oare fammen komme om him hinne te stean. Syn iepen hûd pimpert omraak. Déa makket de kaaihinger los dy't oan har gouden ketting bongelt. It is gjin kaaihinger. It is in miniatuer-portofoan.

'Foar dy. Ast my nedich hast, ropst my mar en ik kom daliks. Kinst it mar ien kear brûke.'

'It heart wol in mearke,' seit Nier.

'Mearkes bestean net mear.'

Hy set ôf. Sûnder groetnis, sûnder betankje, sûnder meilijen.

Sa giet dat by dizze fammen. Hy komt op in frjemd plak by de dyk út. As er de bocht om is, stiet er stil. It libben hat net stilstien.

3

Syn Bugatti is fuort! By de hele dyk lâns stiet gjin auto. Hy hâldt in hân boppe de eagen. Hy docht se ticht en wer iepen. Hy wriuwt deryn. It helpt neat. Gjin Bugatti. Gjin Dynte, gjin baron.

Hy draaft by de sleat lâns. It is no net sa drok mear. Sûnder mankeminten kin er oerstekke. Hy komt by it plak dêr't syn wein stien hat. Inkeld in spoar fan platriden gers. En in wyt bûsdoekje. Hy kriget it op. Hy ferknûkelt it fan grimmitigens.

Pappsack is mei syn auto útpykt! Oplichter! Dief! Ferearme adel fansels. In gewoane jonge by de poat nimme, dat kin er. Dy kat wie in lokfûgel. Hy dat stik ferrekkeling achternei. Dynte ek. En Pappsack moai útnaaie. In ôfrjochte kat. Hat er dat bist ek noch foar de dea weihelle. Grif leit it no al wer lang en breed by syn baas te sliepen. Loebes it leidsje, Nier de nuete.

Of binne se tegearre gewoan fierder riden? Wiene se it wachtsjen ba? Wêrom ha se gjin boadskip achterlitten? In papierke mei in stien derop, klear. Wêrom ha se hjir net in mantsje foar him delset? Hy sjocht by de berm lans. Gjin mantsje, net iens in fisker. Wat betsjut dit bûsdoekje? Neat? Gewoan ferlern, of kreas dellein? Nim ús net kwea-ôf, it duorre ús te lang, wy binne mar fuortgien. Hjir hûn, hast in bûsdoekje. Nee, Dynte soe him noait yn 'e stiik litte. En sels kin se net autoride. Of is it fan in frjemd frommes? In weismiterke foar ien kear noassnuten. Har bydrage ta dizze skjinne wrâld. Hy docht syn hân iepen. In fyn linnens bûsdoekje. In kanten rântsjje, opnaaide blomkes. Sokke hat Dynte net. Moai, dat wit er

dan mar wer. Hy soe al sa leaf witte wêr't syn auto wie. De plysje!
Dy hat altyd al syn grutte kammeraat west. Mar hy mei net provo-
seare. Tolerânsje kin net fan ien kant komme. En in soad fantasy
ha se net. Hy sil wat oanstrûpe moatte, it is foar it goeie doel. Nier
makket syn tredde deasprong. Fuortby in warskôgingsboerd foar
oerstekkend wyld. Yn 'e bosk fandelt er sparretûkjes op. Dêr flechtet
er in rokje fan. It priket omraak, mar it bliuwt hingjen. Gelokkich
stiet syn lul noch.

Geandefoet set er op Duerswâld ta. De doar fan 'e plysjepost stiet
iepen. Troch it gonkje komt er yn in keale keamer. In man hinget
rûngear oer it buro. Hy hat wol in pin yn 'e hân, mar dy slept ek.
Nier hoasset.

It slagget de man en skrik yn ien floeiende beweging wekker, skriu
in stikmennich wurden op, tink djip nei, byt op 'e dop fan ' pin
om, lit de klant noch in setsje wachtsje, bring de ynhâldsrike kop
starich omheech en sjoch de ynkringer strang mar wolmienend
oan.

In útdrukking dy't net ynstudeard is, fersteurt it ritueel. Oer it
plysjes gezicht skoot in waas fan meilijen. Hy wiist mei syn pin nei it
rokje.

'Sels makke?' freget er nijsgjirrich.

'Ja,' antwurdet Nier, 'fan dea hout.'

'Ik mei it wol lije. Draai jo ris om.'

Nier lit syn rokje fan alle kanten besjen.

'Op in kursus leard?'

'Dat al,' jout Nier ta. 'Frije ekspresje.'

'Hokker ôfdieling?'

'Houtflechtsjen.'

'As ik soks sjoch, begjin ik wer oan it minsdome te leauwen,' seit de
man.

‘Ik bin myn auto kwyt,’ fernijt Nier him.

De plysje makket in ôfwarrend gebaar mei de hân. In stopteken foar gebrûk binnendoarren. Net te hurd. Tink om de maksimum faasje. Elke tsien tellen ien wurd. Hy kriget in formulier en in oare pin. Hy sjocht nei de skuorkalinder oan ’e muorre foar de datum.

Dy skriuwt er op.

‘Jo namme?’

‘Hinnebruer, Nier Hinnebruer.’

‘Mei Ijsbrand of Ypsilon?’

‘Mei Isaak.’

De man fult de fekjies mei blokletters yn. Hy hat in moaie hân en in goed each foar flakferdieling.

Ynienen hâldt er op. Hy ferskuort it formulier en makket der in baltsje fan. Dat mikt er yn ’e papierkoer. Stinnend komt er oerein en lûkt in blêd fan ’e skuorkalinder ôf. Dêr makket er ek in baltsje fan. Dat neukt er ek yn ’e papierkoer. Dan set er him wer achter it buro del. Hy kriget in nij formulier en skriuwt de goeie datum op. Tongersdei, 13 july.

‘Jo namme?’

‘Hinnebruer, Nier Hinnebruer. Mei Isaak.’

‘Geboartejier?’

‘1946. Nei Kristus.’

De standertfragen wurde steld, de antwurden notearde. De plysje-man stekt Nier in wiisfinger ta.

‘Neat sizze! Ik wit al wat jo kwyt binne. In ein. Sa’n auto beplakt mei blomkes en flinters. In protestrider tsjin de luchtfersmoarging, hèn?’

Dat is as skeldwurd bedoeld. Mar Nier jout om sizzen. Hy seit neat.

‘No, wat merk is it?’

‘In Bugatti.’

‘Sis dat nochris.’

‘In Bugatti Type 41.’

De plysjeman leit de pin del. Hy docht de earms oerinoar. Hy linet noflik achteroer en lit de stoel op twa poaten wippe.

‘Tink ris ta,’ seit er, ‘in Bugatti Type 41.’

‘Nei alle gedachten stellen troch baron Pappsack,’ follet Nier oan.

‘Dit is alles wat ik fûn ha.’ Hy leit it blombenaaide bûsdoekje op it buro.

De man lûkt wyt wei. ‘Jo ha gelyk dat jo by my kaam binne. Se komme hjir allegear. Juster ha ik in fint om syn wite oaljefant hân. Ferline wike in frommes om har opblaasber swimbad. No komme jo om in Bugatti Type 41, stellen troch baron Pappsack mei in blomkesbûsdoekje. Wat in weareld! Ik sil mar oerpleatsing oanfreegje.’ In foarbygeande swakte. Hy fynt syn autoriteit al gau werom.

Hy kriget de pin wer en wiist nei in bankje. ‘Gean dêr mar even sitten. Dan krije jo in gleske wetter fan my.’

‘Ik hoech gjin gleske wetter. Ik wol myn Bugatti werom ha!’
pro-testeart Nier.

‘Kalm oan, it bekomt wol,’ knikt de plysjeman bemoedigjend. Hy wiist mei de pin nei in doar yn ‘e gong. ‘Dêr is it húske, dêr kinne jo drinke.’

Nier giet toch mar nei it húske ta. Hy drinkt. Boppe it wenstige nearzige wasbakje kin er om beurten ien hân waskje. Sûnder noch in wurd te sizzen stapt er bûtendoar.

Hy rint troch de buorren. Hy jout gjin opsjoch. Dêr’t de dyk op ‘e grutte autowei útkomt, bliuwt er stean. Hy sil besykje om in lift nei Appelskea te krijen. Miskien binne se dêr rommer fan begryp. It slagget him net. It skimert al. Syn rokje begjint te rûgeljen. En it is noch net iens krysttyd. Faaks hat er mear sukses as er aanst yn it

neaken stiet.

Hy stoarret nei in slymspoar dat in slak oer it asfalt lutsen hat. Dy is noch earder te honk as hy. It wurdt stil op 'e dyk. Hy rydbosket.

4

Dêr komt in grutte persoanewein oanriden. Hy hâldt in hân boppe de eagen. Hy docht se ticht en wer iepen. Hy wriuwt deryn. It is wier. Syn Bugatti! Hy kriget in lift fan syn eigen auto! De Bugatti swaaït op him ta. Nier kin syn teannen noch krekt ynlûke. It portier flapt iepen. Achter it stjoer sit in frjemde fûgel.

Hy hat flokkich wyt hier dat him oer de skouders hinget. Boppe op 'e plasse is er keal. In sikefûnsbritsje stiet bryk op syn lange smelle noas. Hy hat in jas fan ap hier fan akryl oan. Om syn bleate hals is in fiter knope. Syn fingerlange jubelteannen stekke út in pear sandalen mei hallelujahakken. Hy sjocht der út as in fredestichter. Mar hy hat in revolver yn 'e hân.

Op 'e achterbank sit in bleke meagere man. In deadsholle tusken in bosk lang stikelhier. Syn swarte eagen ha deselde glâns as it wapen dat er op Nier rjochtet. Ek in revolver.

Nier set him neist de bestjoerder del. It klamme swit prykt yn syn sliepen.

'Hannen yn 'e nekke!' klappertosket it bonkerak achter him. Nier docht it. De portofoan, ferburgen tusken de tûken fan syn rokje, kin er net mear berikke.

De Bugatti set gong. De fint achter it stjoer kin mear as sljochtwei. Krekt foarby de skutslûs dêr't de Tsjonger yn 'e Kompanjonsfeart komt, swaaït er rjochtsôf. Sûnder kantroeren sjitte se troch Makkingea en de lintbebouwing fan Nijbekeap. Se geane fan 'e

grutte dyk ôf. Noch ien kear komt har in tsjinlizzer temjitte, dy't netsjes de ljochten dimt. It tsjustert oan. Sa no en dan hinget in giel finster tusken it beamte en ferswynt as in stjer yn it spegeltsje. De auto rydt oer in daam, troch in kûle, by in hichte op. De reed wurdt smeller en bultiger. It ljocht fan 'e koplampen dûnset oer it leechhout. By in hok fan asbest en golfplaten giet it linksôf. Se hâlde op in stik wyldlân.

De fint set de motor ôf en dimmet de ljochten. It bonkerak stapt út. Hy docht it portier iepen. Nier skoot bûtendoar. De fint achter it stjoer stapt om de auto hinne. Hy jout it bonkerak in kaai. Dy rint werom nei it hok. De bestjoerder giet oer Nier hinne stean. Syn hier beweecht justjes tsjin de bleke jûnsloft. De moanne is sa tin as in glimk fan 'e boal. De sterke swiete rook fan papsûger makket Nier mislik.

'Losjild,' seit de fint. 'Oars bist yn 'e aap útfanhûs. Dat sit der tsjok yn.'

Nier slokt. Syn mûle is koarkdrûch. 'Hoefolle?' freget er.

It heart oft er troch watten praat. 'Hûnderttûzen.'

'Sa folle ha ik net by my.' Nier hat himsels amper yn 'e macht. Syn stim slacht oer.

'Dat mei him de búk net ronfelje.'

'Ik ha wol in pear tûzen yn 'e koffer.'

'Iepenmeitsje!' It lûd fan 'e smoute prater kriget in hurde râne.

'De koffer is los.'

'Oan myn gat! Ik kin him net iepen krije.'

'Hy sit net op slot.'

'Rekkenje mar fan ja! Iepenmeitsje!'

Nier stiet yn berie. Dat kin net. De koffer is net op slot.

'Iepenmeitsje!' De fint rint op him ta.

Nier skoot starich achterút nei de koffer. Syn hannen hâldt er noch

hieltyd yn 'e nekke. Se binne leadich en gefoelleas.

'Gjin smoesjes,' warskôget de fint, 'oars trochseef ik dy en giest ôf as in gieter.'

Foarsichtich bringt Nier syn hannen omleech. Hy stiet mei de rêch nei de koffer ta. Hy taast achter him. Mei fingers stiif as stokjes makket er de heakken los. De lêste sit oan 'e sydkant. Nei 't er dy iepenknipt hat, kin er it lid omheech triuwe.

Hy byt op 'e tosken om net te gjalpen. Yn 'e koffer leit Dynte. Se hâldt de krik omklamme. As se Nier sjocht, bringt se in finger nei de lippen.

'Dêr stiet myn koffer. Mei ik him pakke?' freget Nier.

Hy hopet dat it net te froalik klinkt.

'Menear wurdt bedankt. Dat kin iksels wol dwaan. Hjirhinne!'

Se draaie as de nuddel fan it kompas. Nier fan 'e koffer ôf, de fint deropta. De revolver draait mei, glinsterjend yn it moanneljocht. Krekt as de fint mei de rêch nei de koffer stiet, komt Dynte oerein. De krik swaait troch de loft en komt mei sa'n klap del dat de harsens kreakje.

Starich, as in harmoanika dy't op har kant stiet, sakket de fint yn-inoar. Nier dûkt op him del, mar it hoecht net iens mear. De smoute prater swijt yn alle talen. Dynte stekt de revolver by har. Se springe yn 'e auto. De motor slacht meiens oan. Nier giselt it stjoer om en rydt fan it wydlân ôf.

It bonkerak is yn it hok dwaande om romte te meitsjen foar de Bugatti. Hy rôlet it lêste fet oan 'e kant.

'Kom mar, Chick!' ropt er.

Mar Chick komt net. En Nier ek net. Hy lit de koplampen op it fûlst brâne. It hok stiet yn in see fan ljocht. It bonkerak wurdt ferblinde, hy slacht de hannen foar de eagen. Nier swaait de reed op en trapet it gas op 'e planke. De bannen reitsje amper de bulten.

By Elsloo meitsje se it lid fan 'e koffer even fêst. Fiif minuten letter sûzje se oer de oprydleane fan har eigen hûs. Se binne op har iepenst. En se bliuwe byinoar, want se moatte inoar helpe yn dizze ûnwisse tiden.

Nier rydt de Bugatti yn 'e rustfrije kûgeltichte antymagnetise garaazje. Se stapte út.

Se belje earst by de foardoar. Gjinien docht iepen. Hân yn hân glûpe se om it hûs hinne. Se krûpe by de muorre lâns nei de keukensdoar. Wylst Dynte o sa sûntsjes de kaai yn 't slot stekt, hâldt Nier de revolver ree. Se teantsje troch it hele hûs en dogge alle ljochten oan. Der hat besite west. Alles is oeral helle. Mar hoe 't se ek sykje, se misse neat. Fan Dynte har klean is gjin inkeld pronkstik stellen. Sels Nier syn djoere filmkamera is net meinaam.

It flierkleed leit op 't oanrjocht en it diggelguod stiet yn 'e plattebuiskachel. It sil wol in lang wykein kostje om de hiele brot op te rêden. Mar wa't him dêroer bekroadet, is in grynbeek.

De bank yn 'e húskeamer is aldergeloks noch frij. Se falle derop del. 'Wêr is de baron?' wol Nier witte.

'Krekt doe'tsto yn 'e bosk wiest, kaam dy Rolls Royce oanriden.

In man stapte út, naam de baron apart en prate mei him. Under-wilens seach ik twa keardels om ús Bugatti hinne strunen.

Ik rûn werom, mar it wie te let, se sieten der al yn. Sûnder dat se my seagen, koe ik achter de auto komme. Doe bin ik yn 'e koffer krûpt. Witoelang lei ik dêr, se rieden oan ien stik troch. Ien kear holden se. Ik doarst der net út te kommen, want se bleauwen by de wein. Se besochten de koffer iepen te krijen. Ik koe dy fan binnen út fêstheakje. Doe rieden se wer. Ik ha wol tolve alvestêdetochten makke. Doe't ik dyn stim hearde, liet ik de koffer iependwaan. Mar wêr't de baron is, wit ik net.'

Nier skodhollet. 'Hast dy lyk ûnder de noas fan dy smychten

ferburgen. Op sa'n faai plak. Hoe komst der yn 'e goedichheid by?'

'Hast wolris weikrûpboarte?'

'Yn myn jonge jierren.'

'Wat wiene de slimste plakjes om guon te finen?'

'De maklike plakjes fuortby de siker.'

'Krekt sa! Dêrom. Ik ha it foar dy en de Bugatti dien.'

Nier tutet har foarholle. 'Bist in ingel.'

'Ja, in beskermingel,' stimt Dynte mei. 'En wat hasto útheefd?'

Striptiisd? Wêr is Loebes?'

Nier giet koart om 'e hoeke. In goed fersteander is mar ien wurd nedich. Se geane nei de hal. Op it doarsmatsje leit genôch post foar twa moanne fakânsje op Helgolân. Folders, frijkaarten en ekspresbrieven by de rûs. Allegear útnoegings fan museumbestjoeren, tsjerkerieden, sjongkoaren, skotsploegen, betinkingskommisjes en nijljochters. Allegear foar de tige heech rju eale hear Pappsack. Se lêze de post net iens.

Nier pakt de hoarn fan 'e telefoan en draait in nûmer. 'Wat dochst no?'

'Plysje belje.'

Dynte triuwt de heak yn. 'Dat moatst net dwaan!'

'Wêrom net? Wy ha genôch meimakke om it gânske provinsjale plysjekorps in bealchfol wurk te jaan. Der is neat dat my keare kin. Do ek net.'

'O nee?'

'Nee.' Nier sil it nûmer wer draaie.

'Dit ek net?' Dynte lûkt in papierke tusken har boarsten wei. Se triuwt it Nier ûnder de noas. It is in sjek. Hy lêst: **Betelje oan toander de som fan f 1.000.000 (yn sifers); te sizzen: ien miljoen gûne (yn letters). Frysk-Nasjonale Bank, haadfêstiging te Warns. Bykantoaren yn alle doarpen. Fiif ûnlêsbere hantekeningen. Net**

stimpele, echt skreaun. In djoerabel dokumint. Nier leit de telefoan-
hoarn te plak.

‘Hoe komst dêroan?’

‘Fan ’e baron krigen. Om op te passen.’

‘Wa bewarret soks no op sa’n plak?’ bringt Nier ferheard út.

‘Men moat de dingen altyd weistopje wêr’t se heare,’ antwurdet
Dynte. En se triuwt de sjek tusken har boarsten.

Ynienen rinkelt de telefoan. Se hâlde de siken yn. Har earen sûzje
en se lûke allebeide wyt wei. It rinkeljen is lûder as dat fan in alarm-
skel.

‘Hast it gedonder al,’ seit Nier tusken de tosken troch.

‘Opkrije?’ freget Dynte.

‘Lizze litte!’

Dynte kriget toch op. Se seit neat. De hoarn trillet yn har hannen.

‘Moarnier, healwei tsienen yn ’e K.F.P., Ljouwert,’ kreaket in heaze
stim. Klik. De ferbining is ferbrutsen.

Dynte leit de hoarn derop. Se sjocht Nier oan.

‘Moarnier, healwei tsienen yn ’e K.F.P., Ljouwert,’ herhellet se
lûdop.

‘Wat is de K.F.P.?’

‘Wit ik net. Kin my ek neat skele. Ik ha in moai plan!’

Dynte fernijt it him. Nier is skeptys. Hy jout kritise kanttekeningen
en amendeart it hjir-en-dêr. Dan leit der in ûntwerp ree dat oppor-
tunistys én haalber is.

Se geane op bêd. Earst moatte se har breanedige rêst ha. Se lizze
mei it gesicht neiinoar ta, de sjek tusken har yn en de revolver
ûnder it kessen. It libben is goed. Spitich dat der lju binne dy’t it
har fergunne.

Twa siden skoft foar popcorn en cola.

Ien side skoft foar popcorn en cola.

It is suterich waar.

De wekker rattelt. Dynte komt op ien earmtakke en triuwt it knopke yn. Se skylt it lekken fan har ôf en komt oerein. It fielt as sit der spinreach tusken har eachlidden. Se speaket har de lea. De sjek leit tusken har skonken. Se stapt fan 't bêd en lavearret op 'e keuken ta. 'Nier, kom hjir!' ropt se.

'Ik lis der oan te kommen,' seit Nier dy't noch plat leit.

Dynte rint werom nei de sliepkeamer. Hip! dêr giet se oerskrank op syn liif sitten. En hy hat al in moarnsereksje. Se binne in skoft biologys aktyf dwaande. Dêrnei brûkt Dynte har nij neiwaskmiddel. Spielt alle ûnwissichheid fuort dy't oare produkten achterlitte. Dan falt se neist Nier yn 'e sûs.

In kertier letter sjitte se tagelyk oerein. Tegearre geane se nei de badkeamer. Dynte lit har yn 'e kûp sakje en wurdt in holle dy't op skom driuwt. Nier kriget de telefoanbrûs. Hy draait inkeld de kâlde kraan iepen. Hy fljocht hast troch it dak hinne, dan is it noflik.

Hurde wetterstrielen prykje syn hûd. Hy hat no mar in pypkannich lultsje. Wat in ferskil mei niis. Hy wriuwt himsels mei in rûge handoek, syn boarst wurdt der read fan. No kin er de swiere dei risse. Se ite yn sân hasten. Swierich ûnderskriuwt Dynte ûnderwilens in

brief mei: Orsel. Se slikket by de flap fan 'e slúf lâns. De lym hat in lekkere mangelsmaak. Mei de mûs fan 'e hân strykt se de slúf ticht. Se jout de brief oan Nier. 'Foar de baron ast him sjochst.'

'Fregest my wol wat,' suchtet Nier. 'Sa'n drokte foar sa'n hânswoarst. Hy is in grutte boer.'

'Dat binne wy allegear,' treastet Dynte.

It is freed, de plestiktúchsekken moatte ek noch oan 'e dyk set wurde. Se heisterje omraak om. Se ha in moai soadsje sekken mei it gemeentestimpel derop. Nier troppet in pear fol, wylst Dynte se iepenhâldt. De iene nei de oare skuort finaal stikken. De sekken binne sterk genôch, seit de gemeente. De gemeente kin wol mear sizze. It âlde jiskefet ha se neat mear oan. Dat wurdt toch net leechmakke. Dus, fuort dermei. Se strûpe in sek om it jiskefet. Mar it waacht mei ynhâld mear as tsien kilo. Dan lit de gemeente it ek stean. Se skodzje de ynhâld oer yn in oare sek. Einlings is it heikerwei dien. De sekken steane netsjes mei in izertriedsje tichtbûn op in rychje. Nier laadt se op in kroade. Dynte fljocht yn 'e hûs en komt mei noch in plestiksek oansetten.

'Dizze moat ek mei!'

Nier kroatet it frachtsje nei de dyk. Dynte makket harsels fierder ree. As er werom komt, stiet se foar de garaazje te wachtsjen. 'Wat rinste raar,' merkt se op.

'Myn foet slept.'

'Allinnich dyn foet mar? Wês bliid, ik sliep hielendal noch.'

Nier rydt har brommerke en syn Bugatti út 'e garaazje. Dynte sjocht yn har skoudertas. Se skoddet har hier.

'Hast ek in kaam?'

Nier fisket in kaam út syn bûse. Dynte hâldt him omheech tsjin de skiere loft. 'In kaam mei twa tinen is noch in kaam, mar mei ien tine net mear,' filosofeart se. Se bringt har lokken wat yn 't fatsoen

en dan is se ree foar de reis.

‘Hast de sjek goed opburgen?’ freget Nier.

‘Jawis.’

‘Wêre?’

‘As twa in geheim witte, is it gjin geheim mear,’ antwurdt Dynte. En se tikket him mei de wiisfinger op ’e lippen.

Tegearre ride se de oprydleane del. Dynte op har brommerke, Nier yn syn Bugatti. By it stek hâlde se.

Nier stapt út. Ieremoarn. Stil leit de dyk tusken de beammen dêr’t de fûgels in grut wurd yn fiere. Nettsjinsteande it tryste waar. Want it kin no noch. Aanst as it ferkear losbrekt, moatte se har de bek hâlde.

Dynte giet by Nier op stean. Se krûpe inoar oan. As se har los meitsje, bliuwt in slier flibe tusken har lippen hingjen. Dy glinstert even en brekt.

Elk nimt syn eigen plak achter it stjoer wer yn. Se jouwe gas. De iene motor knettert, de oare ronket. De fûgels fluitsje al yn B-lytse terts, pianissimo. Dynte rydt nei links, Nier nei rjochts. Se sjogge noch ien kear tagelyk oer it skouder en stekke de hân omheech.

Dan giet elk syn wegen.

Dynte rydt by it hege izeren stek lâns dat om de wylde tún hinne stiet. Se set oer Elsloo op Hoarnstersweach ta. Wat is it noflik om allinnich oer de diken te riden. Se kin de stilte drinke. As it net sa'n ein wie, hie se de fyts pakt. Noch minder lawaai, noch better.

Se hat maklike sljochte klean oanstrûpt. In wyt katoenen teesjut en in bêzje tinneroai broek. Dêr oerhinne in jas fan skieppelear mei it flues as fuorring. Badstoffen sokken en stevige skuon oan 'e fuotten. In suède riem om 'e mul.

Alles is mei alles yn folsleine harmony. Sels natuer en technyk. Har brommerke flüstert. Ut de knalpiip komme rôzige reekplommen yn 'e foarm fan hertsjes en pompeblêden. Ek dat ding wol wat tadwaan oan 'e freedsume rêst fan it Fryske gea. Dynte mei wol oer sok waar. Se fielt harsels in oanpast yndividu.

By Twizel is it gea wol rêstich, mar net freedsum mear.

In rige pânserweinen stiet by de dyk lâns. Der sitte gjin soldaten yn, oars soe Dynte wol fluitsjen hearre. Op elke wein is in nûmer fan fjouwer sifers en in dierenamme skildere. Dy nammen binne tige tapaslik, lykas by fakânsjehúskes. 'Sjimpansee', 'Wetterhynderke', 'Piper mûs', 'Sjiraffe', 'Drommedaris', 'Murd', 'Walrus', 'Mûdhûn', 'Sûchbarchje'. Dynte moat toch even gnize. Hjir folget in legerberjocht: 'Murd skeakelt Sjimpansee út, Piper mûs achterfolget Sjiraffe, Walrus blaast Drommedaris op, Sûchbarchje falt mei de hiele hûd op Mûdhûn, Wetterhynderke ûntploft'.

Tusken Hoarnstersweach en Sparjebird gniist Dynte net mear. Har brommerke begjint te protteljen, prúst ien kear en jout it oer. Dynte stapt ôf. Se is net technys oanlein. As se it motorke besjocht, kriget se al pine yn 'e holle. Hoe't se der ek mei omklungelt, it ding ferpoft it.

No is it gea gjin plak mear dêr't se har yn oanpast fielt. It mankemint oan har brommer hat de kontrei ynienen feroare.

In godferlitten rot dyk troch in wrâld tichtplakt mei krantepapier. Gjin

Nier rydt by it hege izeren stek lâns dat om de wylde tún hinne stiet. Hy set oer Ravenswâld op Haulerwyk ta.

Sa min mooglik oer de grutte wegen. Fan twadderangs diken ôf kin er folle makliker in hiem op ride. Dizze reis docht er it him oan tiid. Oer Bakkefean, Drachtster Kompenije, Stynsgea, Kollumerpomp, de Wâlddyk, Sibrandahûs, Burdaard en Wyns komt er sûnder mankeminten yn Ljouwert oan.

Hy set syn wein yn 'e betroude garaazje. Hy pandert fierder de stêd yn. It is noch betiid. Mar hy moat foar healwei tsienen útfine wat en wêr't de K.F.P. is. Yn it telefoanboek stiet it net. Dat in saak of gebou sil it wol net wêze. By it spoar giet him in ljocht op. Net in nearzich pitsje, nee, in gânse ljochtkroan. Hy skonket op it kantoar fan 'e V.V.V. ta.

Achter de toanbank sit in roerleas fanke. In stoareagjend easters byld. Troch har gedachten sweeft de skym fan it nachtlke feest mei in freon. En it spûkige stal fan in toerist mei syn deistige fragen. The day after the knight before.

'Ha jo ek in list fan alle Ljouwerter partijen, ferienings en groepearingen?' freget Nier.

Se wiist yn trance op in rak. 'In ryksdaalder,' seit se. Ek yn trance. Nier betellet en giet derby sitten. Hy sjocht earst by de politike partijen op godstsjinstige grûnslach. K.F.P. Dat sil foar it neist de Kristlike Fryske Partij wêze. Miskien de Katolike Fryske Partij. Kalvinistyske Fryske Partij kin ek noch. Keterske Fryske Partij is minder wierskynlik. It wurdt in ôffaller.

K.F.P. is hielendal gjin politike partij.

De F kin net oars as foar Frysk stean. De K is er minder wis fan. Kabaret, Keatsklub, Kegelklub, Keizerlik, Keninklik, Klassyk, Knineferiening, Koar, Kolleezje, Koloniaal, Kombinaasje, Koöperaasje, Krite, wat in karút. Hy ferslacht deryn. Hy giet alle mooglikheden bylâns, mar fynt de K.F.P. net. Suchtsjend docht er it boekwurk ticht en slacht der mei op

libbene siel om har te helpen.

Dan mar traapje. Se stapt op en fytst fierder. Neffens de wet is in brommer in fyts mei helpmotor. Neffens har in motor mei helpfyts. Jeukes, dit giet sa behelperich.

Har skonken bewege regelmjittich as goed smarde sûgerstangen. Mar it licht der net om. Se wurdt der waarm en kleverich fan. Se stapt jitris ôf en strûpt har jas út. It is noflikers sûnder. Of moat it wêze: It is sûnder noflikers? tinkt se wylst se fierder trapet. Sels yn har krampachtige hurdfytsershâlding is Dynte in fraai komponearde gehiel. Se wurdt noch gleoner. Har sjutsje hat gjin inkeld knoopke. Se kin dus ek net ien losmeitsje. No ja, der bliuwt toch net in soad te rieden oer. Se hat gjin bh oan. De knoppen fan har boarsten skine troch it tinne fochtige katoen. Dynte is gjin masine. It op-en-deljen fan har skonken giet wat langer wat stariger. Se moat út it sadel en op 'e trapers stean gean. Einlings sjocht se in hûs. It lêste eintsje rint se. Har brommer kin se noch tsjin de muorre sette.

Se moat earst even útpûste. Rûngear giet se op 'e stoepe sitten. Se wriuwet hurd by de sliepen lâns. Dan linet se achteroer. As har hertslach ûnder yn 'e tachtich is, komt se oerein. Se sjocht by it hûs op. It is in herberch yn Ingelse styl. Wite muorren yn fekwurk fan âlde swarte balken. De oes fan it tek kin se mei de hân rikke. In hege skoarstien, in grutte wynwizer oan 'e oare kant op 'e naad. Glês-yn-lead rûtsjes mei blinen, foar 't meastepart ticht.

Oer de boppe- en ûnderdoar yn 'e steande gevel hinget in izeren úthingboerd. It hat de foarm fan in frouljusgurtsje mei sjarretels en al. De namme fan 'e herberch is der yn it Ingels opskildere. 'Step-Inn'. Dêrûnder in ôfbylding fan twa minsken dy't nei presiis itselde úthingboerd opsjogge. *De Trije Gekken*, stiet der yn it Frysk by.

Trije? tinkt Dynte. It binne toch mar twa?

Se harsenskrabet. Se glimket as se it foar it begryp hat.

'e knibbel. Hea, wachtsje ris!

K kin ek foar Klub stean. Dat helpt him noch neat. Der binne sa'n soad klubs. Syn finger giet by alle klubs lâns.

Syn geduld wurdt beleanne. Einlings en te'n lêsten hat er it. K.F.P.: Klub fan Fryske Pommeranten. It adres stiet derby. Fleurich stapt nei bûten. Noch mar seis oere. Hy sil earst even sjen wêr't it is.

Op it Saailân fljocht er achter in pilaar fan it Gerjochtsgebou. It Chick Anus-Bonkerak-syndroom is noch net útwurke. Hy gnúft om in hoekje. Dêr steane se. De smoute prater en de man mei de seine. Neist in souwe op tsjillen. Se speure om har hinne. Krekt as wachtsje se op ien. Nei alle gedachten net op him. Mar hy kin net oan syn libbensjûn ta achter in pilaar stean bliuwe. Hy moat fuort. As se him krije, slaan se him de harsens ta de earen út.

Dêr stoot in kloft trimmers om 'e hoeke. Party loaikers nimme de binnenbocht en rinne oer de treppen fan it Gerjochtsgebou. Nier hat de baan rom. Hy slút him by de trimmers oan. Yn dy op-en-deljende kliber jout er gjin each. Hy is in nûmer wurden.

Chick Anus en it Bonkerak springe yn 'e rattelkast. Uche uche-blaf-blaf. Se ride achter de trimmers oan. Der ha altyd al mear passive as aktive sportivelingen west.

Ynearsten kin Nier moai meikomme. Hy bliuwt midden yn 'e ploech. Fuotten pakke tegels triuwe se achterút en tegels plakke justjes bliuwe even ûnder de skuon sitten meitsje in sierlike salto gjin mortale komme heel del op har wenstich plak yn it trotwaar rubberen lûdsjes fan soallen op tegels lykas hûd tsjin hûd en sûnder in snypsnaar giet in doar iepen en komt in trimmer ta de tsjusterens út ta de dei yn ta dy yn ta ús yn en no binne der hûndertfjirtjin har fuotten earms ûnsjenber ferbûn driuwstangen fan in lokomotyf soms ek hielendal los naait altyd ien foet op 'e grûn oars is it hurdkuierjen net hurdrinnen swit op 'e swelletippen yn it hier fan keal boppe-op wurdende plassen ik kom der oan net op

Eins soe it *De Fjouwer Gekken* wêze moatte, merkt se djipsinnich op. De klink kin se wol draaie, mar de doar giet net iepen. De boel sit ticht. Krekt sil se mei de klopper besykje om de geasten wekker te meitsjen, as in rattelkast it foarût opkrimmenearen komt.

Sa'n ridend wrak hat se noch noait sjoen. It is by de gatten om ticht. Gjin motorkap en achterein. It hat de kleur fan potstro mei saachmoal en blabber. Inkeld de tsjildoppen binne noch rustbrûn. Ien ding is gloednij. De namme fan it wrak bylket yn farske giele letters op it oerskot fan 'e kabine. 'Uche-uche blaf-blaf' hjit it. Dat is wer ris wat oars as 'Chitty-chitty-bangbang'. Mar net dit stoflik omskot makket Dynte kjel. Dat docht it foarkommen fan 'e bestjoerder sels.

Hy hat in jas fan apehier fan acryl oan. Om syn bleate hals is in fiter knope. In sikefûnsbriltsje stiet bryk op syn geitenoas. Om de plasse hat er in wynsel grutter as de tulbân fan de sultan fan Kastanië. Mar syn namme is Chick. Dynte slokt. Se fielt de hurde bult yn har skoudertas. As er har benei komt, sil se him mei syn eigen revolver foar de kop sjitte. Se bekoarret har. Hy hat har ommers juster noait sjoen. Miskien falt it ta. Net daliks it slimste fan jins meiminske tinke.

Chick stapt út. Hy stekt de hannen yn 'e bûsen en komt op Dynte ta. Tusken syn skean ôffile foarste toskten sit in trijehoekich gat. Dêr fluitet er fals trochhinne.

'Myn plof wol net mear,' seit Dynte.

Har stim trillet amper.

Chick giet yn 'e hoksen sitten en sjocht nei de motor.

'In spulstje fan slikje myn festje,' mompelt er.

'Kinsto him meitsje?'

'My net sjoen, hear! Moarn bringe! Stap mar by my yn. Wêr moattst hinne?'

Dynte wifelt. Wol er har in loer draaie? Se wiist op 'e herberch. 'Soe dêr gjin folk wêze?'

myn toskfleis kwyk fearjend op de ballen fan myn fuotten en dêr nimt in trimmer de lift fan in achtste flatferdjipping nei ûnderen ta boe boe want alles moat rinnendewei dien wurde boe ek fan 'e achtste ferdjipping ôf boe boe en no binne de hûndertfyftjin mei-inoar de flecht settend nei griener kontreien jonges niet zo over mijn straatje wadden hokfoar apegryks is dat ach dat mins set har Frysk altiten letterlik yn it Hollâns oer soks kin fansels boe boe gjin kant út diskant út troch it park dêr't in byld yn stiet fan bern dy't mei in bal boartsje mar bern meie net mei in bal yn it park boartsje en wat dogge de bodders fan 'e Gemeentlike Plantsoenetsjinst se steane op 'e skeppe en wachtsje boe mar wy wachtsje net de paden del de leanen yn net mear drige yn 'e rige fan rûnom strike trimmers swijend hymjend skodzjend op ús del en no bobbelje hûndertsânentritich hollen en trijentweintich folchauto's boe boe troch strjitten yn 'e grûnferve de lêste rige reklameljochtsjes tommelt mismoedich by in nachtklub del seis kwasten út ien sitroen in papierbak út 'e stander fallen synappelskilen rotsjende parren skimme-lich brea trije deade mosken stikken bierfleskes de stêd leit iepen as in wûne op it krúspunt steane fjouwer auto's knypeagjend oerinoar net ien hat foarrang dus nimme se it alle fjouwer en knalle tsjininoar op 25% rinte kapitaal 99 jier fêst mar it kompetysje-element is de mins ynskepen hurd hurder hurdst de earste útfallers gean pûstend boe op 'e stoeprâne sitten boe en jouwe belies komme wy der hjoed net dan komme wy der moarn wol boe boe soargje datst der net by komst de kopgroep rint al bûten de stêd yn de boe kopgroep bliuwe oars bist ferlern dit is Fryslân pankoekeplat gûlwinich luzekeal en klaaidreech de dyk bochtet omraak alle kronkels yn Fryslân binne horizontaal inkeld in tsjerke fertikaal boppe in tropke beammen noch in stompe toer ek kometen wurde mar iens sjoen wêr't se wei komme wêr't se hinnegean wit gjinien mar wy witte it wol wy rinne de stêd temjitte huzen bespringe ús elke beweging is betocht ik tink no moat ik myn earm foarút swaaie en

'Grif. Mar it is in Ingels spultsje. Se binne net earder as tsien oere iepen. Dêr kinst tonger op sizze.'

'Hoe hurd giet dyn prototype?'

'Dat sit wol snor. Noch altyd santich kilometer.'

'Ik moat hielendal nei Ljouwert ta.'

'Je bliuwe laitsjen,' seit Chick fleurich. 'Ik ek'.

Dynte wurdt wer erchtinkend. Trochsette, se kin no net mear tebek-klauwe. Se docht har brommer op slot en set har foarsichtich neist Chick del. Dy steunt mei in earmtak ke yn it finstergat fan it portier. Mei de hân hâldt er it dak beet. Oars falt it swikje útinoar. De auto smûcht, stint, jout Dynte in pear stompen ûnder de gurl. Se kochelje de dyk op en rachelje nei Drachten ta.

'Ik bin Chick Anus.'

'Ik bin Lapke. Lapke de Vries.'

Dat binne de earste nammen fan 'e wittenskiplike list dy't har yn 't sin komme.

De smoute prater fertelt oan ien tried wei. De liddige tellen follet er mei fals fluitsjen tusken de toskten troch. Dynte harket mei in heal ear. Geandewei saksearret har ûn nocht. Se rekket sels op dree. Se wiist op 'e tulbân. 'Opereard?' freget se freonlik.

'Nee,' antwurdet Chick. 'In ûngeluk hân. Ik koe gjin brij mear sizze.'

'Ferkearsûngeluk?'

'Ja, in kettingbotsing. It wie by de wylde seespinnen om't ôf. Fyftjin auto's tagelyk. Gean dêr mar oan stean. Ik ha earst yn it sikehûs lein foar observaasje. Mar ik woe net langer. De gânske dei op in seal mei slymballen dy't kimmeneare of moalige ferskes sjonge. Ien pot wiet. Ik waard der sels balearich fan. Dat sadwaande.'

'Docht it noch sear?'

'It tûkert in bytsje. Net bot, mar it is bollich ferfeelsum.'

Fierder doar Dynte net te gean. Se wit genôch. Hy hat gelokkich noch

ik doch it no moat ik myn foet optille en ik doch it wurch wurger wurchst in krater fol pine ûntploffing boe yn it ûnderliif fulkaan gêsting erupsje in fakuole tynt út ta wanskepen grutte boe boe draait yn holle yn mage in kopgroep fan alve man mei ien nearboarstige folchwein boe as it dan moat sil ik yn it harnas stjerre om de nije trainingsbroek fan in âldwiif hinne ferswynt Nier yn in portyk.

De kopgroep giet fierder. De rattelkast mei it syndroom ek.

Nier sit dêr noch as in man syn winkel iependocht. 'It is hjoed gjin opromming,' seit dy fernuvere.

Nier komt krebintich oerein.

Al syn klean binne dweiltrochwiet. De damp slacht derút. As er dit oan-hâldt, kriget er grif longûntstekking. Hy sjocht dat er fuortby de saak fan Kobus en Ko is. Dêr sil er it besykje.

Hy kreupelt derhinne en triuwt de brike doar iepen. Kobus en Ko lêze no net yn Vondel. Se ha it fleanende drok. 'Sa ier al yn 't spier?' rymt Nier.

'In grutte bestelling,' antwurdet Kobus wylst er yn 'e hannen wriuwt. 'Alle gear húsfeinte- en tsjinstfammeklean. In fertûntsje bûten it seizoen.'

Nier knikt tefreden. Moai sa, Dynte is hiel oerkaam en se hat meiwurking fan Al Pino krigen. 'Ik soe graach noch in sjauffeurspak hiere wolle,' seit er. 'It oare is nei de stomerij.'

'Dat dogge wy oars sels wol, hear.'

'Man, it wie gjin gesicht. Hielendal trochswit.'

Kobus sjocht Nier fan top ta teil oan. 'Ja, jo switte seldsum. Hoe gongen de earste opnamen? Ik ha noch gjin praat oer in nije Fryske film heard.'

'Och, wat sil ik der fan sizze. Trije akteurs, in eksperimintele film, in lyts budget. De lju binne der hjir noch net ryp foar. Dan moat je in soad allinnich dwaan.'

hinder fan 'e klap.

By Nijegeasterhoeke hoastje se linksôf. Oer Warten en Wergea giet it op Ljouwert ta. Op it wetter fan it Van Harinxmakanaal gjin ien sinneblink. Oer de stêd hinget in grauware.

De lêste swierrichheid. Wêr sil se útstappe? Fuortby freonen is it bêste.

Foar ythûs It Seewiif seit Dynte: 'Hjir wol ik der graach út.'

De auto kroppet en se hâlde. 'By gelegenheid hoopje ik dy in deugd te dwaan. Chi Kanus wie de namme, no?'

'Nee, Chick Anus.'

'Dat is itselde.'

Mei-iens hipt Dynte fan har stoel ôf. Se rint gau nei de steech en slacht it hoekje om. Tsjin de muorre bliuwt se stean. Se harket.

'Uche-uche-blaf-blaf' prilst him suver útinoar. It heart as brekt in elektrise boar de strjitte iepen. Hjir-en-dêr geane finsters iepen. Sliepperige hollen sjogge op it stik miljeufersmoarging del. Noch net iens seis oere.

'Goeiemoarn, allegearre!' De auto sjit troch de lûds-barriêre. Hy toetert ek noch omraak. It lawaai rôlet troch de strjitten as in knikkert troch in knikkertbak. Marit wurdt suniger. Op 't lêst freget Dynte har ôf oft se it lûd krekt al of krekt net mear fernimt. It is stil. De finsters flappe ticht.

Se suchtet fan ferlichting.

No't alles feilich is, hat se yn it ythûs gjin boadskip. Dynte komt de steech út en stapt nei de binnenstêd ta.

Yn in smel strjitsje tichtby de Grutte Tsjerke bliuwt se stean. In breed hûs mei harkenieltsjes en bôgefinsters. It hat in balkon op 'e twadde ferdjipping. In blauwe stoepe leit foar it hiele front lâns. Dêr omhinne in stek fan stiennen peallen mei swiere keatlings der tusken. De gevel is in griemank fan tolve stilen. De Skientmekommisje is der mei oan. Monumintesoarch ek. In gekke fint, Al Pino, wol der in meditatyf sintrum fan meitsje. In plak dêr't elkenien him op himsels besinne kin. In Hûs fan de Stilte. Mar dan moat er it keapje en opmeitsje litte. Dêr hat er gjin jild

'Dêr kin ik ynkomme. Bliuw hjir mar even stean. Ik helje jo in oar pak. De maat wit ik noch.'

In skoftsje letter pongelt Nier as sjauffeur troch de strjitten. Syn eigen klean hat er yn in pûde by him. Hy sil mar nei It Seewiif ta gean. Hy hat in benaud bytsje fut oer. Earst goed bekomme. Wa wit wat der by de K.F.P. wankt.

Foar him út rint in fanke. Nettsjinsteande it tryste waar yn shorts. Daliks draait se de holle om.

'Netwier, hotpants!' byt se him oer 't skouder ta.

'Ik ha neat sein,' ferûntskuldiget Nier him.

Hy is lucht foar har. Lilk draait se de holle wer rjocht en strûst in sydstrjitte yn.

Nier suchtet. It falt langer net ta it immen te goedzjen. Gelokkich is er sels net sa'n albestel. Hy bestelt yn It Seewiif inkeld in kop sop en in pear broadsjes healom. En mei in achterôfhoekje, net iens by in raam, is er al kontint.

Op 'e klokslach fan healwei tsienen stiet er foar de K.F.P. It hat mar in smel front. Net mear as in ikehouten doar mei in traaljefinster. Hy lit de klopper falle. It duorret in ivichheid foardat er holle stappen heart.

In knip knarst en it rútsje achter de traaljes giet iepen. In skier gesicht sjocht him spoensk oan. 'Nier Hinnebruer út Ald-Appelskea.'

It rútsje flapt ticht, de knip knarst. Nier wit it al, hy is frjemdeling en net wolkom. Mar nee, dêr fernimt er it skowen fan trije skoattels, it klikken fan twa kaaïen en it fuortheljen fan ien dwersbalke. De doar swaait iepen.

Nier stapt deryn. Hy komt yn in brede gong fan swarte en wite tegels. De húsbewarder tilt earst de balke wer te plak, draait de kaaïen om en triuwt de skoattels ticht. Dan nimt er de foarstap.

Hy rint rûngear. Syn slútring is sa grut as in hoep, de kaaïen slepe oer de flier. De gong wurdt breder en breder, healwei is in galerij fan

foar. De gemeente sil it dus ferkeapje moatte oan in grutwinkelbedriuw. Dêrom stiet dit hûs ree foar de ôfbraak. De gemeente ferhiert it salang oan Al Pino. Dan wurdt it teminsten gjin kreakpand.

Dynte lûkt oan it toutsje dat út 'e brievebus stekt. Elkenien kin samar by Al Pino út en yn rinne. By nacht en by dei hat er sliepers. Se rint troch de lange gong. Rjochts en links binne doarren. Se docht de lêste doar iepen en komt yn in hearlik heech fertrek. Dêr kin in mins noch sykhelje. Dêr libbet er yn op. Dêr beseft er noch dat er in wêzen is dat rjochtop giet. Hiel wat oars as de keamers yn in modern hûs. It folk dat ferstruid oer de planken leit, slacht har gjin acht. Dynte stapt oer skonken en earms hinne en rint noch in pear fertrekken troch. Dan it ophingjen fan affysjes. Hy stiet op in trap. Tusken syn tsjokke lippen stekke kopspikers. Syn brede hannen mei de koarte hierrige fingers hâlde in hammer en in oprôle plaat. It krollige Hindrik VIII-burd en de swiere wynbrauwen jouwe syn kop in hearskerstrek. Mar yn 'e donkere El Greco-eagen brânt net de koarts fan it fanatisme. Hy hat de mankelike goedens fan in sintbernardhûn. Hy is yn syn wenstige klean. De alpinomûtse op en it sljochte wurkpak fan 'e Sinesse Folksrepublyk oan. Dynte giet ûnderoan de trap stean.

'Dêr bin ik wer ris. Wolst dat dit hûs stean bliuwt?'

Al Pino knikt fan ja.

'Hast jild om it te keapjen?'

Al Pino skoddet fan nee.

'Ast my helpst, kinst in miljoen barre.'

De kopspikers falle Al Pino út 'e mûle en rûgelje oer de flier. 'Kom mei,' stammert er feraltereard.

Se geane nei syn kantoarke ta. Dat is tagelyk de administrative ôfdieling fan syn útstjoerburo foar revolusjonêren. Hy nimt bestellings foar oproeren oan. Sa strykt er noch in pear sinten op. Syn finansjele tastân is soargelik. Dat feit fertsjustere moannet er net.

bylden en boarstbylden. Fjouwer iuwen sjogge earnstich op Nier del. Unwillekeurich begjint er op 'e teannen te rinnen. Hy is mar in Fries fan 'e tredde garnituer.

Se geane in kreakjende trep op. Yn 'e leuning binne wapens fan adelike famyljes fike. It kin ferbylding wêze, mar Nier mient dat er it kroaskjen fan raven heart. As se al lang en breed fan 'e trep ôf binne, kreakje syn skuon noch. Miskien moat alles hjir kreakje.

Dan gean se in draaitrep op, wer fersierd mei wapens. Dizze reis fan eale basterts-kaaien. Nier is bliid as er boppe is, syn fuotten moardzje him.

'Binne wy der hast?' freget er as de húsbewarder de stap der wer ynset.

'It strûpke fan 'e handoek sit altyd oan de lêste tippe,' knerst de man. Dat moai stikje idioom hat Nier noch nooit earder heard. Mar hy wit wat bedoeld wurdt. Einlings hâldt de húsbewarder foar in doar dêr't 29 op stiet. Dy ûntslút er mei in kaai.

Achter in ikehouten kleastertafel sit in man mei in web fan rimpels om syn eagen. Hy hat in sunich haffeljend mûltsje, krekt as kôget er mei de foarste tosken op in nûtsje. De húsbewarder draait de doar yn it slot.

'Nier Hinnebruier út Ald-Appelskea,' seit er.

'Tewille!' Seit de roek achter de tafel. Hy sjocht Nier lyk oan. Syn eagen binne donkergrize spinnen middenyn har webben. 'Binne jo in echte Fries?'

'Myn âlden komme fan De Wylp,' antwurdet Nier.

'Ut it Grinzer of it Fryske part?'

'Ut it Fryske fansels.'

'Dan is it goed.'

De roek jout him in kaartsje mei in wettermerk. 'K.F.P., net teare as jo wolle' is der inkeld op printe. De húsbewarder makket de doar iepen. Nier moat him wer folgje.

Syn grutboek is in iepen boek. Lapen papier fol sifers hingje oan 'e muorren. Oan de kredytkant de kosten fan reekbommen, benzine, lúsjeifers, protesten, sprekkoaren, oarderfersteurders, spandoeken en ferve, barrikaden, boetes en stakingen. Oan 'e debetkant inkeled de ynkkomsten fan sosjale bystân. It neidielich saldo rint yn 'e tûzenen.

'Fal del, fanke.'

Dynte giet yn it brede finsterbank sitten. Se leit har plan út. Al Pino hinne-en-werret en byt op syn snorpunten.

'Wel, wat seist der fan? Ik jou ús njoggentich persint kans,' beslút Dynte.

'Hoe komme wy oan al dy klean?'

'Hiere. By Kobus en Ko.'

Al Pino glimket fan ear ta ear. Hy pakt har stiif by de boppe-earms. 'Yn oarder, fanke!' Hy set in bôle, in klute boerebûter, in fles wyn en in pear glêzen op 'e tafel. Ut de bûse hellel er in mes. 'Wy moatte alles goed trochprate. Ek in flaubyt?'

'Graach,' seit Dynte. 'ik ha fan 'e moarn suver noch neat hân.'

Al Pino snijt it brea tsjin syn liif oan.

It raam stiet iepen. Se sjocht in tegelpleatske mei in blomperkje sa grut as in bûsdoek. Ringsom readstiennen muorren mei foegen en kalkplakken dy't in abstrakt patroan foarmje. Underoan griene oanslach en boppe-yn rustige ankers. Achter dy muorren jachtsje de earste lju al wer nei har wurk. Spitsoere begjint. De stêd wurdt starichoan foltroppe mei rumoer en stank. Hjir kringe dy lûden net sa skerp troch. It is of sit se yn in stolp, fier fan 'e tsjirmerij om har hinne.

'Doch it raam even ticht. Ik moat wat frisse lucht ha,' seit Al Pino. Hy jout Dynte in brogge. Hearlike farske strinkjebôle. Se yt noch fjouwer broggen. Lekkere tampige lânwyn. Se drinkt noch trije glêzen. Strinkjebôle út Fryslân, lânwyn út Frankryk. Lannen dêr't it libben goed is. Dynte stapt op. Se hat noch mear te dwaan. Al Pino bringt har nei de foardoar ta.

'It stevichste!' Seit er noch oer it skouder oan 'e roek. Hy wol yn styl bliuwe. Wer giet it troch in stikmennich gongen fan it laberint. Se komme oan doarren mei ûndielbere nûmers foarby. Foar in dûbele doar sûnder opskrift hâlde se. De húsbewarder stapt oan 'e kant en lit Nier deryn. Hy stiet yn in soarte fan jachtweide. Gjin taap, gjin jukebox, gjin krukjes, mar al reek, drank en in biljert. In mannichte krieën, roeken en raven sitte yn plusen briedstuollen te krantsjen en te petearen. Allegear mei swarte klean oan en in gouden ûndielber nûmer op it boarst. Even stûket har praterij. Alle hollen draaie nei Nier ta, alle eagen hifkje him in momint. Suver tagelyk dwerse de hollen har ôf. Se ha it al sjoen. Der binne nullen en prymgetallen.

In grouwe stut komt oerein út it omsittend laach. Hy kroatet op Nier ta. Hy hat in dikke wiete ûnderlippe sa grut as in meloeneskyl. En hy rûkt út 'e azem.

'Mei ik jo kaartsje?'

Nier oerlanget it him. Hy ferskuort it fuortendaliks.

'Wat sizze jo fan Gysbert Japiks?' freget er.

By lokraak jout Nier in djipsinnich antwurd. 'Gysbert Japiks is,' seit er. Dat moat de grouwe stút earst even ferarbeidzje. Hy docht gâns writen. Mei tomme en wiisfinger omslút er syn noasbrêge.

'Dat is in wier wurd,' jout er ta. 'Gysbert Japiks is. Lyk as Bach is en Rembrandt is. Dêr is alles mei sein. Dêr hoecht men net oer te striden. Ik sil it ûnthâlde foar in redefiering. Gysbert Japiks is.' Hy knikt ynstimmend en bringt Nier nei in taffeltsje dêr't gjin lju oan sitte.

'Wat moat ik hjir dwaan?' wol Nier witte.

'Kalm, der is tiid behâlden.'

De grouwe stút giet nei syn ploechje ta. De hearen stekke de hollen byinoar en mûskopje. In fanke mei in drankweintsje komt der yn. Se hat in swart minyjurkje oan. It wite minyskelkje spant kreas oer de maksyboarsten. Se rydt by de hearen lâns. Dy nimme foarsichtich har slokje,

'Do bist in ingel yn 'e need,' seit er wylst er har útlit.

Dynte sjocht op har horloazje. Kertier foar achten. Soe it kantoar fan 'e krante al iepen wêze?'

It Ljouwerter Deiblêd is noait sletten. Dat kin net. Dêr hat it in te grutte lêzersrûnte foar. In âld baas sit achter it loket. 'Hjir melde,' stiet op in kaartsje. Boppe in rûn finsterke mei gatsjes noch in kaartsje. 'Hjir prate'. Dynte meldt har en begjint te praten. De âld baas kin syn holle net stil hâlde. Se praat der iderkear bylâns. Syn holle swaait as in lampe hinne-wer achter it finsterke. Mar it boadskip komt oer. No skoddet syn hân foar har eagen. Hy wiist erges nei Lekkum, mar hy bedoelt de bank. 'Hjir wachtsje' seit in kaartsje. Dynte set har del. De âld baas docht in taast nei de telefoan en mist op in healjelne. By de twadde greep hat er kontakt. Syn wiisfinger riert boppe de knopkes en prippet ta. In skot yn 'e roas. Wylst er praat, rekket it snoer om syn hals. Hy smoart der hast yn. Dynte dipt har foarholle mei in bûsdoekje. Se sjocht om har hinne. Wêr moat se it kwyt? Jawis, dêr ûnder dat kaartsje 'Hjir papier'. Se smyt it bûsdoekje yn 'e bak.

De âld baas slingert wer achter it loket. Dynte leit har ear tsjin it sprekfinsterke. Dan komt it lûd fan rjochts, dan fan links, dan út 'e midden wei. Krekt stereo. Mar se ferstiet it goed en wit wat se dwaan moat. Se bedankt de âld baas o sa.

'Jo meie wol opsjitte, oars misse jo de trein. Dat soe ik leedst 19 ha,' ropt er noch.

Se hat amperoan in kertier.

Oardel kilometer hurdrinnen. Fyftjinhûndert meter is de kaaiôfstân, krekt as by it reedriden. Se fljocht nei it stasjon en nimt in inkele reis Grou-Jirnsum. Se hat noch in minút oer. Net min foar in suvere steats-amateur.

Tweintich minuten letter is se geandefoet op 'en paad nei Grou. It ferkear is yntinsyf. It hat in hege frekwinsje. It is drok op 'e dyk. Ek yn 'e

de pink stiif foarútstutsen.

Dêr komt de boarstwarring op Nier ta. De holle kipet der boppeút. It drankweintsje hâldt ûnder syn noas. Se hat de karút fan in supermarket op moandeitemoarn. Inkeld âlde, jonge en konjak.

'Der is ek noch tee,' seit se, as Nier net út 'e rie komme kin.

'Ja, tee ha ik al sa leaf,' knikt er.

'Kinne jo even wachtsje?'

'Hast net.' Hy bûcht him nei har ta. 'Bist fan 'e jûn frij?' flústert er.

Har eagen wurde bêdryp. 'Hast net,' flústert se werom. En se hellet in tsjetteltsjefol tee.

'Bedankt.' Nier tikket op har earm. 'Bist moai.'

Se strykt de hannen by it liif del. 'Fynste?'

'Hast ek in namme?'

'Bearke.'

'Bearke, bist de moaiste yn dyn klasse,' hâldt Nier út.

'Hokker klasse?'

'De all-roundklasse.'

Dêr moat se earst op briede.

Starich skoot se it weintsje fierder. De tee smakket as fertinne tymsjerp.

It wurd tsien oere, healwei alven. De hearen litte Nier mar gewurde.

Dat is ien fan de rjochten fan de minske. Mar net as men erges útnûge wurdt. Hy komt oerein en skonket op 'e dûbele doar ta. Op itselde stuit stowe de hearen op him ta en slute in rûnte om him hinne. In kordon fan fiif man achterinoar. Dêr komt er noait trochhinne. Wat moat in falk middenmank sa'n mannichte krieën, roeken en raven dwaan? In moarderij mei syn revolver oanrjochtsje? Noatich giet Nier wer op syn plak sitten. De hearen falle yn har briedstuollen del, peteare en krantsje en hâlde him ûnderwilens yn 'e kuer. Alve oere, healwei tolven. Se ha him moai by de poat. Se dogge neat, mar se litte him wachtsje. Dat is har taktik. Gewoan ien dy't oaneine wol út 'e rûlaasje nimme. Tolve oere al. De

loft. Oer it doarp giere de straaljagers. De kommandant fan 'e fleanbasis hat sein dat simmerdeis spitigernôch ek boppe rekreasjegebieten flein wurde moat. By 't winter sille der wer flechten boppe de stêd nedich wêze.

Dynte moat Cap Sones ha.

De skandaalskriuwer fan it Ljouwerter Deiblêd. Hy hat syn fêste deistige rubryk. Yn kursive letters. Foar syn kollum moat al it oare nijs wike. Lêste berjochten oer wrâldpolityk wurde besidelein as Cap Sones syn kopij noch letter ynlevert. Elkenien sprekt skande fan syn stikjes en elkenien lêst se it earst. Pommeranten dy't er te kyk set hat, slikje har wûnen. Dy't noch net oan bod kaam binne, freegje har fertwivele ôf wat har oer de holle hinget. De legerein hat nocht oan ûnnocht. Komselden wit ien út it folk ta syn kolom troch te kringen. Dan moat de need wol hiel heech wêze. Mar wa't it sa fier bringt, is op slach ferneamd.

Neffens de âld man moat er op it terras fan it Grand Hotel sitte. Dynte rint de treppen op fan 'e kolossale útbou dy't in prachtich sicht oer de mar jout. It wetter klotst der ûnder. Net tsjinsteande it ferfelende waar is it smoardrok. Alle gasten sjogge mei eagen op stâltsjes nei it skûtsjesilen. In boereblaaskapel spilet in griemank fan suvelmeldijen.

Se wit hoe't Cap Sones der útsjocht. Syn portret stiet elke dei boppe syn rubryk yn 'e krante. Se giet alle twahûndert taffeltsjes bylâns. Se sjocht de minsken ien foar ien oan. Se speurt om har hinne. Cap Sones kriget se net yn 'e smiis. Se freget oan in betsjinder.

'Is Cap Sones fan it Ljouwerter Deiblêd hjir ek?'

'Dat sil wol, mefrou.'

'Wêr dan?'

'Dat wit ik net, mefrou.'

'Dat moatte jo toch witte?'

'Ik wol it net witte, mefrou. As it menear Cap Sones haget om syn identiteit beside te hâlden, jout it ús gjin pas dy iepenbier te meitsjen, mefrou.'

sitting fan 'e stoel wurdt gleon ûnder him. Syn oanpart is oan no ta mis-
learre. As Dynte mar mear gelok hân hat. Dêr kriget er in Aha-Erlebnis!
Dy deale, dat is noch in kâns!

Hy winkt Bearke. 'Hoe let komt it Ljouwerter Deiblêd?'

'Tagelyk mei de oare kranten foar de lêstafel. Om fjouwer oere.'

'Kinst foar my no net it Ljouwerter Deiblêd helje?'

'Ik mei der net út fan 'e húsbewarder.'

'Besykje it, spylje dyn froulike bekoarlikens út. Dy hast toch net om 'e
nocht krigen?'

'Wat krij ik fan dy derfoar?'

'Jild of natuera of allebeide, dat meist sels witte.'

Bearke docht it. In healoere letter komt se werom mei it Ljouwerter
Deiblêd.

'Dy âld roek. Dêr hie ik myn hannen fol oan, hear!' himet se.

Nier teart de krante iepen. Hy wipgattet fan blidens. It stiet deryn, op
'e foarste side! De kolom fan Cap Sones. Titel: MASKERADE OM
BARON PAPPSACK. Hy lêst it artikel mei sân hasten. Dan leit er
de krante demonstratyf op 'e lêstafel.

De hearen wurde nijsgjirrich. De ien nei de oare komt oerein en bûcht
him oer de krante. It duorret net lang of se ha allegear it stik lêzen. Se
oerlizze drok mei-inoar Har hollen knikke en skodzje. Fjouwer hearen
ferwiderje har. Fiif komme werom. Ien fan har is de baron.

'Jo hjir?' ropt Nier ferheard út.

Pappsack rint op him ta. 'Bêste Hinnebruer! Wêr is Loebes?'

'Noch net fûn. Mar dat komt wol.'

En Nier jout de baron in treastryk klopke op it skouder. 'Jimme kinne
gean,' seit de grouwe stút dy't Nier syn kaartsje ferskuord hat.

Grutsk stapt Nier njonken de baron troch de gongen en by de treppen
del. Achter har rint ferslein de swarte staasje fan de pommeranten. By
de foardoar stiet Bearke te gûlen.

In holleknikje en hy fitert nei de folgjende bestelling. Ja, fansels, Cap Sones hat syn uterlik feroare. Oars soe er hjir net rêstich sitte kinne. Dan hoecht se him ek net troch lûdsprekkers oproppe te litten. 'Wol menear Cap Sones even by de útgong komme? Syn auto stiet ferkeard parkeard.' Dêr fljocht er noait yn. Miskien hat er in helikopter. Dynte suchtet. Wat moat se no wer optinke?

Se knipt mei de fingers. Dat is it! Se sil sels foar in skandaal soargje. Dat sil him út syn tinte lokje. Hokfoar skandaal? Misdiediging!

In slachtoffer hat se al gau fûn. In frommes ferpakt yn side en mûzeline. In âlde taart mei lagen poeier deroerhinne struid. Dynte giet lyk foar har stean.

'Smoarge fizerik!' skelt se sa lûd as se kin.

De taart glimket freonlik. Se kriget har breidzjen fan in stoel en nûget Dynte njonken har del te fallen.

Dynte skelt jitris.

De taart laket en seit wat yn it Gaelic. Noch in bûtenlânse ek. Wat in tsjinslach. De omsitters slaan op har skelden hielendal gjin regaad. Dy sjogge nei it skûtsjesilen.

Se sil wat oars besykje moatte. Dynte tinkt djip nei. Dêr hat se it! Seks! Se stelt har midden foar de taskôgers op. Se strûpt har jas, skuon en sokken út. En dan, op 'e maat fan 'e muzyk docht se njonkenlytsen alle omballingen ôf. Earst de tinne-roai broek. Wigeljend mei har heupen triuwte se it guod sintimeter foar sintimeter nei ûnderen ta. Har skonken stappe derút. Sa ferriist de ljochtsjende dei út 'e nearens fan 'e nacht. Dan it tee-sjut. In oarenien soe der yn betiisd reitsje. Dynte net. It sjut strûpt fan har ôf as in twadde hûd. De beide hichtepunten fan har terpich lân fertoane har yn hear en fear. No it slipke noch. Tergjend starich komt dat del. Se rekket it net iens oan. Se dûnset der út. Mei ien finger giselte se it yn 'e rûnte en saait it fuort. Wat har dan opdocht is in skatkeamer foar tûzen-en-ien-nacht-en-dei.

'Wat is deroan?' freget Nier.

'Se ha my de sek opjûn,' snokket it fanke. 'Ik kin nerges gjin weide hâlde.'

Nier fielt him machtich. 'Kom do mar by my,' seit er.

Bearke glimket troch har triennen hinne. 'Ik sil alles foar dy dwaan.' En se begjint him al hertstochtlik te tútsjen.

Trijeresom stappe se bûtendoar. De balke kreaket, de slotten en skoatels knerse achter har ticht.

Se snuve de frisse, mar net skjinne lucht op.

*Nier jout de baron de brief fan Orsel. Dy is der sa wiis mei. Hy fleurt hielendal op. Bearke kriget jild om in float jurkje te keapjen. As in rûn moadeprintsje komt se ta de winkel út. Nier sjocht op syn horloazje. Hy mei net earder as seis oere yn Ald-Appelskea werom wêze. Dus earst mar ite yn *It Seewiif* en dan in stikmennich museums bylâns.*

De middeis besjogge se flechtich âldheden. Grûnfynsten, pronkkeamers, drachten, goud- en potguod. Lang kinne se net bliuwe, de baron hat mar in festjebûsefakânsje. Se fleane ek by Aziatys diggelguod lâns. Nier sjocht in Sinesse Mingfaas stean. Hy kin it net litte en tikje der eefkes tsjinoan. 'Ting,' seit it ding. Grif gjin echtenien.

De rûnlieder wiist omheech. Hy wiist op Goatise ljocht kroanen, Barokke skoarstien buorden, Perzise mozaiken, Romaanse blompotten en Grykse urnen.

Pappsack sjocht ûnderwilens del op it Rokoko dekolletee fan Bearke. Om healwei fjouweren ha se alle Ljouwerter museums hân. Nier wol ek ris nijichheden sjen en hy moat tydrekke. Dêr komt him wat yn 't sin. Hy is ommers in freon fan it moderne keunstnerspear Pop-Aart. Dy ha in permaninte eksposysje. Dêr kinne se hinne! Boppedat is it in moaie ommelânse reis.

'Sille wy no noch even nei Ypkolsgea?' stelt er út. 'In tetoanstelling dy't jo wier net misse meie.'

De boereblazers krije noch reader hollen as se al ha. Har petten sitte fol swit, har hoarns fol flibe. De suvelmeldijen wurde wei yn 'e false toanen. In ijskoman dy't ek nei de striptiis stoarret, lit in kwak skepiis neist it koekje falle. Mar de folkloare wint it wer fan 'e aktualiteit. Alle oare taskôgers sjogge finaal by Dynte lâns nei it skûtsjesilen.

Se is har rie te'n ein. Wat kin se no noch útfine? Der bliuwt neat oer. Ja, toch! Jild!

Se grabbelt út har skoudertas in tûzengûnebrifke. Se hâldt it omheech en ferskuort it sa dúdlik mooglik. De flinters lit se yn it wetter dwerrelje. As ien man komme de taskôgers oerein. Se rinne inoar fan 'e fuotten, stompe mei earmtakken, smite taffeltsjes om en strûze op Dynte ta. Yn 'e eagen flikkert hebsucht. Dynte krijt it benaud. Se springt oer de leuning en rint om it libben. As in lawine stoart de meute by de treppen del. Dynte fljocht tusken sylboaten troch nei de útein fan 'e langste steger. Se sjocht oer it skouder. De achterfolgers binne tsien meter fan har ôf. De fuotten roffelje oer de planken.

Se hâldt de siken yn en dûkt. Se swimt in ein ûnder wetter. Kâld en donker omslút it har brúnzen lea. Se sjit foar in boat lâns. Se hat in hekel oan wetter, mar se kin goed swimme. Fandatoangeande is se ek krekt in kat.

De achterfolgers springe har nei. Rigen plompe yn it wetter. Yn in omsjoch is de mar besiedde mei koppen. Dy swimme yn healmoanneformaasje op nei it plak dêr't se de bût bespeure.

Dynte is skjûn oanein. Har earms en skonken wurde leadich. Se sakket nei de grûn. Se kriget in gjalp wetter yn en wrakselt har wer boppe. Har teannen fiele blabber.

Snilen prykje yn har as ynjeksjenuddels. Troch in waas sjocht se in giele boat. Har hannen klauwe nei it board, omklamje it. Yn 'e boat sit in fisker mei de rêch nei har ta.

'Help!' bringt se tagelyk mei in gjalp wetter út. Dan moat se loslitte. Har

'Is it fier?' freget de baron.

'Alhiel gjin omwei, wy komme der bylâns.'

Pappsack hat gjin beswier. En Bearke fynt alles bêst. Dy twa kinne it goed mei-inoar roaie. Se binne ek fan itselde kaliber.

Geandefoet berikke se de garaazje dêr't Nier syn auto yn stiet. Se stappe yn. Bearke wol neist Nier sitten gean, mar Pappsack nûget har om njonken him te kommen. Se wit net wat se dwaan moat. Nier knikt har temûk ta. Se ferstiet dy stille wink en falt neist de baron del. Dêrmei is de dyklizzing fan 'e Bugatti ek folle better.

Trije kertier letter stowe se op Wâldsein ta. It spul fan Pop Aart leit oan diskant fan Ypkolsgea. Op it hiem stiet in echte haiwein mei plestik hea.

Pop en Aart binne allebei de wat te artystyk klaaid om te oertsjûgjen.

Pop hat in tinne kaftan oan en op har sungen prúk in sombrero mei linten dy't oer de grûn slepe. Aart stekt út in boernoes. Syn gesicht wurdt wei achter in sinnebril. De glêzen binne net earlik sa grut as de patryspoarten fan in slachskip. Mar har wurk kin besjen lije. It stiet en hinget yn in grutte ljochte omboude boereskuorre. Wat hinget is fan Pop, wat stiet is fan Aart. Der binne ek in pear mienskiplike objekten by. It gehiel hat in ûnthjittend nivo.

'Sniewytsje': matras mei de ôfprint fan in fammelichem deryn en sân stiennen túnkabouters deromhinne.

'Ungetiid': heafoarke mei springfearren as tinen.

'De Lytse Miger': kopy fan Manneke Pis yn Brussel, mar dizze stiet netsjes yn in hoekje mei de rêch nei de taskôger ta.

'De Grutte Fergielser': plastyk fan in man mei inkeld in sniewyt slipke oan.

'Assemblaazjes fan couponringen op swart fond'. Nûmer 1: ileestykjes yn O-foarm. Nûmer 2: ileestykjes yn 8-foarm. Nûmer 3: ileestykjes yn woarst-foarm. Nûmer 4: knapte ileestykjes.

'Sjoch, sjoch': kolossale Fryske flagge mei in glêstroede deryn; dy

neils krasse oer it board. Se fielt har ûnder de earmsholten beetpakt. Se wurdt omheech lutsen, har liif skuorret oer it board. Beklings falt se yn 'e boat. De fisker stiet oer har hinne.

'Gau, hjir wei!' ropt se heas. 'Se wolle my fermoardzje!'

De fisker lûkt de motor oan. Dy docht it fuortendaliks. De boat spuitet fuort. De punt sjit omheech, de achterein lûkt in waaier fan skom oer de mar. De koppen fan 'e moardbrigade op-en-delje as koarkjes oan in angelsnoer. In minút letter lizze se ferstruid oan de iggen.

Dynte komt oerein. Se fielt har al de helte noflik. De fisker sit by it stjoer.

Mei behagen sjocht er har op en del oan. Hy nimt de piip út 'e mûle en freget: 'Wêrom wolle se dy fermoardzje?'

'Ik ha in briefke fan tûzen stikken skuord.'

'Har briefke?'

'Nee, myn eigen.'

'Wêrom?'

'Ik socht Cap Sones fan it Ljouwerter Deiblêd.'

De fisker set de sinnebril ôf. 'Wel,' seit er, 'dat treft. Ik bin Cap Sones.'

Nei in dreech petear yn Akkrum stapt se op 'e bus.

Se makket gebrûk fan it iepenbier ferfier. Dat is wol feilich, mar net fluch en ferdielich. Op de Gordyk moat se oerstappe en yn Easterwâlde wer. Beide kearen hat se in wachttiid fan mear as tweintich minuten. Dêryn besiket se in croquetpul sûnder kärke te keapjen. Se freget omdoch by trije winkels. Dat makket har in bytsje fertrietlik. Se is oer alle boegen slagge, mar in croquetpul sûnder kärke kin se net krije. It giet har net om it jild. Se wol de dûbele priis betelje. Mar se lit har gjin behoefte optwinge.

As Dynte te honk komt, is se ynienen alhiel hoera. De jiskemannen ha alle plastik sekken op ien nei meinaam. Dy leit noch oan de kant fan 'e dyk. Der stiet gjin gemeentestempel op. Sokke litte se stean. Se tûget de

roede is middenyn 90 graden ombûgd, sadat de flagge ek om in hoekje wapperje kin.

'Kreativiteit': lechpuzzel dy't inkeld út folslein swarte stikjes bestiet.

'Mary Loe wie hjir': boerd mei in soadsje messen deryn dy't presiis om in minskeliif passe; derfoar oer de flier in pear lege skuon mei hege hakjes. 'Skuonmakkerke': jildbrifkes fan 25 yn lytse flinterkes ferroppe en wer opplakt yn flinterfoarm.

'Oantinken': romantys seegesicht mei boppe de list in lampke op 'e muorre skildere; it skildere ljochtskynsel falt op 'e skomkoppe weagen.

'Remise en iuwich skaak': twa gipsen bylden achter in taffeltsje; tusken har yn in skaakboerd dêr't allinnich in swarte en in wite kening op steane; beide spilers sitte djip oer har set te brieden.

'Paad nei Eigen Hoarnleger': sânpaad dat troch de skuorre struid is en dêr't keunstmjittige keutels op lizze.

Nier hat nocht oan de útstalling. Hy soe sels wol sok wurk meitsje kinne. Mar hy is bliid dat er it hjir sjocht, dan hoecht it net mear. Hy libbet oan de râne fan it kreative en dêr hat er frede mei.

'Wat sizze jo der fan?' freget er oan de baron.

skouder. 'Wat nimt men hjirfan Pappsack lûkt oan de mei? It is alle-gear sa oerdreaun. In grap, mear net.'

'Men kin der om laitsje.'

'Ik net. Dêrfoar binne dizze grappen net goed genôch.'

'Miskien is dit in soarte fan humor dy't jo net oansprekt.'

De baron skodhollet. 'Dit wurk sit gjin byt yn. It is flut.'

'As it dreger wie, soe it dan bet ter wêze?'

'Jawis, want dan siet der wat yn.'

'Dus dit is ûnsin. Hat ûnsin gjin wearde?'

'Nee. Unsin hat ommers neat mei de werklikheid te krijen.'

'Moat dat dan?'

'Ja, dat moat. Hoe libbensechter, hoe better. Dit wurk driuwt de spot

sek mei nei it terras. Amper hat se him delset of se fernimt sûzjen. Flap! In net strúpt oer har hinne. It nylon snijt yn har hûd. Har earms sitte stiif tsjin har eigen liif. Se kin gjin kant út. It net triuwt har oer de grûn, se moat knibbelje. It net wurdt achterút lutsen. Har knibbels skave oer de tegels, oer it grint. It slagget har en stek de hannen ûnder de râne troch. In skoech giet op har fingers stean. Se knappe derfan. Dynte sjocht by in broeksbokse omheech. In man mei in striehoed op stiet oer har hinne. Under in swarte knevel slobbert syn mûle as de bek fan in Deense dogge. Se raast it út fan 'e pine. Hy draait syn skoech noch hurder op har fingers om as trapet er peukjes út.

Toeterjen en gerop. Al Pino mei syn leger fan tsjinstfammen en húsfeinten. De flinterfanger sjocht it swurk driuwen. Hy lit Dynte har bonkjes en it net lizze.

Hy makket skonken en is krekt út it sicht as de earste befrijers it terras opstowe. Guon sette him nei, oaren ûntfermje har oer Dynte. It falt gelokkich alles ta.

De frijwilligers bringe it hûs op oarder. Yn in rep stiet alles ree foar it grutte feest. Al Pino is hofmaster, ynspekteart en hâldt tafersjoch. Dynte jout omtinken oan ditsjes en datsjes. Op 'e piano stiet in maklik muzykstik fan Offenbach. Dêr set se in slim stik fan Bach foar yn 't plak. Se is gjin hypokryt, mar foar dizze gelegenheid moat it al bylkje. It Ljouwerter Deiblêd rûgelt troch de bus. Se fljocht deropta en lêst mei nocht it artikel fan Cap Sones.

Einlings sjocht se de Bugatti de oprydeane del kommen. Se smyt de lofter syddoar iepen. Nier! Se rint kwyk, al skrine har knibbels. Midden foar it bordes bliuwt se stean. De auto hâldt lyk foar har teannen. Nier stapt út. Fleurich komt er op har ta. O, wat moat se har bedimje!

mei himsels. It is krekt oft de keunstners der ek net yn leauwe.'

'Moat dat dan?'

'Jawis, oars hoege se it ommers net te meitsjen. Ik wol der net fierder oer prate.'

Krekt no't it nijsgjirrich begjint te wurden, brekt it petear ôf. De baron wol nei de baronesse ta. Nier sjocht op syn horloazje. It mei no, hy hat tiid genôch ferlern.

Se ride fan it hiem ôf de dyk op. Se stowe by Harich en Balk lâns op De Lemmer ta. In moaie lange rjochte dyk. Nier sjocht yn it spegeltsje. Hûndert meter achter him rydt syn grutte kammeraat. De Rolls Royce Silver Cloud.

Der is gjin minder. Mar dizze reis tinget dy him net nei de ljiirre. Hy bliuwt netsjes op deselde distânsje en swaait by Easterwâlde de oare kant út. Hy sil wol tinke: Nier Hinnebruer hat syn taks hjoed hân. Ien ding stiet him noch yn 'e wei. In twaddehânse wein. It ferkear kin der mar yn ien rige bylâns. Hy moat ynfoegje.

By de wein heisterje in pear keardels om. Se raze en rache. Oan 'e kant fan 'e dyk sit in stikje fertriet. Nier herkent it jonkje mei it grientebakje. It ûnderstel fan 'e bernewein leit yn 'e berm.

Fiif minuten letter ride se by it hege izeren stek lâns dat om de wylde tún hinnestiet. Hy swaait tusken de twa hurdstiennen pilaren troch. Reade ribessen, roazebeamkes, rodendrums, robenia's en rântsje-blommen. Rikeljusrompslomp. Rattekrûddjoer. Op it gersfjild in sulverkleurich byld fan Tokonari.

In doar fan it grutte wite hûs giet iepen. Dynte! Hy makket in útbocht nei rjochts en hâldt midden foar it bordes.

Nier stapt út. Fleurich komt se op him ta. O, wat moat er him bedimje!

‘Baronesse, hjir is jo baron.’

‘Tige tank, sjauffeur. En wa ha wy dêr?’

‘Bearke, baronesse, myn oansteande.’

‘Dat stiet my oan, sjauffeur.’

‘O...! Orsel!’ ropt de baron út.

‘Julius!’

Fjouweresom geane se yn ’e hûs, twaresom sette se nei har keamers ta. De baron hellet ien nacht ûnthâlding yn en Nier betellet de rest fan syn skuld oan Bearke yn natuera.

It is oankrûperswaar.

**It begjint mei in moaiwaarpraatsje en in stikmennich
ûngelokken, mar it rint mei in skamper ôf**

It is moardnerswaar.

Oer Skotlân leit in frontesysteem dat net fan plak feroaret. Op it hiele Balkan-skiereilân is de wynkrêft amperoan 1. De dellingen fan 'e Pyreneeën hinget likefolle mist yn as om de toppen. Boppe de Sahara driuwe griemers, Skiphol sit potticht en Hams ferwachtet oardel meter ferheging. It sicht bedraacht op guon weidielen net mear as fiif meter. Oer hiel Fryslân storeint it. Inkeld it uterste noardwesten hat in lytse kâns op tinnere loftten.

Mar wy hâlde yn 'e Stellingwerven ta. Dêrom hoege wy dit waar-oersjoch net te lêzen.

1

Dêr komme se, de mei- en tsjinwurkers. De grutte stjerren en har satelliten. Mei har reewillige glim om de lippen, mar se kinne inoar wol deasjen.

Juffer Rûchhjouwer en de hearen Swietekau, Skuorhannes, Eameliter, Boarstlape en Iishynder fan reisburo De Iene Provinsje. Kobus en Ko, tonielkleanferhierders, dy't fan doel binne har saak meikoarten út te wreidzjen.

In represintative ôffurdiging fan de K.F.P., de Klub fan Fryske Pommeranten. Pop-Aart en har skilderachtige fans, de Freonen fan Pop-Aart, achttjin yn getal. Cap Sones, skandaalskriuwer fan it

Ljouwerter Deibléd, dy't eagen, earen en balpinnen tekoart komt. Ek lju dy't yn 'e fierste fierte neat mei de Fryske kultuer te krijen ha. Lykas Yvonne dy't troch har âlden Fonneke neamd wurdt, Lady Wollwer en Lord Kenneth Mere, in Ingels pear fan hege komôf mei lege ynkomsten en Sus en Sa, twa âldfammen dy't der altyd by moatte te poathâlden as der in kat strûpt wurdt.

En it wenstige ferskaat: direkteuren fan museums en âldheidkeamers, diriginten fan harmony- en fanfarekorpsen, sneinsskilders, strjittekeners, hout- en bonkefikers, sopranen, alten, tenoaren en bassen, dichters, rimers, stikjesskriuwers en auteurs, taalhoeders, taalwarders, taalgriemers, taalboarters, taalskeppers, karnavalsprinsen, tsjerkfâden en fuotfolk. Allegear mei swarte satinen healmaskers foar. Fierders binne se ûngelikens. Se ha de klean fan har ferlangsten oanstrûpt. De klean fan har heimelike dreamen.

De konsorten fan Al Pina rinne ûnderwilens sûnder masker tefreden as tsjinstfammen en húsfeinten om. De lju wolle wêze wat se net binne.

Dynte stiet neist Pappsack by de doar yn 'e hal. Se ferwolkomje de gasten. De baron is klaaid as in Romeinse senator. Hy hat in krans om de sliepen en in toga oer syn tunika. Dynte har kostúm is noch âlder, it komt fan Kreta. It lyfke fan har jurk is tige leech útsnien. Har puntgeve boarsten stekke der folslein bleat boppe út. Dat eaget genôch. De klokrok, besteande út seis horizontale banen, rikt oan 'e grûn ta. Op 'e holle hat se in koanise hoed mei plommen fersierd. Har earms wurde lam fan it hantsjejaan. Wat in einleaze optocht fan minsken.

In meagere wynhûnefrou, rasecht, mar sa kleverich as trochskinend plakbân.

In útlein boarstich brúntsje, oars mei in mannichte konstruksje-flaters.

In hyperhippe fint mei swarte neillak en in flibelok op 'e foarholle.
In snjittepoepert, sa neaken dat it siicht, yn einefel.
In lange loarm mei de waggeljende gong en de stim fan in hin.
In ienheidswoarst mei kakwangen en hannen dy't kweazje.
In jittikfet mei in tuitich kapsel en in bh mei high-cup dêr't de
boarsten ûnder út pûlje.
In slûkskouderige sipel mei in readpûkelich tin nekje en sen-
uw-plakken op syn fingerwanten.
In sigeunerinne, loswei yn in sjaal bewuolle, mei gleone djipseeëa-
gen
en hier sa swart dat it blau is.
Nier liket yn syn astronautepak krekt op in kikkertman. Hy strof-
felt hieltyd oer syn eigen fuotten. Mar gjinien sil him werom kenne.
Bearke hat in eigentiidse jurk út 'e tweintiger jierren oan. De kleur
is sa sêftrôze dat de eagen der yn weisakje. It docht neat, se sjocht
der alderleafst út. Wat se ek oanstrûpt, yn plastise foarmjouwing
bliuwt se minder slagge.
Earst sette se allegear op 'e lange tafels mei wiet en drûch ta. It duo-
rret net lang oft der wurdt in heildronk útbrocht. De glêzen geane
tagelyk yn 'e hichte. De seremoanjemaster jout tekst en toan oan, it
koar tsjottert him nei.

‘Op de baron!’
‘Op de baron!’
‘De baronesse!’
‘De baronesse!’
‘De pommeranten!’
‘De pommeranten!’
‘Op de prinsessen!’
‘Op de prinsessen!’
‘De keninginne!’
‘De keninginne!’
‘De kommissaris!’
‘De kommissaris!’
‘En de boerinne!’
‘En de boerinne!’
‘De generalen!’
‘De generalen!’
‘De admiralen!’
‘De admiralen!’
‘En de soldaten!’
‘En de soldaten!’

Der komt gjin ein oan. As it lang om let dien is, hat elkenien in sneedsje yn ’t ear. De âlde sekken en de jonge razers swetse noflik mei-inoar. De lûdsprekkers spuie muzyk. Neffens de nijste moade wurdt de Súd-Amerikaanse apocalypso dûnse. Guon sizze neat en geane net fan ’e flier, se skytskoarje mar wat om. Oant se in oar dwaalljocht fine en dûbeldstjerren foarmje.

‘Syn foarfaars binne Friezen fan oansjen!’
‘Hy hat in autobiografy skreaun. Testing my Testicals.’
‘Fanke, de hiele kliber stode útinoar!’

‘Hy leit mei angina op bêd!’

‘Mei wa?’

‘Net mei wa! Mei wat! Mei angina.’

‘O.’

‘En ik haw sels mei rubella in setsje op bêd lein.’

‘Hy docht neat, sei de boer, wylst syn hûn op in postrinder omhaffele. Haha.’

‘Jawis, Durk, fan Sibrich fan Joukje.’

‘Hoe is ’t mei dyn kies?’

‘Ik ha him lûke litten, mar hy docht noch sear.’

‘Fantoompine.’

‘t Is no net mear te sjen.’

Nier sjocht alles as in slim mislearre kleurefoto. De kleuren falle net mei de kontoeren gear. Dêr stiet Dynte, it iennichste beaken yn dizze see. Neist har blierket Swietekau.

‘As jo drinke, hâlde jo dan de tonge yn of ûnder it glês?’ Swietekau nokkert.

‘My tinkt derûnder.’

‘Probear it marris.’

Swietekau nokkert jitrís. Hy nimt in slokje, noch ien en noch ien.

‘Ik hâld myn tonge in eintsje yn it glês,’ seit er fernuvere. ‘Is dat ferkeard?’

‘Nee, hear,’ antwurdet Dynte, ‘drinte jo mar mei de tonge yn it glês.’

Swietekau ferslokt him, begjint te hoastjen en spuit alles oer syn harnas.

Dynte hat wille.

Nier koerst fierder oer de wylde weagen. Yn in sydkeammerke leit in frou, útspraat as in wynroas. Har holle wiist nei it noarden, har skonken binne op it súdeasten en súdwesten rjochte. In kloft

manlju swerve troch har noardlike kontreien, mar hâldt doch meast yn har midden ta. Sa wollêstich is wol lêstich.

Dat draait, dat draait, dat draait mar, de keamer, keamer, keamer, hy fielt him as in loftballon, swaait op en del, om en om, swaait op, del, om en om, swaait om en om.

In bêd dat kreaket, mar goed fearret. Syn eigen bêd. Dêrop in pearke dat om bar konkaaf en konfeks leit. Nier hâldt him mar konfûs. Op 'e trep komme Sus en Sa him temjitte. Hy kin der noch krekt tusken troch laveare. Hy sjocht oer it skouder en wiist op har jurken. De krap klaaide froulju yn 'e hal skatterje. Hy sjongt mei dûbele tonge.

'Harren naad is achter iepenknap.'

'Iepenknap?'

'Harren naad is achter iepenknap.'

'Iepenknap!'

'Ja, harren naad is achter iepenknap.'

'Iepenknap! Iepenknap...'

Under oan de trep wachtet in frommes as in lôge op him. By elke stap dy't er tichterby komt, wurdt se tsien jier âlder. Se is klaaid yn in krinoline mei alles derop en deroan. Se troait him mei nei de puoskeuken.

Wylst se har gesicht yn in teare tear teart, blaast se him in pear wurden ta. Wurden dy't neat betsjutte. Nier blaast in wurdmenich werom. Ek sûnder gewicht. Se heint se yn 'e flecht wei mei de lippen op. Op 'en nij azemt se him lûden yn it gesicht. Har stim is tinner as in feltsje floeipapier.

Nier begjint te ranen. It tijwetter glinstert yn syn eagen. Hy set syn helm ôf en strûpt syn wanten út. Har lippen plakke, har wurden wurde lytser en lytser. Hy lûkt in remspoar oer har hûd.

Erges taast Dynte nei in banaan mei ritssluting.

En Nier byt yn 'e prommedanten fan in pommerante.
 Mar no ha wy hichte mei de setten en pretten.
 Dynte skuort har fan 'e baron los. Se giet op 'e siik nei Nier. 'Kom mei!' kommandeart se as se him fûn hat. Nier skuort him fan syn pommerante los. Tegearre sette se nei it terras ta. Dêr stiet de sek sûnder gemeentestimpel. Dynte makket him iepen en bringt in slúf foar it ljocht. Se wappert der mei ûnder syn noas.
 'Wat is dat?'
 'De sjek fan ien miljoen.'
 Nier slokt. 'En dy triuwsto samar yn in jiskesek?'
 'Krekt! Sekken sûnder stimpel nimme se net mei. Gjiniën sil dêr in sjek yn sykje. It feilichste plak datst betinke kinst.'
 'Men moat de dingen altyd weistopje wêr't se hearre,' skampert Nier.
 'Utsûnderings befêstigje de rigel,' seit Dynte eigenwiis.
 'Ferhip do!'
 'De baron sil alles oan Al Pino jaan, fjin hèn?' flústert se him yn it ear.
 Se gean werom yn 'e hûs. Se strûze tusken it folk troch op de baron ta. Nier folget Dynte op 'e foet. Hy is har liifwacht.
 Se jout teglûp de sjek oan Pappsack. Dy sil de slúf al iepenskuorre, mar hy betinkt him yntiids. Hy stekt de sjek tusken de ploaien fan syn toga.
 'Klear!' suchtet er ferromme. 'Ik moat noch even in taspraakje meitsje. Ik kin sa min ymproviseare. Hast papier en pin, Orsel?'
 As dat brocht is, freget de baron: 'Wêr kin ik rêstich sitte? Ik wol net steurd wurde.'
 'Op it húske, hooplik,' antwurdet Dynte. 'Sjauffeur, bring de baron dêrhinne! En hâld de wacht!'
 Nier búcht as in knyft. 'Ta jo oarders, baronesse!'

Hy is noch net yn steat ta analitys tinken, mar dit kin er wol nei-komme. Hy moat wer liifwacht wêze. Hy bringt Pappsack te plak en giet foar de doar stean.

In lyts kertierke letter komt de baron derút. Hy hat it kladsje mei syn taspraak yn 'e hân. Dynte liedt him nei in ferheging dêr't in lessener op stiet. Se lit troch de lûdsprekkers omroppe dat der ien miljoen ferjûn wurde sil.

Yn in omsjoch binne alle oanwêzigen spiernochteren. Se komme fan alle kanten en fulle yn in rep de grutte hal. De stilte is te snijen. Alle eagen sjogge op nei har woldogger. De baron brimt.

'Achte oanwêzigen. It is ús in bysûnder foarrjocht en in grutte eare fan 'e jûn mei jimme feriene te wêzen. Us tahâld yn Fryslân is ús stoutste ferwachtings te boppe gien. Wy sille oant yn langte fan dagen it dierber oantinken oan dizze loksillige tiid yn ús hert bewarje. En dêr ha jim allegear, direkt of yndirekt, it jimme tadien. Wy sizze jim dêr tige tank foar. De kulturele ynstellings dy't jim fertsjintwurdigje, fertsjinje stik foar stik in rynske jildstipe.

Lit ús bliid wêze dat it klimaat hjir sa groeisum is foar sa'n ideeënrike ûntjouwing. It muoit ús dat wy gjin biljoen jaan kinne. Dat soe noch te min wêze om de Fryske kultuer nei wearde te beleanjen.

Dêrom binne wy noch blider. Want wat soe it jammerdearlik spytich wêze as wy fanwegen it ûntbrekken fan wierhaftich nivo it jild ûnder minder treflike repre... repre... re... slim wurd slaan oer... ferpertsje moasten. Lykwols, ek hjir yn Fryslân ha wy in primus inter pares fûn. Nei ampel beried hat it ús hage it gânske bedrach oan Al Pino te jaan, ornearre foar it keapjen en it opmeitsjen fan in meditatyf sintrum. Meie wy de lokkige winder hjir even ha, om him persoanlik de slúf mei ynhâld te oerlangjen? Wy ha sein.'

Al Pino stapt foar it front wylst de tsjinstfammen en húsfeinten omraak hantsjeklappe. Ut oare fermiddens komme skrilte protest-

fluitsjes. Pappsack en Al Pino fûstkje fûleindich mei-inoar. De hofmaster sil earst in tankwurd útsprekke, mar hy is te bot oandien. Ferlegen siket er beskûl tusken syn konsorten. Hy wit hoe't it heart. In slûf mei ynhâld makket netdaliks nei it oerlangjen iepen.

'Jo soene it jild ferpartsje. No krijt ien alles! Dat wie de ôfspraak net!' ropt in ûnnoflike stim troch de hal.

'Wy ha neat ôfptraat,' seit de baron kalm.

'Wêrom sizze jo dan hieltyd wy ynstee fan ik?' freget in oare ûnnoflike stim.

'Wy ha de pluralis modestiae brûkt,' antwurdet de baron.

Kwak! Dêr patst him in slachrjemmetaart yn it gesicht. Noch foar dat er gatten foar de eagen makke hat, barst it mei drek smiten yn alle ûnmeilydsomens los. It naait der in koers út.

Borrelwoarstjes yn trije dipstippen fleane troch de loft. Ierpelkroketten spatte tsjin de muorren op. Avokado's fult mei sinesappelblokjes en mayonêze gliere by de klean yn. Huning cocktails, rolmopsen en bismarckhearrings drippe út it hier. It reint rysslaad mei paprika, tomaten en aubergines. Tsiis- en spekbroadsjes kletse tsjin wangen en billen. Serpentes fan spagetty mei keallefleisrôltsjes slingerje oan alle kanten. Moksels yn sjelatine, regû fan oksesturt, laamsribstikken mei prommen, krûde gehakpastei, jonge hoantsjes yn reade wyn, slaad mei kwark en maiskerls, fleis- en griente oan spitsjes, appels yn sântaartdaai, karamelpuddings, meloenkuorkes mei fruchten, flitterkes, bofferts, abrikoaze- en druvetaarten, sorteard sûkerquod, hinnen yn tampige stip, kapitalen wurde oan munysje ferbargen.

It fleurich kleurde iten feroaret yn in smoarge grize brij. De striders kinne amper de fuotten ûnder it liif hâlde. Sels binne se sa glêd as snotte. De flier en muorren ek.

De kamp giet tusken twa partijen. Oan 'e iene kant de ploech fan

Al Pino, de baron, Bearke, Dynte en Nier.

Oan 'e oare alle lju dy't har finansjele gerak net krigen ha. Inkeld de pommeranten hâlde har bûten skot. Dy steane lykas altyd fier boppe en bûten de partijen. Se wachtsje ôf hoe't de striid beteart. De tsjinstfammen en húsfeinten ha in goeie learskoalle hân. Se binne oan rebûlje wend. Dat komt har no te pas.

Alle glêsguod, tafelark, soppen en fiskgerjochten binne fuortendaliks by it útbrekken fan 'e fijannichheden troch har nadere. It docht wol fertuten. De drankflessen, messen en foarken hâlde se foar it gefal fan eskalaasje noch achter de hân. As it heal kin, moat der gjin bloed rinne. Se splitse har tsjinstanners gleonhite heldere en bûnte soppen yn 'e mage. En se slaan har mei heilbotten, kabeljauwen en mûdhûnen om 'e earen.

De rigen yn it leger fan 'e ûntefreden en wurde tinner. Se drippe ôf. Se glisperje nei de foardoar ta en gaspje harsels fêst mei de feilichheidsriemen fan har auto's.

Der wurdt har in earfolle ôfgong gund. Se krije gjin skop nei. De pommeranten binne al earder ôfset. It duorret lang foardat alle kâlde motors draaie. De weinen krûpe as gisele hûnen byljend de oprydeane del. In lange staasje ploeget troch de mist.

Cap Sones lit him fan 'e âldhollânse kessenkast sakje. Syn wurk as oarlochskorrespondint is dien. Bliid swaait er mei syn kostbere kopij.

'Genôch foar in hiele roman! In Fryske bestseller! En ik wie al fan doel om in tredde hûs yn Nairobi te keapjen.'

As it ronkjen fan syn auto ferstoarn is, falt oer it slachfjild in freedsume stilte. De oerwinners behimmelje har.

Nier fisket it boeremoes út syn romtepak. Dan strûpt er syn sjauffeursklean oan. Dynte plôket de langmoes út har lyfke. Se kriget út ien fan 'e kasten in funksjoneler jurkje.

Alles leit oeral. In berch itensreau pronket op 'e grutste skeal, wylst it tafel-slaad yn it tafels-laad troppe is.

Mar yn in pear oeren bringe se mei-inoar dizze trochnaaide boel wer kreas op oarder. Se genietsje fan in wolfertsjinne lins.

2

Al Pino komt op Dynte en Nier ta. Hy falt tusken har yn op 'e bank del. Hy knikt har om bar tankber ta.

'Dynte, Nier, wat ha jim my in deugd dien. Sûnder jim hie ik myn plannen noait útfiere kinnen.'

'De iene deugd is de oare wurdich,' seit Dynte ienfâldich. 'Sûnder jim hiene wy de brot noait oan kant krigen.'

Al Pino slacht de skonken oerinoar. Hy giet der noflik by sitten.

'Sisa, no wol ik ris sjen wêrfoar't wy as earme helten fochten ha.'

Hy hallet de slúf út syn binnenbûse. Hy hâldt har tsjin it ljocht.

Foarsichtich skuort er de boppeste râne iepen. Hy lûkt in kaart út 'e slúf. Gjin sjek fan ien miljoen. In seisrittekaart fan 'e Ljouwerter stedsbus, ek noch hielendal ôfstimpele.

'Hast my moai by de poat hân,' seit Al Pina bitter.

It klamme swit brekt Dynte út. 'Dit ki... kin net,' hakkelt se.

'O nee? Sjochst it toch sels? Litst ús bealgje en strykst sels de sinten op.'

Riedeleas stoarret se him oan. 'Hjir wit ik neat fan.'

'Ja, toe mar. Ik ha dy wol yn 't snotsje. Goedkeape arbeidskrêften, hèn? Hjir silst foar bliede, fanke! Ik wol de hurde wierheid witte!'

'De ba... baron,' stammert Dynte.

'Wêr is dy keardel?'

Se sjogge allegear fernuvere om har hinne. Wêr is de baron? Se ha

him de lêste oeren net sjoen. En se ha him ek net mist om't se it sa drok hiene.

Nier kriget ien fan syn seldsume heldere ynfallen. 'Hy is mei Bearke nei it túnhúske ta gien,' seit er. Meiiens pakt er Dynte by de hân en stoot mei har bûtendoar.

De kloft tsjinstfammen en húsfeinten sjit oerein en fljocht har nei. Mar om't elkenien like hurd der út wol, ûntstiet by de foardoar in opstopping. Dêrtroch krije Nier en Dynte in lytse foarsprong. De mist is te snijen. It malkerige deiljocht sipelt der troch hinne. Se fiele de beammen earder as se se sjogge.

Op 'e taast rinne se tusken de stammen troch. Wiete tûken klauwe har yn it gesicht, kâlde blêden aaie troch har hier. Mar se binne gjin frjemd yn eigen tún. Oan de blom- en beamsoarten kinne se har in bytsje oriïntearre. Hy skuort har mei.

'Diskant út'

'Dêr is it túnhúske net,' flústert Dynte.

'Dat moat ek net.'

Se strûze troch rintfears, by nagelbeammen lâns, oer glysterich moas. As se oant de middel ta tusken margriten steane, ropt immen koartby: 'Hallo, hallo, wêr sitte jim?' Se dûke har tagelyk. In skym riist út 'e mist op. It dizenige stal fan in húsfeint. Hy hâldt de hannen as in toeter foar de mûle. 'Hallo, hallo, wêr sitte jim?'

'Hjirre!' klinkt it dof fan fierrens.

De skym stapt by har wei en fertart. Nier lûkt Dynte mei nei de garaazje. Einlings fielt er de robbelige muorre.

Hoeden makket er de achterdoar iepen. Hy triuwt in knop yn.

Lûdleas skoot de foardoar omheech. Hy draait it hânfet fan ien portier justjes nei ûnderen ta. Dynte slûpt yn 'e auto, Nier folget.

De wein hat in kâlde noas, toch slacht de motor daliks oan. Dêr is it in Bugatti foar. Nier lit alle ljochten, ek de mistlampen, fûl brâne.

It helpt in benaud bytsje, mar hy wol gjin deaden meitsje. Miskien rint der folk op 'e leane. Sels is er dy fjoertoerskynsels net nedich. Alle wegen yn 'e Stellingwerven ken er as syn eigen binnenbûse. Blynseach kin er se beride. Hy stjoert tusken de pilaren troch en swaait de dyk op.

Om in achterfolging slimmer te meitsjen, mjit Nier de haadwegen. Mei in midsmjittich gonkje ride se nei it noarden. Hoe fierder se fan honk komme, hoe mear gewissebeswieren Dynte pleagje. Op 't lêst hâldt se it net langer út. Se ferbrekt it swijen.

'Se kinne de baron wol fan kant meitsje. En Bearke, dy stumper.'

'Gjin need. Dy rêde har tegearre wol.'

'Mei har twaen tsjin sa'n oermacht?'

'Se sitte net yn it tûnhúske. Se binne allebeide mei de pommeran fuortrekke. Ik sei it mar om dy ploech fan Al Pina op 'e doele te bringen. Wy wiene ús libben dêr net feilich.'

'Wat wolst dan no dwaan?'

'Sels Pappsack sykje. Ik wol witte wêr't de sjek bleaun is. Earder geane wy ek net frijút.'

Dynte lûkt in prommemûltsje en knikt. 'Hast gelyk.'

Ynienen sjocht Nier mei syn tûke eagen in gedroch op him ta springen. Hy sil der noch omhinne giselje. In heidens kabaal fernijt him dat it al te let is. Tagelyk wurdt it him ek fisueel bewiisd.

Skroeven, moeren en bouten kletterje as in heilbui tsjin de Bugatti. In tsjil rôlet oer de motorkap en in stjoerrêd bliuwt om de sulveren oaljefant hingjen.

Dynte en Nier komme mei de skok frij. Se fiele dat har auto net mear oer in karkas hobbelt, de bannen gripe wer it asfalt. Hiene se trochriden, dan wiene se frij bleaun. Mar se binne, lykas altyd, te fatsoenlik. Se ha need mei oaren. Se stappe út om te sjen oft se immen helpe kinne. Fangefolgen komme se sels mei it mes yn it liif

te sitten.

Se rinne nei it wrak ta. Dêr is net in soad fan oer. Mar se kinne it lyk identifisearre. In pear ferknûkele giele letters sizze genôch. Bugatti is op Uche-uche-blaf-blaf botst. Krekt as yn 'e leafde sykje de útersten inoar.

Hjir wolle se gjin gedoente mei ha. Se krieme en rinne werom. Nei fiif stappen sturje se. Twa revolvers wize op Dynte har nâle en Nier syn krús. Chick Anus en it Bonkerak keare har.

'Soa, werom fan fuort west?' freget de smoute prater.

As er gjin antwurd kriget, blaft er: 'Hannen yn 'e nekke! Lizen gean, allebeide!'

Se knibbelje en rôlje op 'e side yn it kâlde wiete bermgers.

'Foardel!' kommandearret Chick. 'Hannen op 'e rêch!'

'Myn moarnsgymnastyk,' mompelt Nier mei in mûle fol modder.

'Krije wy der gjin stikje muzyk by?'

Chick smyt syn besleine sikefûnsbriltsje fuort. 'Bine!' raast er. Mei in tinne izersterke koarde fiselt de skrinkelman har polzen.

'Oerein!' kommandearret Chick.

'Binne de ferplichte oefeningen hast dien?' wol Nier witte. Chick skroevet syn lange nekke út. Hy hâldt syn holle lyk foar Nier sines. It wynsel om syn plasse is trochblet. Spatten fan opdrûge bloed fersierje syn tulbân.

'Sil ik dy ris in hynst jaan?'

Nier lûkt oan 'e skouders. 'Of in mûlepar,' stelt er út.

Bats! Dêr kriget er in rjochtse direkte. Nier kin inkeld mei de stomp meigean. Mar it komt noch hurd genôch oan. Syn kaak sjit sydlings út 'e sinen. Hy knypt de eagen ticht. Dynte gjalpt. Hy klamt de toskan opinoar. Syn kaak skoot te plak, mar hy hat in brike bek.

'Sjoch oft se ek hardware by har ha,' seit Chick. 'Ik wol der net wer yn tunje.'

It Bonkerak befieft Nier en Dynte. Hy hâldt har rok omheech sadat syn baas der sels ûnder sjen kin.

‘Inkeld sêftguod,’ stelt er fêst. ‘Gjin izerspul.’

Chick slokt. De meast seksy nâlê dy’t er ea sjoen hat. Mar dêr is no gjin tiid foar. ‘Gau dy rok del!’ byt er syn maat ta. ‘De Bugatti moat yn it weinhûs en de brot fan ’e dyk! Mar alderearst dit spul goed fêstbune!’

It bonkerak hellet in stengun foar ’t ljocht. Syn revolver jout er oan Chick. Dy wiist it paad mei twa wape

‘Kom mar mei nei de swiete ynfal.’

Se rinne foarút, it twamanskip skean achter har. Nei fyftich meter steane se foar in herberch yn Ingelse styl. Step-Inn: De Trije Gekken.

‘Stap der mar yn,’ nûget Chick.

It Bonkerak draait de klink. Se komme yn in tsjustere jachtweide. In lampe knipt oan. It giele ljocht skynt troch in wale fan spinreach.

Oer de flier lizze fermôge stuollen, glêsdiggels en wiete bierfilsjes. Bekers fol griene plakken steane yn in medaljekast dy’t foaroer oan ien spiker hinget. Drippen út ’e kraan fan ’e taap tikje hurd op it sink.

In grutte goare wrâldkaart, begriemd mei fochtringen en migge-skyt, is op in houten sket plakt dat de fierste hoeke ôfskiedt. De blinen foar alle finsters sitte ticht. De tuskenmuorre is in koarken smytskiif yn mitsele. Pylkjes dêr ’t de fearren fan flardsjes binne, steane der skean en bryk yn.

‘Trep op!’ kommandearret Chick. ‘En net moeilik dwaan!’

Se kreakje oer de útsliten trimen nei boppen ta. It Bonkerak rint achterstebek. Se komme op in oerrin. De doar fan in keal keamerke fan twa by twa stiet iepen. Chick wiist mei de holle. ‘Der yn, do!’

Dynte docht it net fluch genoch. Syn finger spant om de trekker. Starich stapt se oer de drompel. Chick jout har in dust yn 'e rêch en slacht de doar ticht. Wylst it Bonkerak Nier yn 'e kuer hâldt, fisket er in kaai út 'e bûse. Hy draait de doar sekuer op slot. Dan bewurkje se tegearre har manlik slachtoffer. By eintsjebeslút leit dy as in rollade, mear tou as fleis, oer de flier. In rollade dy't smoart fan 'e prop yn 'e mûle.

Tefreden sjocht Chick op it slachterswurk del. 'Dit is it hielendal,' knikt er.

Se litte Nier gewurde en ûntfermje har oer Dynte. Dy wurdt allike fakkundich ferpakt neffens itselde model. As se de put der út ha, krije se Nier op en smite him neist har yn it keammerke. Twa rollades. Moai foar de healdagen.

'Sis mar dei mei it hantsje,' gnysket Chick oer it skouder. De doar docht er wer op slot.

It keammerke sit gjin finster yn. Se lizze yn folsleine tsjusterens. Kreakjen fan 'e trep, brekken fan glês ûnder skoechsoallen, draaien fan 'e klink. Se binne iensum, mar net allinnich. En se ha teminsten har noeden en soargen noch. Dy kin nimmen har ôfnimme. Dy geane mei yn har grêf.

No't har eagen ta de swartens fan har tombe wend binne, sjogge se troch de naden fan 'e flier hjir-en-dêr in slûch ljocht skinen. In nachtpitsje foar de deaden. Stivens krûpt starich omheech, krekt as ha se fergif fan it giftich piipkrûd ynnaam. De ferlamming begjint by har fuotten, dêrnei wurdt har liif ûngefoelich. Noch even en se kinne net mear sykhelje.

Dynte rôlet oarsom. Se leit mei it wang op in grauwe splinter dy't út it hout stekt. Se besiket de lape foar har mûle dêr achter te heakjen. De splinter brekt. Se skoot har gesicht oer de flier. De lape bliuwt yn in spjalt tusken twa planken stykjen. Se skuort omraak. Se

skanseart har hûd, de smertlappen prykje. Mar de lape teraffelt ek. In lêste hoart en de flarden hingje om har hals. Se gappet nei de siken. Dan rôlet se op Nier ta.

Dêr fielt se him neist har. Se triuwt tsjin him oan. Hy beweecht net. Se strykt mei de iepen lippen by syn foarholle lâns. Har mûle taast fierder oer syn noas. Se fernimt syn azem net. Deastil leit er op 'e rêch. Se skrept har boppe op him. Har tonge slikket by de râne fan 'e lape lâns. Se fielt wêr't it guod net dûbel sit. Se hapt en hâldt fêst. Har sterke tosken ropje de prop út syn mûle. Se kin noch wol wat oars as samar yn in appel bite. Se brûkt net om 'e nocht dat spesjale toskpoetsersguod.

In gril giet troch Nier syn lea. Hy stint. Gelokkich. Dynte triuwt fluch har lippen op sines. Hy stint wer. Ynienen skrilt er op. 'Fuort beest!' ropt er mei in aaklike grêfstim.

'Ssss,' flústert se yn syn mûle. 'Ik bin it, Dynte.'

Dat bêdet him del. Hy ferskeukt justjes. Hy lichtet de holle en siket har ear. 'De kaaihinger. Op myn boarst,' prevelt er.

Jitris dogge de sterke tosken fan Dynte har ferneatigjend wurk. Se bite twa knoopkes fan syn oerhimd ôf. Mei noas en tonge wine se har troch katoen, netnylon en boarsthier. Se fine it koardsje en haffelje dat krekt sa lang bylâns oant se de kaaihinger berikke. Mar it is gjin kaaihinger. It is de miniatuer-portofoan. Dynte hâldt it apparaatsje tusken har tosken foar syn mûle.

'Linker knop yntriuwe,' flústert er.

Se byt de linker knop yn. De portofoan knettert en fluitet súntsjes.

'Hjir Nier Hinnebruiër. Hjir Nier Hinnebruiër. Nier Hinnebruiër ropt Déa. Déa, kinst my ferstean?' seit er mei de foarsichtige stim fan in biljertferslachjouwer. 'Oare knop,' jout er Dynte te witten.

Dy byt de rjochter knop yn. Se hearre har eigen hertslach troch de portofoan. Dêr komt it antwurd al.

‘Hallo Nier, hjir Déa ex Machina, hjir Déa ex Machina. Kin dy goed ferstean. Hjir Déa ex Machina.’

Dynte triuwt wer mei de tosken in knopke yn.

‘Help my, Déa ex Machina, help my. Sit opsluten yn Step-Inn: De Trije Gekken tusken Hoarnstersweach en Sparjebird. De wachters binne wapene. Oer.’

‘Sil der daliks wurk fan meitsje, sil der daliks wurk fan meitsje. Sterkte, oer en slute mar.’

Krekt op tiid. De portofoan falt Dynte tusken de tosken wei. Se hat gjin byt mear yn ’e mûle. Har kaakspieren binne stiif fan ’e kramp. Se kin de mûle net mear ticht krije. Se rôlet fan Nier ôf. Dan beswimet se.

Nier heart noch hoe’t syn Bugatti om de herberch hinne rydt. Dêr nei klinke lûden fan blik dat fuortsoald wurdt.

Suver op it stuit dat er ek yn ’e sûs reitsje sil, fernimt er minsklike stimmen. Hy is op syn iepenst. Se komme tichter by, hy kin it skandearre roppen ferstean. ‘Wy wolle Pappsack! Wy wolle Pappsack!’ Ientoanich droant in sprekkoar hieltyd deselde wurden op. Fan alle kanten marsjeare stimmen ta. Op it lêst is de herberch besingele. As tonger slacht it geraas by de muorren op.

‘Wy wolle Pappsack! Wy wolle Pappsack!’ Dynte komt der fan ta besef.

Dêr wurdt ûnder har in doar iepensmiten. Nier rôlet him nei in naad yn ’e flier. It slagget Dynte en draai har op ’e bûk. Tegearre gnuve se troch de skreef.

Chick Anus en it Bonkerak steane midden yn ’e jachtweide. Se hâlde Al Pino ûnder skot. Mar dy stiet kalm mei de earms oerinoar en ferlûkt gjin spier.

‘Doch wat jim wolle,’ seit er. ‘Myn mannemacht sil it fan jim

wa-pens winne. Foar elkenien dy't jim deasjtte, komme der twa by. Jim moatte Dynte Planteit en Nier Hinnebruer oan my oerjaan. Mear freegje ik net.'

Chick docht writen de ûnskuld út te hingjen. 'Ik ken dat stel net iens fan hearren sizzen.'

'Har bromfyts stiet hjir tsjin de muorre. En der is mar ien sa'n brommer yn hiel Fryslân!'

Chick besiket de flinke jonge te bliuwen. 'Dat is dan foar my nijs hyt fan 'e nuddel.'

'Wy wolle Pappsack! Wy wolle Pappsack!' tongert it rûnom. De muorren falt hjir-en-dêr in stik kalk út.

De ûnderhannelers moatte yn 'e ynterfallen prate, oars fersteane se har eigen wurden net.

'Dynte Planteit en Nier Hinnebruer, hen? Wêrom roppe se dan om Pappsack?' freget Chick al minder flink.

'Dat falt better,' antwurdet Al Pino.

'De lospriis is ien miljoen.'

'Dat ha ik net.'

'It is ek mar de fraachpriis.'

'Ik freegje om útlevering, no daliks.'

'Leger as hûnderttûzen gean ik net. Dat is myn fêste priip.'

Fûsten roffelje op doar en blinen. 'Wy wolle Pappsack! Wy wolle Pappsack!'

De medaljekast springt iepen, bekers rattelje oer de flier. De spiegel achter de taap sjit fol stjerren.

Chick wurdt wyt om 'e noas.

'Miskien kinne wy toch akkoartsje,' bringt er heas út.

'Ik moat jim gizelers ha,' seit Al Pino mei klam.

Chick hapt ta. 'En wy har Bugatti en frije ôftocht? Okee?'

Al Pino knikt. 'Der sil jim gjin strie yn 'e wei lein wurde.'

De wapens sakje, de mannen fûstkje. It meunsterferbûn hat syn beslach krigen.

‘Hea, wat is it ynienen stil,’ merkt Al Pino op. ‘Ik hear neat mear. Dat fertrou ik net.’

Bûten is it yndie deastil. It sprekkoar swijt. De trije mannen stappe op ’e doar ta. Noch foar’t se healwei binne, falt dy har mei knieren en al temjitte. Fammen op springballen hippe der yn en oermasterje yn in swypslach de oerblufte manlju.

Lykas de bijen panyk siedzje ûnder de bearen dy’t bite, as hja leech yn ’e bedelte oan ’t bekfjochtsjen mei-inoar binne oer de ferdieling fan kuorren swietrokich fol kostlike huning; mar tsjin dy flymjende angels ferlieze de snuvende bearen, sa mei har neils seit dy karkloft fan frijfammen, Diana’s neiteam, ’t mannewaar op oan Chick Anus cum suis dy’t der gau fan besauwe.

Nei dit klassike Homearise tuskenspul, giet it op ’e moderne toer fierder. Saaklik en korrekt wurde de manlju mishannele. De fammen rinne op bleate fuotten troch it glês. It docht har neat. De sêfte sekse is de sterkste. Ek har springballen kinne net lek. Dy steane noch bûtendoar parkearre.

Ien faam fljocht mei twa trimen tagelyk de trep op.

In kaai rinkelt, it slot klikt. In stoarmlantearne ferljochtet it keamerke. Yn ’e doarsiepening stiet Déa. Wêr’t by oare froulju slipke en bh sitte, is by har de hûd donkerder. Noch altyd in unikum. Se tovert in mes foar it ljocht en fiket de touwen stikken. Se massearret de stive lea fan Dyntaxe en Nier. Se pakt in termosflesse út it neat en jout har drinken. De hite tee brânt yn har liven del. De neifleagen fan ’e koeienaasje sakseare. Nier kin it op fuotten hâlde, wylst Dyntaxe al wer omtrint trinten omrint.

‘Wêr is baron Pappsack?’ freget er oan Déa. ‘Libben of dea, wy moatte him fine.’

Se fronselt de wynbrauwen. 'Ik soe dy mar ien kear helpe.' Har strange toan duldet gjin tsjinspraak.

'Earst ha wy dyn sin dien,' seit Dynte tsjin Nier 'lit us dan no myn sin dwaan.'

'En dat is?'

'Nei de wetterfal ta gean.'

'Wat moatte wy dêr dwaan?'

'De baron sykje.'

'Wêrom by de wetterfal?'

'It leit my sa by.'

'Hoe komme wy dêr sûnder lyncht te wurden?'

'Ik ha se hjir allegear ûnder de kwint,' seit Déa.

Se geane nei ûnderen. It bekrûpt Dynte as se Al Pino sjocht. De trouwe kop hinget mismloedich op syn boarst. Hy liket no wol in sike bloedhûn.

'Wy sille de baron sykje. As wy him hjoed net fine, sil ik persoanlik dyn meditatyf sintrum finansierje,' ûnthjit se him.

'Ik ha dyn beloftes op in pypfol,' seit Al Pino weardich.

Déa, Dynte en Nier stappe bûtendoarren.

De mist is ferwaaid, de lêste flarden driuwe fuort. In wetterich sintsje stiet oan de lappige loft. Tsjinstfammen en húsfeinten sitte ferslein op in protsje. Se binne inkeld yn steat ta geweldleas ferset. It leger fan Déa hâldt har maklik yn 'e stokken. In slop protest sticht út 'e fersleinen op as se it trijetal sjogge. Guon kwitse it foar de fuotten. Yn it weinhûs stiet neist de Bugatti noch in auto.

Sa sljochtwei as in kantoarman yn in reinjas. Mar tige brûkber.

Nier lûkt it portier iepen. It kontaktkaaie sit al te plak. Hy start de motor. Dy docht it sûnder te haperjen. Genôch benzine? Ek dat.

Kin it moaier?

'Dynte, hjiryn. Dan jouwe wy lang safolle each net as yn de Bugatti.'

Se stimt der yn mei en falt neist him del. 'Bliid datst dyn ienkennigens njonkenlytsen wat ôfleard hast.'

Déa set de mendoarren iepen. Se swaaie it grintpleintsje foar de herberch op. Foarsichtich ride se tusken it omsittend laach troch nei de dyk. Nier jout gas.

Achter har skodzje machteleas in swikje fûsten.

3

De kulturele revolúsje is ûnderwilens as diggelfjoer troch Fryslân gien. Rûnom steane ploechjes dy't: 'Wy wolle Pappsack!' roppe. Guon hâlde spandoeken en buorden yn 'e hichte. PAPPSACK SKYTSEK. US MILJOEN HA WY NOAIT SJOEN EN DE KULTURELE RAPEN BINNE GEAR stiet der op.

Oan telegraafpeallen bongelje poppen fan ryshout mei in strûp om de hals. Foar de pampes in kaart. Pappsack stiet der op. Wêr't in soad folk by de wurken is, wurdt de brân yn 'e poppen stutsen. It rys is wiet. Tusken dikke reekplommen trilje in pear earmoedige flamkes. De omstanners jûchheie. De meastepart wit net iens wêr't it om te rêden is. Se miene dat se kreatyf dwaande binne op 'e liddige sneontemoarn.

Gelokkich ha se noch gjin barrikades boud. En auto's bekûgelje se noch net mei stiennen. Inkeld mei modder. Yn har sljochte wein merkt gjinien Dynte en Nier op.

Sûnder trelit komme se op it parkearplak by de wetterfal. Se moatte lang om in iepen plakje yn it weinpark sykje. As se útstappe, hearre se hoe 't it wetter mei donderjend geweld yn 'e djipte stoart. Se rinne in prachtich keunstmjittich leantsje del. Dêr steane se foar it provinsjewûnder. Ut in brede tonge brûs dy't oan ien tried troch

oer de râne skoot, falt in trochskinend gerdyn tusken de betonnen rotsen. In waaier fan fine drippen sparket 28 meter leger oer kolken en bûlen. It brúskjende wetter streamt fonkeljend om de rekreaasje-eilantsjes hinne nei it ûndergrûnse gemaal dat it oppompt. In útsûnderlik skouspul dat jin altyd bybliuwt.

Revolusjonêren rinne hjir net om. De oproerplysje hat har, foar't se pamfletten omdiele koene, oppakt. As it heal kin, moatte de toeristen ûnwittend bliuwe. En boppedat, de hegerein is mei manne-macht oanwêzich. Hast elk eilantsje wappert in flagge mei 'besprutsen' op. Erges fisket de kommissaris fan 'e keninginne eigenhandich in sjauffeurspak út it wetter. Wat de lju langer ek allegear fuortsmite. Gjir sprút omtinken foar it miljeu ha se. Noch mar ien dei iepen en no al wetterfersmoarging. Skande.

Dynte en Nier rinne alle gesichten bylâns. Dat fan Pappsack is der net by. Se nimme in leane dy't steil omheech giet. Sa komme se boppe de wetterfal. Ek hjir speure se fergees nei de seldsume postsegel.

'Dyn yntuysje is neat wurdich,' prottelt Nier.

Ynienen stiet Dynte stil en knypt yn syn earm. Har tûke earen fer-nimme in oar lûd as it rûzjen dat fan fierrens komt. Se troant him mei fan it paad ôf, tusken slingertûken troch nei in esken beam ta.

'Harkje,' flústert se.

No heart Nier it ek. Earmoedich miaukjen. Foarsichtich teantsje se om de beam hinne. Dêr sjogge se in kat boppe-yn de krún. Loebes! Se stompe inoar oan. Se lokje de poes mei stimmen fan sûkerquod. Mar Loebes ferpoft it.

'Sil ik har der út helje?' freget Nier.

'Dat fertrou ik net. Gean do foar my mar bok stean.'

Nier docht it. Dynte klimt op syn rêch. As er oerein komt, stapt se

op syn skouders. Hy triuwt har fuotten sa fier omheech as er rikke kin. Dynte klimt fierder. Har bleate billen omklamje de foch-tich-glêde stam. Har hannen gripe de earste tûke. In tel letter sit se der op. Dan giet it makliker, se fynt hâld foar hannen en fuotten. Boppe-yn wurde de tûken merakels tin. Se slingert hinne-en-wer. Se giet yn in foarke sitten, heger doar se net te gean. Se stekt de skonken achterút en slacht de fuotten om de stam. Starich lit se har foaroer sakje, har hannen strûpe om de tûke. Dan skoot se har liif oer de skors.

As in slange glydt se Loebes temjitte. It bist bliuwt sitten. It miauket net mear. Geduldich wachtet it klomsk en suterich protsje ûngemak op har rêding. Dynte pakt it nekfel. Leaf lit Loebes mei-iens de tûke los en giet slop hingjen.

Mar Dynte is beide hannen nedich foar werom. It memme-ynstinkt lit har net yn 'e stiik. Se klamt it nekfel tusken de tosken en triuwt harsels rjochtop. As se de stam beet hat, is de put der út. Monter as in trapezewurkster komt se mei Loebes yn 'e mûle nei ûnderen ta. 'Dat is ien,' seit se. 'Lit ús Loebes earst nei de auto bringe, dan kinne wy nûmer twa sykje.'

De kat begjint te gnoarjen.

Se sette op it parkearplak ta.

As se ûnder by de wetterfal binne, sjocht Nier ûnwillekeurich wer nei it wûnder. Syn hert slacht acht en tachtich. Dêr, op in smelle richel heech boppe de rotsen dy't as flymskerpe tosken út it wetter stekke. In Romeinse senator mei de rêch tsjin de leadrjochte betonmuorre: Pappsack yn 'e kaken fan 'e dea.

'Hjir bliuwe!'

Sels fljocht er der op ta. De lju merkbite it no ek. Har petear stûket, se komme oerein en wize. Mar se stekke gjin poat út. Se tinke dat it der by heart. En de oproerplysje sjocht de oare kant út.

Nier stoot de steile leane op. Boppe-oan springt er pardoes yn de wieljende rivier. Hy wâdet fan rots nei rots. Hy hellet syn skinen iepen, hy stompt syn holle. Bloed kleurt it brûs read, mar it deart him net. Hy hat mar ien doel.

Oan de úterste râne fan 'e wetterfal giet er plat op in oerhingjende stienklompe lizzen. Fjouwer meter ûnder him stiet Pappsack. Hy moat it richeltsje yn in fleach fan ferstânsferbjustering berikt ha. Oars wie er al lang fallen. Syn grauwe liif hinget oer de ôfgrûn. 'Wachtsje even!' skreaut Nier boppe it tongerjen fan it wetter út. De baron draait syn holle nei alle kanten. As er einlings omheech sjocht, komt er noch mear út it lead te stean.

'Q...!' flokt er.

'Ik sil in tou helje!'

'Q...! Net dwaan! Ik spring! Ik wol dea!'

De baron triuwt himsels fan 'e betonmuorre ôf. Hy stiet te slingerjen as in dûkelpoppe.

'Net dwaan!' raast Nier. 'Wy ha Loebes fûn!'

Pappsack maait mei de earms en it slagget him wer yn labyl lykwicht te kommen. In minske libbet salang't er hopet en hopet salang't er libbet.

'Dea?' freget er mei syn lêste tûkeltsje fjoer.

Wat is Nier bliid dat er it net útblaze hoecht. 'Sa libben as in hert! Dêr is se! Sjoch, dêr ûnder by de hânwizer!'

Besiden it folk hâldt Dyntaxe Loebes omheech. As Pappsack har gewaarwurdt, kriget er sa'n skok dat er hast toch fan 'e selsmoardrichel mitert. Mar it bringt him ta besef fan syn faaie situaasje. Hy begjint te triljen. Deadseangst sprekt út syn holle eagen as er Nier skriemend smeekt: 'Helje my hjir wei! Daliks! Ik kin it net lang mear hâlde!'

Nier hat it gefoel dat er dit alles al ris earder meimakke hat. Dat

hat er ek. Mar ûnder gâns geunstiger omstannichheden. ‘Wachtsje even!’ raast er.

Hy strûpt al syn klean út en knopet se oaninoar. Hy lit it spul yn 'e ôfgrûn sakje. In broeksbokse bongelt foar Pappsack syn noas. Dy maait mei ien earm wyld om him hinne. Ja hear, dêr hat er in tip beet. Syn hân klaut heger, einlings hat er goed hâld. Syn oare hân pakt de bokse ek beet. No doar er der oan te hingjen. De broek knapt yn it krús, mar skuort net. Mei syn fuotten set de baron him fan 'e betonmuorre ôf. Nier lûkt it string klean op. Hy trunet Pappsack oan. De man syn libbenskrêft mei net heal ferslopje. Mar hy mei him ek net oan it laitsjen bringe, dat fersloppet ek. It is gâns in fracht. Nier byt op 'e toskan. Hy fernimt dat er sels foarút skoot. Hy krommet de teannen en besiket se achter in rotspunt te heakjen. It jout neat. Se slûpe oer de wiete stiennen. Starichoan wurdt er sels yn 'e ôfgrûn lutsen. Swarte stippen wrimelje foar syn eagen. Syn boppeliif hinget al oer de râne. Hy kin him net mear hâlde. Boem! Dêr ploft wat op him del. In gewicht dat him ferankert. Bearke sit oerskrank op syn billen en lûkt mei. Dy goeie Bearke. In fanke dat harsels folslein weisifert en toch as it nypt altyd ree stiet. Tegearre helje se Pappsack foar de helsdoarren wei. Einlings stiet dy libbensliif oer har.

Nier ferjit syn sjauffeurspak. Dat mitert yn 'e djipte.

No't de put der út is, hantlanget de oproerplysje. Se bringt it trijetal feilich troch de rivier.

Dynte stiet mei Loebes op 'e earm oan de kant te wachtsjen. De kat springt út har hannen nei de baas. ‘Loebes!’ ropt de baron gûlend fan blidens út. It bist slikket syn wangen. Sa'n wersjen is fansels wol aardich, mar it moat net oeren duorje.

‘Wêr is de sjek?’ freget Nier.

In lange man mei in bloedarmoedich gesicht stapt tusken him en

Pappsack. Hy lit syn wurkfergunning sjen. Ynspekteur A.A. Kliksma fan 'e Fryske Geheime Plysje.

'Ik moat jo oer de grins sette,' seit er oan de baron. 'Jo oanwêzigens wurdt net langer op priis steld. Ik ryd jo no daliks nei Wolvegea ta. Dêr stappe jo op 'e trein. Ik sil de sneltrein foar jo hâlde litte. Wolle jo ôffûstkje?' De baron docht de mûle iepen fan ferbazing. Hy sjocht Dynte oan. Hy spriedt mei in helpleas gebeart de earms en lûkt oan de skouders.

'Wy wolle in ferklearring!' ropt Dynte ferheard út. 'No!'

'Dy sil ik aanst jaan,' seit Kliksma. 'Jim ride mei nei Wolvegea.'

'Mei ik ek mei?' freget Bearke beskieden.

'Meie? Jo moatte mei! Jo binne ek persona non grata. Jo moatte ek út Fryslân wei.'

'Wy ek?' ynformearret Nier.

'Noch net. Mar dat kin komme.'

Se fûstkje ôf. Pappsack hâldt de hân fan Dynte wat langer fêst. 'Ik sil dy noait ferjitte, Orsel.'

'Ik dy net, Julius. Skriuwst noch ris?'

Kliksma lit Bearke en de baron yn syn eigen wein stappe. In âlde goekunde. De Rolls Royce Silver Cloud.

Dynte en Nier ride yn har liende auto. Se wurde eskortearre troch in lange rige wite motorfytsen en oerfalweinen dy't omraak klak-so-neare. Krekt de Tour de France sûnder fytsers.

4

As Bearke en Pappsack yn 'e trein nei it bûtenlân sitte, giet it nei de Step-Inn by Hoarnstersweach. De oproerplysje hat dêr de wapene macht oernaam. De tsjinstfammen en húsfeinten sitte no ûnder har

kwint. Déa en har byfammen binne fuortrekke sûnder in spoar achter te litten. Sa giet it by dizze nimfen. Chick Anus en it Bonke-rak binne ta beskikking fan 'e provinsje steld. En har herberch is troch de gemeente ûnteigene. 'Te keap' stiet op in boerd dat oan de doar hinget.

Al Pino sit yn 'e jachtweide te wachtsjen. En dêr is menear Iishynder fan Reisburo De Iene Provinsje wrachtsjes ek. Kliksma jout syn ferklearring.

'De man dy't jim kenne, is baron Julius Pappsack net. Hy wie mar in ramplesant, in strieman. Hy moast de publike opiny misliede. Ien miljoen foar de Fryske kultuer. Dat sprekt de lju oan. Dêrom moast syn reis in publyk geheim wurde. Syn postuer en kat diene dêroan ta. Underwilens ûnderhannele de echte baron mei de pommeranten. Hy hat de hiele gemeente Hylpen kocht. Dêr sil er in kolossaal plezierpark foar toeristen fan bouwe. Hy is bouboer, no? Mar hy moast kontant betelje en hy hie ien miljoen te min. Krekt doe 't Loebes útnaaid wie, ha ik de sabeare baron nei de K.F.P. yn Ljouwert riden. Hy hie de sjek foar it bewarjen oan de baronesse jûn. Om't se dat net leauden, ha se him dêr fêsthouden. Doe 't de útnûging foar it feest yn 'e krante stie, ha se him frij litten op dy betingst dat er de sjek oan de pommeranten jaan soe. Dat hat er dien. Mar doe is er útpike om syn kat te sykjen. It hie better west as er deafallen wie. Hy wit tefolle. En Bearke ek. Dêrom ha ik se oer de grins sette litten. Dat is alles.'

'Dy oerfal yn 'e Ljouwerter binnenstêd en dat gedonder mei Chick Anus dan?' wol Nier witte.

'Hie der neat mei te krijen. Dat binne normale gefallen fan kriminaliteit. Dy moat men tsjintwurdich yn kalkuleare.'

'En dy healwize fint mei syn flinternet?' freget Dynte.

'Dêr kin ik antwurd op jaan,' ropt Iishynder om. 'Dat wie ús

fertsjintwurdiger fan it rayon-om-utens. Hy woe foar himsels begjinne. In tragys sykteferskynsel.'

Kliksma wurdt ûngeduldich. 'Noch mear fragen?'

'Ja,' antwurdet Al Pino. 'Wat moat ik oan myn folgelingen sizze?'

'Dat meie jo sels witte. As it mar net de wierheid is. De wierheid mei net fierder buorkundich makke wurde. Jim steane ûnder kont-rôle fan 'e geheime plysje. As der wat útlekt, witte wy út wat koker it komt.'

'Hoe moat ik dit yn 'e frede ferkeapje?' freget Al Pino him sucht-sjend ôf. 'Myn folgelingen sille my ôfslachtsje.'

'Do krigest jild fan my,' treastet Dynte.

Hy skodhollet mismoedich. 'Hasto in miljoen?'

'Nee. Mar ik keapje dizze útsloerde herberch foar dy. Dan haw ik mien skuld oan dy dêrmei ynlost.'

'Dat stiet!' Al Pino is ynienen alhiel hoera. 'Dan komt myn medita-tyf sintrum hjir! Wy moatte toch ek wat oan de ûntsluting fan it plattelân dwaan.'

Hy set mei in megafoan bûtendoarren om it bliid boadskip te ferkundigjen.

'No wy noch,' seit Iishynder. 'Us reisburo wol jim in attinsje oan-biede. In folslein fersoarge reis fan fjirtjin dagen foar twa persoanen nei in lân neffens eigen kar. Wat sil it wêze?'

Dynte en Nier binne der ferlegen mei. Se witte it sa gau net.

'Kom mei!' Dynte stapt nei de tuskenmuorre. Nier en Iishynder folgje har op 'e foet. Se lûkt in pylkje út 'e koarken skiif, dy't dêr hinget. Foar de grutte wrâldkaart bliuwt se stean. Se jout Nier it pylkje en wiist. 'Smite!' kommandearret se.

Nier docht trije stappen achterút en smyt. Triljend stiet it pylkje yn 'e kaart. Se rinne der op ta en sakje suver troch de knibbels. Ja, se sjogge it goed, it pylkje sit yn Fryslân. De hiele wrâld ta jins fol-

dwaan en toch yn Fryslân bedarje. Wat in ûngelok.

Iishynder wriuwt him fernoege yn 'e hannen. In moaie flikkerij. Dit kostet him noch gjin tûzen gûne. 'It bêste lân fan d' ierde,' sitearret er.

'Ferhip mar!' prottelt Nier.

Se stappe op. Yn 'e Bugatti leit in livich rapport. It ferslach fan in diskusjegearkomst. Dy Déa toch.

Dynte mimert oer har lêste fraach. Hoe koe de baron de slûf iepenmeitsje sûnder dat er útskuorde? Dêr komt it har yn it begryp. Nier hat him ommers in brief fan har jûn. Dy lekkere mangelsmaak. Se hat de lym der ôfslikke, fansels. De baron hat it buskaartsje yn dy slûf dien, sûnder spoar achter te litten.

Skjin oan ein komme se te honk yn Ald-Appelskea. Dynte strûpt de klean út. Fuort, Orsel! Se is harsels wer. Nier hoecht neat út te strûpen. Dy is himsels al. Se falle oer de flier del. Om har hinne stiet alles kreas te plak. Se fielt har wer hearlik frij.

'Wachtsje even' seit se tsjin Nier.


Se komt oerein en set in LP mei lichte fleurige muzyk op. Gjinn Brandenburgs Konsert fan Johann Sebastian út Prusen, mar 'La Vie Parisienne' fan Jacques Offenbach út Frankryk. Noch foar de earste maten klingelt de skel yn de hal.

Stinnend komt Nier oerein en makket de foardoar iepen. Op 'e stoepe stiet it suterige jonkje.

'Ha jo ek âlde kranten, baas?'

Nier glimket. 'Foar jim klubhûs foar bern fan alle tsjerken?'

'Nee,' seit it jonkje. 'Foar in nij karke om âlde kranten op te heljen.'



'Boef fan Rys' is a crime novel switching nimbly and playfully from adventure to satire and comedy.

A beautiful young woman and her friend become involved in the fight about the allocation of one million for provincial culture.

This updated edition is still as full of surprises as the original one of almost fifty years ago.